

Ik haw myn mirre en balsem plôke,  
ik haw myn skiven en hunich iten,  
ik haw myn wyn en molke dronken.

Ain pronkjewail in golden raand  
is Stad en Ommelaand.

Die Gedanken sind frei,  
wer kann sie erraten?

Ede, bibe, lude; post mortem nulla voluptas est

Ride si sapis

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### It swarte skiep

Hy soe it mei de eagen ticht rinne kinne, mar doch foel dat eintsje nei it skieppehok him swier. Swierder as oait tefoaren. De koarre op-en-delle him yn 'e weaze. Hy preau de soere smaak op 'e tonge. Wat wie dit dreech.

As lyts jonkje hie Arnold altyd al op 'e skiep past. Doe't er de jierren krige om sels syn brea te fertsjinjen, koed er earst wol by in skieppeboer. Dy hie al gau yn 'e rekken dat syn lytsfeint foar wûnder mei bisten koe. Dat it duorre net lang as Arnold wie mulfeint en grutfeint. Hy wiksele in kearmannich fan boer. Alle boeren woenen him wol ha, want dêr't Arnold kaam, waarden de bisten fleuriger. Kij joegen mear molke, hynders draafden hurder, skiep sieten better yn 'e wol. Gjin niget dat Arnold aardich jild ynbarde. En mei't er in dimmene jongfeint wie, hied er op syn tweintichste jierdei in grouwe ponge mei jild yn 't kammenet.

Doe waarden syn omke en mouike op in dei oerriden. Se hienen in soan, dy wie boekhâlder yn 'e stêd en hoegde al syn libben noait in skiep wer te sjen, dat dy woe it spultsje fan 'e âldelju wol omskik oan Arnold kwyt. En sa waard Arnold noch foar't er ienentweintich wie, skieppeboer yn it doarp H\*.

Skiep wienen Arnold syn grutte leafde. Dy prachtige kroltsjes, dy swiete snútsjes - hy koe him der net sêd oan sjen. As opslûpen jonge al net. Syn earste faam wie Aleida. Dat wie in okkebyldsje. Nachts kroep se by him ûnder de grouwollene tekken. En oerdeis draafde se him oeral foar de fuotten. Aleida wie lykwols fan boer Feenstra en dy hie de skiep net inkeld mar om 'e wol. Dat, op in dei draunen Aleida har koteletsjes yn 'e fleispanne. Dêr hie Arnold wol in skoftsje raar fan west.

Nei Aleida kamen noch Saapke, Brecht en Pyn. Doe't Pyn lykwols lamje moast, gong der wat ferkeard. Arnold hie de hele nacht by har opsitten, mar de feedokter en hy koenen har net behâlde. Tegearre hellen se de lamkes. Ien leefde noch. Willemke. It moaiste lamke út Arnolds ierdk bestean. In lyts swart knoedeltsje. Hy woutere har in skoftlang op en lang om let krige er Saapke sa fier dat se it hummeltsje ûnder har hoede naam. Doe't Willemke omtrint in jier wie, en dus in touke, wie se lang en breed it bretaalste skiep fan 'e keppel. Wienen der wer ris guon ôfdwaald, dan hie Willemke dêr de hân yn, sa wis as de bank. En krigen de skiep winterdeis út 'e trôge, dan stie Willemke foaroan. Riemer, de skearder, hie ris sein fan "Dat touke hat wer ris it foartou, Arnold, jonge. In echt foartouke is it." Sa hie Willemke har bynamme krigen, en al gau wist net ien better as it skiep hite fan Foartou.

It hoe en het fan Arnold syn leafde foar skiep wisten de minsken yn H\* fansels net. Guon tochten der wolris wat fan, mar och, soks wie yn H\* net ûngewoan, en Arnold wie in bêste kearel, dêr't je fan op oan koenen. Oaren wienen lykwols sa wiis net mei leafdes lykas dy tusken Arnold en Foartou. It lân waard nammentlik regearre troch in kristlike partij. En dy kristlike partij ornearre dat leafde goed is, mar dat guon soarten fan leafde doch eins net sa goed binne. Dat manlju soms fan manlju holden en froulju soms fan froulju, dat hienen se lang om let ynskikke moatten.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

At se teminsten gjin famylje fan inoar wienen. En beide minsk. Of beide net, fansels. Mar net de iene wol en de oare net. En as de ien man wie en de oar frou, en de iene wie minsk en de oare net, dan koe it ek net troch de mesken.

No wie de plysje fan H\* in minne hont. Hy hie in frou dêr't er fan hold en dat bewiisde er troch har fan tiid ta tiid de bril fan 'e holle te slaan, sadat sy in blau each hie en hy in nije bril keapje moast. Mar dat die er dan ek mei leafde. Dy plysje wie lid fan dy kristlike partij en dat wied er mei folle oertsjûging. Om te bewizen hoe'n goed kristen oft er wie, siet er sneins altyd foarop yn tsjerke en meastal wie hy dejinge dy't it langst de eagen iepen hold ûnder de preek. Hy miende dat er sels al wolris in preek helendal útsitten hie sûnder fuort te dûzjen. Fierders wie er lid fan de gemeenteried fan H\*. En dat wied er mei likefolle ynmoed as dat er plysje, kristen en liefhebbende echtgenoot wie. Doe't it de kristlike partij yn it sintrum fan de macht dan ek slagge om in wet oannaam te krijen dy't de leafde fan Arnold en Foartou yllegaal meitsje soe, stelde er him fuort ta taak om mei wetlike middels elkenien yn H\* wer op 'e kristlike wei nei ljocht en wierheid te krijen.

Doe't Arnold yn 'e krante lies dat de nije wet oannaam wie, hied er it gefoel dat syn wrâld ynstoarte soe. Foartou lei op syn skurte te koesen. Arnold koeze har kopke. In pear âlde minsken, toeristen dy't fuortby mei har caravan stienen en by Arnold in stik brea helle hienen, hienen dy moarns noch glimkjend sein hoe'n moai plaatsje oft it wie, Arnold mei Foartou op 'e skurte. Hoe lokkich oft se der beide út seagen.

Foarsichtich makke Arnold Foartou wekker.

"Fanke," seid er, "ik moat dy wat fertelle." It skiepke hold har kopke skean en seach de boer freegjend oan. Arnold fielde in stek troch syn boarst. Hy fertelde Foartou wat der yn 'e krante stie.

"It moat net mear," seid er. "It kin my yn it gefang bringe, en hoe komt it dan mei dy?"

Twa, trije, fjouwer wiken lang slepte Foartou yn it skieppenhok, en Arnold op 'e pleats. Doe't er lykwols op in nacht sykheljen by syn ear hearde en de glâns fan twa eagen yn it tsjuster seach, wist er dat er dit net folhâlde soe.

De minne plysje hie al in kearmannich op it hiem omstrúnd, benammen nachts, mar hy hie Arnold nea op 'e die trappearje kind. Arnold hie lykwols bliksemse goed yn 'e rekken dat de plysje him op 'e kuer hie. Om de fertinking kwyt te wurden, hied er mei Foartou ôfptraat, hy soe it tenei by syn eigen soarte hâlde - foar de foarm, dat de plysje oertsjûge waard dat der neat yllegaals te rêden wie. No wie Arnold wol in kreas jongfeint, wat dimmen, dat al, mar lang fan stal, mei ljocht hier en sprekkende blauwe eagen. En hy wie in baas reedridder, dat doe't er him der wat by joech op 'e iisbaan, hied er al gau in stik as wat fammen om him hinne. De plysje hong mei in erchtinkende mine oan 'e kant fan 'e baan om - dy hie sloppe ankels - en Arnold tute syn iisfaam demonstratyf yn 'e nekke. Sa slagge it Arnold en Foartou ynearsten om de fertinking fan har ôf te laden. Oant it op in nacht fûl stoarme en Foartou de waarmte fan Arnold

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

syn bedstee opsocht hie. De wyn gûlde oer it flakke lân. Hy slingere pannen fan 'e dakken, jage flokken skieppewol oer de diken, blaasde de ynhâld fan 'e pleatslike dwinger troch de fiere omkriten. Mar wat it slimste wie, hy ûntwoartele ek in heel soad beammen. En dêr wie de beam by dy't by Arnold by de homeie stie. Hy foel oer de dyk fan A\* nei B\*, dat der neat mear troch koe. Ek frou Wielinga har auto net.

Frou Wielinga koe de beam der net allinnich wei krije, dat se stoep by Arnold it hiem op om syn help te freegjen. De pleats hie net in skille, dat se die de doar mar op en rûn troch. Se hie wol fan "folk" roppen, mar dat hie yn it geraas fan de stoarm net te hearren west. Arnold en Foartou wienen dan ek as fan 'e wjerljocht slein doe't frou Wielinga ynienen oer de keamer stie. En frou Wielinga wie net minder fan 'e wiis. De hâlding dy't dy man en dat skiep oannamen, koe se wol, mar dan fan wêzens fan deselde soarte. Sûnder wat te sizzen draafde se derút, sprong yn har auto en ried mei in omwei fan tritich kilometer nei hûs ta.

Foartou wie fan 'e skrik it hûs út flechte, nei it skieppenhok. Arnold hie him by de tafel deljûn, de holle op 'e hannen. It wie foarby. Hy wist dat frou Wielinga har net stil hâlde soe. Se wie ek lid fan dy kristlike partij en se fûn de plysje helendal net min - se seach krekt o sa by him op, om't er alles sa goed wist, en sa trou tsjerke, en sa'n moai unifoarm oan hie. Noch in pear oere hied er, op syn heechst. Sa gau as de stoarm belune wie, soe de plysje foar de doar stean. En dan wachte it gefang. Dat Arnold it net oerleve soe, dêr wied er wis fan. Hy wie in bûtenman. Sette him in wike yn in ôfsletten romte en hy waard knettergek. En gjin bist om him te treastgjen yn sa'n gefangenis.

Se wienen by de slûs. Hjir hie Arnold sa faak mei Foartou west. De sinne stie al leech, mar doch lei de weareld der ûngewoan skerp en helder hinne. It wie krekt as seach er alles foar it earst. Hy huvere. Doe krige er Foartou yn 'e earms en stoep de rivier yn. It fluchstreamende wetter wie iiskâld.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### De blom

Rixt lake in soad, se hie altyd in freonlik wurd klear, knope gauris in gesprekje oan. Elkenien tocht dat se in fleurich famke wie. Meastal wie se dat ek wol. Mar soms fiede se har sa allinnich. Dan miste se har heit en mem, it fertroude byld fan thús. Der wienen dagen, dan woe it Italjaansk har net ta de mûle út. Se die ôfgryslík har bêst, mar dan kamen de wurden echt net. En de minsken rattelen mar troch, it koe harren neat skele dat sy se sa hurd net neikomme koe. Wat lange se der dan soms nei om yn Ljouwert yn de kroech te sitten en Frysk te praten, net om wurden hoege te sykjen, grapkes te meitsjen. En de jonges hjirre - se wienen wol kreas: moaie koppen, dy Italjanen, mar mei de measten koenen je net gewoan eefkes in praatsje meitsje. Se wienen allegear like freonlik, mar as je wat aardichs weromseinen, sieten se je fuort oan 'e lea.

Doch hie Rixt der gjin spyt fan dat se foar har stúdzje nei Italië gongen wie. Se genoat fan it lân, de skilderachtige wite huzen, de altyd blauwe loft, it hearlike waar. It earste dat se moarns die, wie eefkes yn 'e badjas op it balkon stean en útsjen oer de mar. De waarmte fan de betide sinne op har gesicht fiele. De rook fan de beammen en de prachtige blommen opsnuve. Allinnich om dy blommepracht dy't rûnom yn 'e tunen, op 'e balkons en yn 'e parken bloeide, soe se hjir al wenje wolle.

Soms gong se nei it moarnsbrochje nei de mar om blommen te teppen. Der wie dêr in fjildsje dêr't se gewoan yn it gers stienen, grutte oranje en reade sinnen mei wiuwende blêden. Se wist de namme der net fan, dy moast se einliks ris freegje.

Se hie fan 'e moarn ek nei it fjildsje west. Lichte dampsliders hongen leech boppe it gers. It wie wiet oan har bleate ankels, mar se fûn it net ferfelend. Lekker fris wie it. Boppe de mar hong in mistwolk. De fûgels fluiten en sloegen yn 'e dize, of tichterby, yn de toppen fan 'e olivebeammen. Se fiede har wat mankelyk. Wie mem hjir mar, dy hie it ek prachtich fûn. Dan hienen se tegearre fantasearje kind oer de mistkabouters en it mûnster fan de mar, en oer de prins op it grutte hynder dy't ynienen út de dize opriisde om harren te rêden. Se lake. Dat soe echt wat foar mem wêze. Dy wie al like romantysk as sysels. Prinsen op grutte hynders bestienen net, dat wist se ek wol. En alhelendal net yn Italië mei syn memmige macho's.

Der stienen allegear nije blommen, soarten dy't se noch nooit earder sjoen hie. Der wienen grutte blauwe by, dy't op roggeblommen liken, mar dan twa kear sa grut. En giele, dy't wol wat fan tulpen hienen. In moaie kombinaasje, giel en blau. Wer ris wat oars as de oranje blommen dêr't har keammerke no mei fol stie. Se soe in flinke kleurige strûs mei nei hûs ta nimme. Der wie neat better om je op te fleurjen as planten om je hinne.

Rixt hie de earms fol mei blommen. Se glimke en núndere in ferske doe't se werom draafde. Op 'e weromreis draafde se altyd. Dat seinen oaren alteast. Sels hie se dat net sa bot yn 'e gaten. Se hie in goed sin en woe nei hûs, de farske blommen yn in faas sette.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Der siet diskear ek in hele bysûndere by. Hy hie oan in slingerplant sitten dy't by in lyts muorke opwoeks. Grutte blauwe blomblêden hied er, mei in giel hertsje. Presys de kleuren dy't se hjoed socht. Hy wie sa grut as har hân en groeide op in tin, griisgrien stâltsje, heel fyntsjes. Se hie in moaie hege, glêzen faas dêr't ien blom yn paste. Dêr soe se him yn sette. Hy rûkte hearlik. Heel swiet, Italjaansk, mar de lucht die har ek tinken oan heit syn túntsje, oan de lucht fan farske swarte grûn en geraniums. It wie in fijne, fleurige lucht.

Ein fan 'e middei hie Rixt in lang, dreech tentamen. Se siet rjocht oerein op in hurd houten stuoltsje en besocht út alle macht om de fragen te ûntsiferjen. It Italjaansk wie dreech en de fragen wienen mei de hân skreaun, yn in ferskriklike poat. Senuwachtich seach se fan har haloazje nei it noch heelyd foar de helte wite antwurdfel. De rêch die har sear. It famke achter har hie knyflok of sipels iten, nei alle gedachten beide. Foar har siet in jonge dy't heelyd as se hast wer in fraach ûntsifere hie, lûd syn noas ophelle. Rixt har foarholle prikele. Se moast har triennen ferbite. Doe't de bel gong, wienen de measte oare studinten al fuort. Foar de lêste trije fragen hie se gjin tiid mear hân.

Sels de Italjaanske sinne koe har net opfleurje doe't se nei hûs ta rûn. Se hie pineholle, pinemage, lêst fan 'e rêch. Se liet har fuort op bêd glide en gûlde.

Dy nachts koe se net sliepe. It tentamen spoeke har allegeduerigen troch de holle. As se tefolle minne sifers helle, mocht se net bliuwe. Op 'e nij tocht se oan de snotnoas fan de jonge foar har, oan de knyflok en de sipels achter har, oan de stappen fan de learaar op de kreakjende planken. Har eagen begûnen wer te prykjen.

"Rixt?"

Ferbaasd kaam se oerein. Ien hie har namme sein. Yn de keamer. Gek genôch wie se net bang. De stim hie heel fertroud klonken, al wist se net wêr't se him fan koe. Se die it ljocht op. Mei heal tichtknypte eagen tsjin it helle skynsel seach se de keamer yn it rûn. De blommen wienen tichtgongen. In pear learboeken leinen iepenslein op 'e tafel. Se hie fergetten om har kofjekopke op te romjen. Minsken seach se net. De balkondoar stie wol oan. Soe der miskien ...? Nee, dat koe net. Har keamer lei trijeheech. Boppedat hie de stim flakby klonken.

"Hoi, Rixt."

De stim hearde wat ferlegen. Se gong sitten. Hy kaam út de rjochting fan it lytse sithoekje. Rixt stapte yn 'e pantoffels en slofke nei de bank.

"Hjir bin ik!"

Se bûgde har oer it kastje dêr't de televyzje op stie. Dêrnjonken stie de ranke hege faas mei de grutte blom deryn. Hoewol't it nacht wie, hied er de blombedsjes net tichtklapt. Ut it moaie giele hertsje klonk op 'e nij de stim: "Kinst net sliepe?"

Se skodholle. De stim hearde sa bekend, sa fertroud.

"Wa bisto?" frege se.

De blom lake mei in lyts mûltsje. "Se neame my wol it ik-ferjit-dy-netsje. Mar dat is mar in namme. Ik groei soms op de plakken dêr'tsto fertriet

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

hast."

Rixt streake de teare blauwe bledsjes mei har wiisfinger.

"Wêrom?" frege se sêft.

"Ik wol dy wat sjen litte," sei de blom. "Om dy op te fleurjen. Komst mei?"

Se skodholle glimkjend. Har finger glied ynlik oer de bledsjes hinne en wer.

"Ik kin doch net midden yn 'e nacht de dyk op?"

"Do hoechst de dyk net op, Rixt. Wolst mei?"

"Jawol," sei se. It wat ûnwisse lûd fan de blom kaam har heeltyd bekender foar, mar se koe it noch altyd net teplak bringe.

"Lit dy dan op my falle," sei de blom.

Rixt streake troch.

"Dêr bist fierste moai foar," sei se.

It blau fan de bledsjes waard wat pearser. Rixt bûgde har foaroer en joech heel foarsichtich in tût op it giele hertsje.

"Toe mar," sei de blom. "Lit dy mar foaroer falle. Fertrou my mar, ik hein dy op."

Rixt bûgde har djipper foaroer. Se wifke, mar se wie net bang. Se tilde ien foet op. Doe de oare. Se foel.

Troch in djipblauwe loft foel Rixt. It gong net hurd. De grûn kaam stadichoan tichterby. Sêft plofte se yn it fearjende giele kessen. Wat stof twirre op. It rûkte nei finneblomkes. Se krabbele oerein. It wie hjir lekker waarm. Eefkes bleau se stean. Doe rûn se nei de râne fan it kessen ta. In blauwe muorre kearde har it paad. Se rûn it kessen oer nei de oare kant. Ek in blauwe muorre. Taastend gong se de muorre bylâns. De romte wie rûn en se kaam út op it plak dêr't se begûn wie. Tocht se, want de muorre seach der oeral gelyk út. Se koe net in doar fine.

"Blom!" rôp se.

Hoe lang oft se op it kessen sitten hie, wist se net mear. Se gûlde. Se hie de blom sa faak roppen. Se hie earst roppen en doe raasd en op 't lêst flústere. Se wie heas. Se koe net mear. Se liet har plat op it kessen falle en snokte. Se tocht oan it tentamen en oan sipels en oan macho's en oan dat se opsletten siet. Wie heit der mar. Se seach heit foar har. Lytse, sterke heit. Heit mei syn moaie ferhalen en rêstige stim. Heit dy't alle problemen foar har oploste. Altyd. Heit dy't altyd foar syn lyts famke klearstie. Se seach sa graach nei heit as er lake. Wêrom hie se dan by him wei wold? Nei Italië? Se wie ommers heit syn lyts famke. Se hie tsjin him sein dat se grut wurde woe. Se woe foar harsels soargje kinne. Earme heit. Hy hie har sa graach by him hâlde wold. Mar hy hie har gean litten. Hy hie har mei de auto nei Italië ta riden. Se hienen beide reade eagen hân doe't er wer fuortgong. No moast se alles sels dwaan. Se hie der wis fan west dat se dat koe.

Rixt twivele. Hie dy blom no de stim fan heit hân?

"Heit?" rôp se.

Se fieldde in waarme wyn troch har hier. De blauwe muorre wie feroare. Der sieten no doarren yn. Dy stienen allegear iepen.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Se stapte op ien fan 'e doarren ôf. Dêrachter wie it tsjuster. Se seach achter in oaren. Ek tsjuster. Sa gong se se allegear bylâns. Der wienen ienentweintich, telde se. Se gong wer sitten. Fuort stie se wer oerein. Giele stikels bedutsen de grûn. Se swaaiden stadich en besochten har om Rixt har ankels te slingerjen. Kjel draafde se op ien fan 'e doarren ta. It tsjuster dêrachter benearre har. Se seach nei de doar derneist. Ien fan 'e stikels flijde him om har kût. Mei in gjalp skuorde se har los en sprong oer de drompel.

Se lei wer yn har keammerke. It wie tsjuster, mar troch de balkondoar seach se de moanne op 'e mar skolperjen. It bêd wie grutter as oars. Se taaste neist har, nei it waarme lichem dat dêr lei. Hy sei wat leafs dat se net ferstie. It wie in fertroud lûd. Syn hannen ûntdutsen har. Se ferbaasden har oer har heupen en ûndersochten har mul. Se die de eagen ta en wachte oant de hannen har lippen berikten. Se streaken har wangen. It hie net de stim fan heit west. It hie in oar soarte fan waarmte west dy't deryn beskûle lei. Se fielde dy waarmte ûnder de tekkens. De sêfte hannen strieken har hier achter har earen. Se hie witten dat er dat dwaan soe, al wist se net wêrom. Fiif fingers woenen elk detail fan har hals witte. Fiif oare stienen fersteld fan de koele gleonens fan har boarst. Se seach syn eagen glinsterjen yn it tsjuster. Se wienen blau.

It bloed yn har lyfke wie waarm, sa hearlik waarm. Har hert jage. Se hearde syn hert yn har earen. It socht it ritme fan harres. Se folge it ritme fan de twa herten. Se sloegen de maat fan in bolero yn har mage. De kreakjende planken fan it bêd folgen it opswypkjende ritme. Se seach de glinsterjende eagen boppe har. Hy draaide de bolero lûder. Se gappe nei de siken. Se dûnse troch in blauwe keamer, oer it wetter fan de mar. It tempo waard heger en heger. De moanne gong ûnder en kaam wer op, gong ûnder en kaam wer op. Kessens feroaren yn stikels en wer yn kessens. Heit syn auto kaam oanriden en ried wer fuort. Mem weau as in besetene mei har bûsdoek. Alles waard blau. De fioelen spilen har lêste noaten yn it puntsje fan har tonge. De pauken spilen de finale yn har terms. Skriemend foel se troch de boaiem fan it bêd.

Under it bêd lei in pluzige blauwe flierbedekking. Rixt murk dat se net goed stofsûge hie. Grouwe plôken stof stoden op. Wat wie se lyts. De poaten fan it bêd stutsen in ein boppe har út.

"Rixt!" rôp ien. Der kaam wat nei har ta draven. It wie in mûs. Of wie it mem? Se fleach op de mûs ôf. Hy like op mem. Hy hie it gesicht fan mem.

"Ik bin fallen, mem," sei Rixt.

"Lit mem mar ris sjen," sei it mûske mei in fertroud lûd dêr't se net wis fan wie oft it mem harres wie. It mûske tute har op 'e knibbels.

"Mem, myn fifiers binne los."

"Sil mem dy leare om te fiterjen?" frege it mûske. It sloech mei de sturt en it stof waaide op.

Rixt hoaste. Se seach nei har earms.

"Ik ha gjin hantsjes, mem," sei se. It mûske lake. It swaaide syn sturtsje, dat ynienen folle langer wie, nei foaren ta. Oan 'e útein groeiden twa hantsjes.



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

"Nim dy mar," sei it mûske.

It foel Rixt op hoe waarm oft it lûd wie.

"Wêr is heit, mem?" frege se.

It mûske seach net mear fleurich. Der driipken triennen út syn eachjes. It waard lytser.

"Yn 'e tún," sei it mûske, mar it pipe no mei in mûzestimke. Rixt stompte de holle oan de ûnderkant fan it bêd. Se rûkte de waarme ierde fan heit syn túntsje. Se seach hoe't heit en mem hân yn hân tusken de blommen kuieren. Mem hie in bol lyfke. Dêr siet in lyts famke yn. Dat wie sy. Heit en mem praten sêft meinoar. Se koe de wurden net hearre, mar se hienen beide dy fertroude stim. It wie doch net de stim fan heit of fan mem. In gemiene man mei in hakbile slûpte fan achteren op heit en mem ta. Rixt woe roppe, mar se pipe as in mûske. De man ûnderhelle syn bile en sloech op de fûst dy't de iene hân fan mem en de oare hân fan heit tegearre makken. Se skriemde.

It wie kâld. Ik lis op 'e grûn, tocht Rixt. Se lei neist it bêd. De wyn blaasde tsjin it gerdyn en streake har oer de rêch. De sinne wie opkaam. Rixt gong op 'e knibbels sitten. Se wie ferklomme. Har bêd wie in rommeltsje. De tekkens leinen op in protsje oan it fuottenein. It ûnderlekkjen hie se losskuord. De matras, dy't se fan de foarige bewenner oernaam hie, wie âld en smoarch.

It lûd fan de telefoan klonk troch de keamer. Se slokte. Dat soe de útslach fan it tentamen wol wêze. Se liet de telefoan rinkelje. Trije kear, fjouwer kear. Se woe it net witte. De telefoan rinkele in fyfde en in sechsde kear. Stadich slofke se derhinne. Miskien soed er ophâlde foardat se der wie. Hy stie op it kastje. Der leinen blauwe bledsjes op. Har moaie blom wie yn ien nacht tiid útbloeid. It stâltsje hong slop út de faas. It giele hertsje wie brún. Rixt slokte.

"Hy hold fan my," tocht se.

Bûten begûn in fanfare te spyljen. De waarme sinne foel troch de balkondoar op har bleate skonken. Yn har noas kidele de tsjokke lucht fan folle blommestrûzen. It fotolistje op 'e televyzje skittere yn it sinneljocht. Rixt gûlde en lake tagelyk. Se naam de hoarn op.

"Mei Rixt," sei se yn it Frysk.

"Hoi Rixt," sei de stim.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### De rôze oaljefant

Mei in grou stik lead op 'e holle knoffele Wiggele yn 'e berm lâns. Krastes, wat wie it jûn need gongen. Hawar, it wie mar ien kear yn 'e wike ... eh, freedtejûn, wie 't n't sa? Kimberley soe him wol wer it mannenaar opsizze. Frekt frommes. Wat hied er har ek oanhelle. Oars net as argewaasje hied er derfan. No mar hoopje dat se slepte, dan hied er yn alle gefal in pear oeren útstel fan eksekúsje.

BOEM! De brêge beweegde ûnder Wiggele syn fuotten, krekt as ried der fuortby in grutte frachtwein oerhinne. Wiggele seach ferwûndere yn it rûn. En skuorde grutte eagen op: noch gjin trije stappen fan him ôf stie in rôze oaljefant.

Wiggele skodholle. Hy drukte de eagen ticht, mar doe't er se wer iependie, stie de oaljefant der noch. Hy hold de kop skean en syn lytse swarte eachjes seagen Wiggele freonlik oan.

Om nei te gean oft er miskien dreamde, biet Wiggele hurd yn de mûs fan syn hân. Au! Sear die it wol, mar de oaljefant waard net wei. Foarsichtich stuts Wiggele in hân út. Mei de fingerseinen beruorre er de slurf. Dy fielde waarm en rûch oan, as de klaai by heit-en-dy efter by sinneskynwaar. Soe dat bist dan echt wêze? Miskien wie der earne sirkus en wied er ûntsnapt. Allinnich, hy wie wol rôze.

De oaljefant heve de slurf en lei dy fertroulik oer Wiggele syn skouders. Hy fielde de lytse lipkes oan 'e útein fan 'e slurf by syn ear.

'Ha dy drinkebroer!'

Wiggele seach ferwûndere efterom. Mar oars as de oaljefant wie der net ien.

'Sjoch mar net sa ferheard,' sei de stim. 'At der ynienen in rôze oaljefant efter dy ferskynt, moatst net raar opsjen at er ek noch prate kin.'

Wiggele knikte. Sterk punt, tocht er.

'Ik bin bliid dat der wer ris in drinkebroer oer it Knillesdjip komt. Sa faak komt soks net mear foar, witst dat? De measte drankfreonen dy't yn Ljouwert yn 'e kroech sitten ha, wenje dêr ek. En oars litte se har mei de auto of de bus thúsbringe. En de Ljouwerters geane net yn Goutum of Wurdum de kroech yn. It is hjir bytiden slim iensum.'

'Eh, bliksemse ferfelend foar jo, menear de oaljefant,' sei Wiggele, 'mar soenen jo dy slurf efkes fan myn skouders helje wolle? Hy is nochal swier, sjoch.'

'Och heden, nim my net kwea ôf,' sei de oaljefant, en luts fuort de slurf werom. In grutte trien rôle oer it oaljefantewang.

'No, sa slim is it net,' sei Wiggele. Doe seach er dat de oaljefant in tontsje foar it boarst hie. It hong mei in grutte learen riem om syn hals. De oaljefant seach him sjen.

'The famous grouse,' seid er. 'Myn favorite whisky. Slokje?'

'Eh ... hast in glês?' frege Wiggele.

De oaljefant fimele mei de slurf oan 'e sydkant fan it tontsje en helle twa romers foar it ljocht. Wiggele begûn te laitsjen. 'Jo binne oeral op klear, hear oaljefant!' rôp er.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

De oaljefant nokkere fernoege.

It waard al ljocht. Wiggele en de oaljefant, dy't him wylst as Teake foarsteld hie, sieten altyd noch op 'e Oeriselsebrêge. It tontsjje wie aardich leger wurden en Wiggele seach trije Teakes foar syn eagen omsweven, wylst Teake mei de holle efteroer op it stek fan 'e brêge lei te jeuzeljen. De pear automobilisten dy't oer de brêge kaam wienen, hienen de twa satliket net ergere.

'Twuttiiddaddikútdaaj,' sei Teake mei in slach yn 'e tonge.

'Wadde?' frege Wiggele.

'Twut tiid daddik útnaai,' efterhelle de oaljefant. Stadich kaam er oerein. Doe't er it mei in soad lijen op fjouwer poaten krigen hie, like er wer troch de knibbels te sakjen. Wiggele rôle wat fansiden, dat syn grouwe drinkkompaan him net ferpletterje soe, mocht er omfalle. Mar Teake gong kreas troch alle fjouwer knibbels, spande doe syn spieren en sette him ôf. De brêge dindere en Wiggele foel langút op 'e rêch.

'It bêste, hin. En kom nochris del!' hearde er roppen. Hy seach op en waard noch krekt gewaar hoe't de oaljefant mei in kûgelsfeart de loft yn skeat, as in lyts rôze puntsje, dat op 't lêst ek weiwaard tsjin de wolken.

Foar syn gefoel wie Wiggele mûskestil doe't er hoasfuotling de trep op teante. Mar amperoan hied er de doar fan 'e sliepkeamer berikt, as dy waard iepenskuord en Wiggele stoarre yn 'e strakke wite troanje fan Kimberley.

'Waaj koume wai vandaan?' klonk it út har mûle, en in útsketten krytsje op in skoalboerd hie in helte leafliker klank hân.

'Eh, leave, ik eh, lieve, ik heb een oaljefant gezien en dy hie ... had een vaatje whisky bij hem en toen ...' begûn Wiggele, mar Kimberley hune der fuort oerhinne: 'Een olifant? Een roze, zekej!'

'Ja,' sei Wiggele, dy't in lyts bytsje opblierre. 'Kinst him ek? Hy hyt fan Teake!'

'Wat?' raasde Kimberley. 'Spreek gewoun Nedejlands, vejdomme!'

Wiggele suchte. 'Ferrek, Kimberley, ik woe datsto no ek ris Frysk pratest.'

'Ik ha der helendal gjin ferlet fan om dat stomme boeretaaltsje fan dy te praten. Ik haatsje dy, ik mei dy foar myn eagen net sjen!'

Mei grutte eagen stoarren Kimberley en Wiggele inoar oan.

'Wat sis ik no? Ik bedoel, wat sis ik no?' stammere Kimberley, wylst grutte switkobben op har foarholle ferskynden. 'Ik ... ik praat Frysk!'

'En ek noch mei in goeie útspraak fan de R!' glimke Wiggele fernoege.

'Kimberley, bern, dat fyn ik no in moaie ferrassing fan dy, datst stikem sa goed Frysk leard hast.'

Hy luts syn ferbjistere faam tsjin him oan en drukte har in wiete wiskyút op it wang. Kimberley like ynienen wer ta besef te kommen. Mei in snau treau se harsels efterút.

'Pak op, sûplap!' skreaude se.

Mar Wiggele glimke ûnfersteurber en núndere fleurich, wylst er de holle op 'e maat hin-en-wer beweegde.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

'Wat in ferrassing,' preuvele er. 'Kimberley, ik bin sa wiis mei dy.'  
'Ik ... ik, do, ik ... ik kin gjin Hollânsk mear prate!' Se spatte yn gûlen út.  
Wiggele luts har fannijs tsjin him oan en diskear fersette se har net.  
Tegearre strampelen se de sliepkeamer yn. Dêr liet Wiggele him tefreden  
op it bêd falle, en noch net in minút letter lei er fredich te snoarkjen.  
Kimberley, dy't fan argewaasje de hele nacht net slept hie, lei in setsje  
snokkend neist him, oant de lea har ek bejoegen.  
Doe't Wiggele wekker waard, hied er aardich pine yn 't hier. Dat waard  
net folle better doe't in skel lûd him hite om derôf te kommen en de  
tekkens fan him ôf reage waarden.  
'Ik moet stofzuige en jai ligt daaj maaj in je nest. Je zou de tuin doen  
vanmojen!'  
'Hoe let is it?' stinde Wiggele.  
'Het is hauf nege geweest.'  
'Minske, it is sneon ...'  
Mar al hoe't Wiggele tsjiniggewearre, hy koe der mar ôf komme en de  
túnbroek oanstrûpe.  
Doe't er in healoere yn it sintsje stie te hakjen, saksearre de pineholle wat  
en begûn er nei te prakkesearjen oer de foarige jûn. Rare dream hie dat  
west. In rôze oaljefant dy't Teake hite en Kimberley dy't ynienen  
allinnich mar Frysk mear prate koe. Hy koe hast wol oan it hallusinearjen  
west ha. Miskien doch wat minder drinke?  
Dy middeis hie Kimberley in aardich better sin en kaam nei de kofje sels  
de flesse op 'e tafel. Se krûpte tsjin Wiggele op 'e bank en op 't lêst  
fertelde se him skytskoarjend hoe nuver oft se fannacht wol dreamd hie -  
se koe ynienen gjin Hollânsk mear prate. 'Raaj, he?'  
'Vreemde dromen heb jij,' sei Wiggele mei in grutte gniis, dy't Kimberley  
net rjocht thúsbringe koe.  
'Het was zo nuver, ik hie fan 'e moarn it gefoel as wie it allegear echt sa  
gebeurd.'  
'Tsja, dromen kunnen soms heel echt lijken,' sei Wiggele, dy't no noch  
folle breder gniisde en noch in slokje bearenburch naam. 'Maar zulks  
gebeurt niet in werkelijkheid, hoor.'  
'Nee, fansels net, mar it like sa echt, hin.'  
Ynienen waard Kimberley wyt yn it gesicht. It like oft se flaufalle soe. Se  
rôle krêfteleas oer de bank by Wiggele wei. Dy skattere it út. Hy naam  
noch in slokje fan syn bearenburch.  
'Wiggele, wat is der mei my te rêden?' stammere Kimberley.  
Mar Wiggele lake allinnich mar.

It slagge Kimberley stadichjes better om wer wat wurden Hollânsk te  
brûken en nei it nijs fan acht oere prate se alhelendal gjin Frysk mear. Op  
'e nij miende se dat it ynbylding of in deidream west hie dat se gjin  
Hollânsk mear koe, mar doe't Wiggele in heal pilske op hie, smiet se wer  
allegear Frysk troch har Hollânsk hinne. Wiggele hie no yn 'e gaten hoe't  
it spultsje yninoar siet - hy slokje op, sy Frysk prate. En hy koe wol riede  
wa't dêr de hân yn hie.

De dagen dêrnei rekke Wiggele de alkohol net oan en hollandere

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Kimberley lykas tefoaren. De freeds soe se nei har mem-en-dy, dat Wiggele hie de jûn moai foar himsels. Hy belle in pear maten en prate ôf om mei harren de kroech yn. Se ferbrochten in poernoflik skoftsje tiid oan 'e taap. Om in oere as twa sette er wer op hûs oan. Underweis wykte er lykwols fan it koartste paad ôf en hy bedarre by de Oeriselsebrêge. En stie Teake dêr net al op him te wachtsjen!

'Do hast Kimberley moai te fiter, heite,' sei Wiggele, nei't er de oaljefant hertlik de slurf skodde hie. Dy lake werom.

'Dat hast sels dien, maat. Do silst wol wat winske ha. En salang'tst mar net nochter bist, komme dyn winsken út. Dat is de nuvere útwurking dy't wy rôze oaljefanten op minsken ha. Freegje my net hoe't it kin, mar ik sjoch it alle kearen wer. Foarhinne mear as no, mar ja, doe kamen der ek mear drinkebroers oer dizze brêge as hjoed de dei.'

'Kin ik myn winsk dan ek wer ûngedien meitsje?' frege Wiggele.

'Fansels,' lake de oare. 'Salang'tst mar net nochter bist. Soks liket allinnich te wurkjen at it lichem op 't bêst funksjonearret. En as dyn promillaazje te leech is, is der sprake fan in soarte bloedearmoed, dan wol it net mei de winsken.'

Se dronken noch in pear slokjes tegearre en Wiggele naam úteinlik fleurich ôfskied. Hy toffele op hûs oan en doe't er foar de doar stie en om 'e kaai socht, betocht er, hy koe noch wolris in winsk besykje.

'Ik woe dat de tún hakke en keard en ynsiedde wie,' seid er. Hy draaide him fol ferwachting om. De blombedsjes hienen der noch nea sa kreas hinne lein.

Doe't er boppe kaam wie, trof Wiggele ta syn benijing Kimberley op bêd oan. Hy hie ferwachte dat se by har âlden sliepe soe. De jûn soe wol net sa gesellich west ha, tocht er. Se hie grif wer Frysk praat en hy seach har folk der net foar oan dat se sa'n 'grap' wurdearje koenen. Hy luts oan 'e skouders, skode ûnder de tekkens en foel as in blok yn sliep.

De oare moarns hie Kimberley in noch minder sin as oars. Om sân oere reage se Wiggele al fan bêd.

'Je zou vandaag de tuin afmake,' âle se.

'Is toch al lang klaar,' krimmenearre dy. 'Ik heb gisteravond alles afgemaakt.'

Kimberley snúfde. 'Tuujlek, jai wew,' hune se. Mar se rûn doch nei ûnderen om efkes te sjen. Wiggele djippe fluch-fluch syn heupfleske bearenburch op en naam in pear grutte slokken. Net dat er dêr de moarns betiid no sa'n nocht oan hie, dat net, mar it koe him moai wat wurk skele. Hy hie it fleske noch mar krekt út 'e wei of in breed laitsjende Kimberley kaam de trep wer op. Se neamde him skatsje en poppy en hy wie hartstikke gek dat er sa let noch oan it wurk west hie, mar wat leaf fan him. Se hie net iensen yn 'e rekken dat se wer Frysk oan it praten wie.

Lang koe Wiggele de útwurking dy't alkohol op him hie fansels net geheim hâlde. Doe't Kimberley murk dat de tún der dy jûns sa foarnaam net mear by lei as in pear oeren earder, begriep se der noch neat fan. Mar yn de dagen dêrnei begûn har op te fallen dat, as de tún netsjes wie, sy Frysk prate. En dat Wiggele dan altyd in slokje op hie, ûntgong har op in

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

stuit ek net mear. Dat, doe moast Wiggele mei it wetter foar de dokter. Earst hold se syn útlis foar dronkemanspraat, mar doe't Wiggele foar har eagen har âld widdofyts yn in Porsche 911 feroare, koe se der net mear foarwei en jou ta dat Wiggele wat mear koe as sljochtweihinne. En dat foldie har mar tige. Sa'n Porsche stie wakkere kreas foar de doar en hy ried ek helte nofliker as in fyts. En se hie noch wol wat winsken: nije meubels, in breedbyldtillevyzje, sieraden fansels, in magnetron en in pong fol jild om yn de Ljouwerter skuonsaken út te jaan.

Fansels joech Wiggele Kimberley alles wat se ha woe. En omdat dy wist dat syn winsken net duorje soenen as er wer nochter waard, soarge se derfoar dat der altyd genôch bearenburch en jenever yn 'e hûs wie, en dat er nea wer folslein alkoholfrij wie. Fan tiid ta tiid stie se him in jûn op 'e Oeriselsebrêge mei Teake ta. Túnomkeare hoegde er net mear, nee, Kimberley die alles om it him nei it sin te meitsjen. It automatyske Fryskpraten hie Wiggele ûngedien meitsje moatten, mar om Wiggele te geriven gong se op Afûk-kursus. En al krige se de útspraak fan de R net helendal goed yn 'e macht, Wiggele wie poertefreden.

Sa libben se noch jierrenlang gelokkich. Mar doe't Wiggele fiifenyftich jier wie en syn tredde donorlever úteinlik ek oan sirrose beswykte, koenen se yn it sikehûs neat mear foar him dwaan. En dat hoegde om Wiggele ek net. Syn libben hie him skoan foldien en hy gong yn frede. Yn in steatlike swarte lykwein soe er nei Goutum oerbrocht wurde. Doe't de auto lykwols by de Oeriselsebrêge wie, botste er tsjin wat gruts oan. De krante wist net te fertellen wat it west hie, mar twa swalkers fertelden oan har kompanen dat der hommels in rôze oaljefant út 'e loft fallen wie en dat de wein dêr frontaal tsjin opriden wie. Hoe dan ek, de motorkap fan de lykwein siet oan 'e foarkant in flinke dûk yn en de sjauffeur wie mei in klap tsjin it foarrút flein. Dêrby hied er nei alle gedachten it stjoer in slinger jûn, sadat de auto in gisel makke en tsjin 'e fangrail botste. De kiste wie troch de klap út de auto sketten en oer de râne fan 'e brêge yn it kanaal belâne. Letter dy deis waard er opfiske - leech. It lyk fan Wiggele ha se noait fine kind. Bewenners fan Suderbuorren dy't in slokje op ha, hearre as it nachts stil is soms ile stimmen. En guon dy't har dan nei bûten weagje, miene wol dat se op 'e Oeriselsebrêge twa dizige stallen sjogge dy't laitsje en drinke: in grutte rôze en ien sawat sa grut as in man.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Japy dy hie soargen

Japy dy hie soargen  
En dy woed er graach ferjitte.  
Dus helle er jenever,  
Woe se dêryn swimme litte.

Dat slagge al, mar net sa lang  
En dat fûn Japy stom.  
It smakke bêst wol lekker,  
Mar dêr gong it him net om.

Doe sûpte er mar mear,  
Dronk syn drank as wetter.  
En fergemy, 't wie in wûnder:  
Stadich gong it better!

Japy dy krig' Korsakov,  
Prachtich fûn er dat,  
Fergeat fuort alle lijen,  
Liket jim dat ek net wat?

Dus minsken, ha jim soargen?  
Lit de drank dan ryklik rinne.  
Sûp jim harsens ek oan smots,  
Jim kin' der lok mei winne!

## **Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf**

[ill. Lolifant: Aanst jousto in rûntsje]



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Sicko

Kinie en Sicko Grootboer binne byinoar wei. Dat komt sjesa. Kinie en Sicko binne net allinne kristenen, mar ek Grinzers. En se hienen yn har goed fjirtichjierrich eintsje libben nea mear fan 'e wrâld sjoen as Grinslân en direkte omkriten. Kinie wie al heel betiid ta de konklúzje kaam dat dy direkte omkriten neat hienen dat it de muoite wurdich makke om út Grinslân wei. Yn East-Fryslân praten se ek in soarte fan Grinzers, of oars Dútsk, lykas de toeristen, dat wat hoegden se nei Dútslân ta? Drinte wie ek net bjustere spannend. En oer de Lauwers wennen Friezen en dy doogden net, dat hie har mem har doe't se noch in lyts 'wichie' wie foargoed dúdlik makke. Dat, at it heal koe, kaam se net yn Fryslân, en at se der ris wêze moast, dan altyd sa koart mooglik. Mei Sicko wie it al net folle oars.

Mar it sin wol mei de jierren wolris omtiare, en sa koe it komme dat it Sicko ynienen bekrûpte. It wie op in snein - hy kaam krekt út tsjerke en it foel him op dat it Hoge Laand wol heel flak wie. Doch frijwat oars as dy berchlânskippen dy't er dan wol by de EO seach, of dy grutte bosken dêr't er soms yn de krante oer lêdde. Net dat Grinslân net mear moai wie, neu, dat wie it net. Mar fergemy, it soe doch wol frekte aardich wêze om ris oarsearne te sjen.

Kinie wie der fuort net in foarstanner fan. Se tocht wer oan de lêste kear dat se bûten Grinslân west hie, yn Drachten, sa'n trije jier ferlyn, en dat hie se sa ferskriklik fûn, dat se woe eins noait wer út har bertestreek wei. Mar doe't Sicko begûn oer dy earne minsken yn it easten dy't al dy jierren ûnder de readen leefd hienen en gjin weet mear hienen fan it oprjochte geloof, en dat sy as fromme kristenminsk doch de taak hienen en doch dêr wat oan, doe liet se har, al wie it dan mei in soad tsjinnichheid, lang om let oertsjûgje. Se soenen tegearre in reis nei Ruslân meitsje en dêr út namme fan it Gronings Genootschap voor Bijbelstudie eksimplaren fan it Hillige Boek útsutelje.

Soks koe fansels net op slach. Nee, dêr wie in lange taryeding foar nedich. De soan waard derop útstjoerd om yn Stad folderkes by de reisburo's te heljen. En se moasten fansels wat Russysk leare. De soan moast ek mar ris sjen oft der yn Stad net in gaadlik learboekje foar de Russyske taal te besetten wie. No, dat wie der wol. *Stap foar stap* hite it, mar dan op syn Russysk: *Sjag za sjagom*. Der siet in bantsje by en Sicko-en-dy hienen op har tweintichjierrich houliksfeest in bânrekôrder krigen, dus hoefolle moaier koenen je it noch ha?

No, moai wie it foar Sicko, dat Russysk learen. Wat langer oft er dermei dwaande wie, wat mear aardichheid krige er deroan. Hy siet alle jûnen boppe it boekje of preuvele de sintsjes op it bantsje nei. Kinie hie it nei ien les al oerjûn. Sicko moast aansen it wurd mar dwaan, dêr yn Ruslân, it wie har te dreech. Dy gekke letters en dy rare klanken, se koe der neat mei wurde. Mar Sicko gong mar troch. Nei in trije moanne hied er syn boek trochwurke, en hy betrape him derop dat er heelyd yn himsels Russysk siet te praten. Sels yn tsjerke besocht er om parten fan 'e preek oer te setten. En at dat net slagge, socht er yn syn wurdlistje de wurden

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

op dy't er noch net wist. Faak koed er se lykwols net fine, en dat muoide him. Hy soe einliks noch wol mear leare wolle. Om't se yn 'e húshâlding wakker grutsk wienen op harren gelearde heit en sydsward, waarden se teriede, Sicko moast mar op kursus. Yn Wynskoat wie in sintrum, dêr koenen je talen leare, en sa ôfgryslke djoer wie soks net. Sa'n kursus, dat wie no krekt wat foar Sicko syn jierdei. In better kado hienen se yndied net betinke kind. Sicko leefde der helendal fan op. Hy betrape him der sels wolris op dat er fluitsjend út it wurk weikaam, en tongersdeis koed er de tiid dat er nei Wynskoat moast suver net ôfwachtsje, sadat er alle wiken in kertier te betiid yn it klaslokaal siet.

Nei hast in jier les soe it dan heve. Mei de koffer fol Russyske bibels teach it echtpear Grootboer nei Eelde. Se koenen mei sa'n priisstunter foar in grypstehealstoer nei Moskou fleane. Of eins nei in fleanfjild op mear as in oere riden fan de Russyske haadstêd, mar hawar, soks mocht hinnebrûie. Se hienen gjin fan beiden oait flein en it wie in machtich spannend aventoer.

"Kiek, dat is Stad!" rôp Kinie, en Sicko bearde wakker doe't se oer Berlyn fleagen, dêr't dy smoarge readen en dy aaklike poepen taholden. Kinie moppere oer de djoere kofje en Sicko eamele oer it skandalige drankgebrûk oan board, mar dat wie mar om har in hâlding te jaan. Se moasten mei in trepke de fleanmasine út en waarden troch in stewardess nei de bagaazjeromte begelaat. Yn it Hollânsk en dat wie wol spitich foar Sicko, want dy woe bliksemse graach ris in echte Rus hearre. "Kiek!" seid er tsjin Kinie en hy wiisde op in buordsje mei in rige tekentsjes. "Doar stait *wichod*. Dat betekent oetgang."

Kinie seach him bewûnderjend oan. Wat hie se doch in knappe man trouw. In talewûnder wied er.

Op it fleanfjild kocht Sicko in grutte Russyske bontmûtse, fan in echte Russin dy't him yn it Russysk fertelde wat it holbedek jilde moast en dat it him sa kreas stie. Kinie waard suver wat kiezzich doe't se har man mei in ûnbekende frou praten hearde yn in taal dy't se net ferstie. Sa'n oantreklike, yntelliginte kearel luts fansels it omtinken fan dy Russyske ljidskes, dat miste net.

It hotel wie poerbêst ynoarder. Klear, de ferwaarming op 'e keamer koe net út, dat it rût moast fan tiid ta tiid efkes iepen, en de kraan op it húske dripke, mar och, foar dat jild moasten je net eamelje.

Dy jûns ûnder iten seach Sicko de frou foar it earst. In echt Russysk typke wie it, kreas opmakke, moai yn 'e klean, op en top in dame. Se siet in pear taffeltsjes fierder. Kinie siet mei de rêch nei har ta en jeuzele hûndert út oer de smoargens op 'e dyk en de stjonkende Russyske auto's. Sicko harke mar heal nei wat se sei. Bliksem, wat wie dat Russyske frommes kreas. Dan wie syn Kinie doch wol heel Grinzers - like flak as it Hoge Laand. Hy mocht har der op dat stuit efkes hast net om lije.

De dagen dêrnei seach Sicko de frou noch in pear kear wer. Se wie gauris yn it selskip fan in ûnopfallend keareeltsje, grif har man. Gjin man foar sa'n frou, tocht Sicko. Gjin man fan 'e wrâld, dúdlik net. Sa'n dame fertsjinnet better. Soed er ris in praatsje mei har meitsje? Hy wist wol hoe't je ien yn it Russysk netsjes oansprekke moasten. *Izwinitje, gospozja,*

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

pardon mefrou, soed er sizze kinne. En dan koed er sizze dat er Nederlanner wie en freegje út hokker part fan Ruslân oft sy kaam: *ja Gollandjets, iz kakoj tsjasti Rossii pridjotje vi?* Sa'n weareldske frou ferfeelde har beslist dea by dat saaije mantsje en soe it leafst mei in gelearde wrâldreizger oer fiere lannen prate, en har ymponearje litte troch dy syn frjemdetalekennis.

Dy gelegenheid kaam doe't Sicko de sneons betiid ûnder kaam foar it moarnsbrochje. Se siet allinnich by in taffeltsje yn it restaurant. Kinie stie noch ûnder de dûs, en hy pandere in pear kear wat skruten tusken de taffeltsjes om. No moast it mar heve. Hy luts de strûp rjocht, krige noch gau efkes it wurdboekje derby om te sjen hoe't je ek mar wer fregen oft je by ien sitte mochten, en stapte doe op it frommeske ôf.

*"Izwinitje, gospozja ..."* begûn er. De frou seach freegjend nei him op en in grutte glimk sprate him út oer har gesicht.

"A goeie!" sei se, yn krytgeef Frysk. "Jo binne doch dy Grinzer man dy't hjir mei bibels sutelet? Jo fersteane wol Frysk, hin? Ja, grif wol. Ik bin Grytsje Spoorstra fan Easterein." Se stuts de hân út nei Sicko, mar dy wie sa feraltrearre dat er stokstiif stean bleau. Grytsje lake en sprong oerein. "Ik ha efkes sa myn nocht fan dat Russysk praten de hele dei. Ik bin sa bliid dat ik jo sjoch." Mei sloech se Sicko beide hannen om 'e hals en treau har stiif tsjin him oan. Hy krige ek noch in pear tuten op 'e wangen. As in sâltpylde bleau er stean, ûnmachtich om gearhingjend mear te tinken. Oant it hântaske fol Russyske bibels him lyk op 'e plasse trof. Hy kealle oer de weareld en hearde foar't er út de tiid rekke noch efkes twa kritende frouljusstimmen dy't tsjininoar oangongen.

It slagge Kinie ek sûnder folle kennis fan it Russysk om dyselde middeis noch wer in flucht nei Eelde te krijen. Sicko waard mei in skuor yn 'e plasse yn in Moskousk sikehûs opnaam. Dêr hat er trije wike lein, en doe't er lang om let wer op 'e pôle wie, leinen syn klean en syn boeken oer it hiem fertoarke en siet der in oar slot op 'e doar.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### De lêste wurden fan tsien ophongen

1. Aaaargh
2. Buaah
3. Chwah
4. Du
5. Eeeeh
6. Fffflllllliiaach
7. Gugugu
8. Haa
9. Iiiiach
10. Juck

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Koardsje

As koardsje meitsje je wat mei. Se dûnsje op je, of je sitte om in hoed, dêr't eins in lint omhinne sitte moatten hie. Sa'n hoed fan in kearel mei in lange nekke, dy't wat brûkel foar him útstammeret at se him oer de teannen wâdzje en dy't mei in jas omrint dêr't net alle knopen mear oan sitte.

It bart ek wolris dat se je brûke moatte om ien op te hingjen. Of tsien achterinoar. Ek wolris achter de doar. Mar goed, se queneaupje der mar op los. No komt my teminsten nochris wat oer foar't ik âld en útraffele bin.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Pytsje Puk en de fuotballen

Pytsje Puk hie in legokastieltsje fan syn heit en mem krigen. Op in moaie hjerstdei siet er dermei te boartsjen, doe't ynienen mei in soad leven it rût fan 'e keamer bruts. In grutte ilastiken fuotbal bedarre midden yn it legobouwurk. Pytsje stoarre folslein ferstuivere nei it fierhinne ferrinnewearre kastieltsje. Doe soalde in twadde fuotbal troch it rût. Hy miste Pytsje syn holle op in hier nei en rampoaide de lêste tuorkes dy't noch oerein stienen.

Pytsje syn heit bestelde de glesker en dy sette in nij rût yn 'e sponningen. Heit en mem Puk begriepen net wa't soks dien ha koe. Pytsje ornearre dy jûns lykwols, it soe de lapkepoep wol west ha. Dy hie it al noait op him stean hân, net. Heit en mem woe it net oan en se seinen tsjin Pytsje, hy moast net fuort ien de skuld jaan. Pytsje woe fan harren goerie neat witte. De lapkepoep soe it dien ha, klear.

De oare moarns - it wie fakânsje, dat hy hoegde net nei skoalle - sei Pytsje, de lapkepoep hold him grif beskûl by buorman Droogstoppel. Dat wie in minne hont, dy't syn frou en bern sloech, dat hy soe grif ek mei dy smoarge lapkepoep ûnder ien tekken skûlje. Pytsje miende, heit moast de plysje der mar op ôfstjoere.

"Net sa mâl, Pytsje," fermoanne heit. "Buorman Droogstoppel is net sa'n moai hear, mar it wol my net oan dat er sokke dingen docht." Pytsje wie it dêr net mei iens. Hy strûnde ris wat by buorman op it hiem om, gluorke troch it rûtsje fan dy syn skuorre en waard dêr stokken gewaar. Dat wienen grif honkbalkneppels dy't buorman brûke woe om der syn frou en bern mei om te seamjen.

"De plysje moat der echt by komme," sei Pytsje tsjin syn heit en hy fertelde wat er sjoen en tocht hie.

"No ferdoarje ophâlde, Pytsje," sei heit. "Buorman is seker gjin bêsten, mar hy helpt gjin fandalen dy't by oaren ballen troch it rût smite en hy slacht syn húshâlding net mei honkbalkneppels." Mem en de bruorkes en suskes wienen it mei heit iens.

Pytsje knarste op 'e tosk en gong by de tafel wei. Mei in swart gesicht toffele er nei de keamer ta en beseach de restanten fan syn kastieltsje. Mem hie it glês derút fiske en de legoblokjes kreas yn in bakje dien. Pytsje wie lykwols fierste grimmitich om it wer op te bouwen. De lapkepoep soe noch fan 'e bok dreame en buorman Droogstoppel soe it ek belije moatte. Dat heit en mem en de bruorkes en suskes dat no net begripe woenen. Hy gong de dyk op om te boartsjen. En kaam er dêr buorman Droogstoppel net tsjin!

"Do hast honkbalkneppels yn 'e skuorre!" rôp er buorman ta. Buorman luts de wynbrauwen djip oer syn prikeachjes.

"Wêr hast it oer, aap fan in jonge?" grânzge er.

"Ik wit it wol, do hast kneppels yn 'e skuorre om dyn frou en bern te slaan. En de lapkepoep hast ek by dy ferstoppe!"

"Do hast te folle fantasy, bûke," sei buorman. "Ik ha oars net as kachelhoutsjes yn 'e skuorre." En hy rûn fierder. Pytsje stoarre him grimmitich nei.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

"Do lychst!" rôp er. "Ast dy kneppels net gau oan 'e kant dochst, sil ik dy krije!"

Buorman skodholle en gong yn 'e hûs. Pytsje syn kammeraatsjes fûnen it lykwols ôfgryslke stoer fan Pytsje, dat se hysten him oan om buorman Droogstoppel fral mar goed op it harspit te nimmen.

No kin ik net mear werom, tocht Pytsje. En op help fan heit en mem hoegde er net te rekkenjen. Syn kammeraatsjes koed er ek al neat mei, as it op aksje oankaam. Hy prakkesearre hoe't er no fierder moast. Wa soe him hantlangje kinne by syn ûndernimmen? Omke Fedde? Dy wie wol grut en sterk, mar dat wie sa'n sûch, dy soe net wolle as er hearde dat heit en mem it der net mei iens wienen. De senile beppe dy't boppe wenne dan? Dy soed er wol meikrije. En fansels hûntsje Waf, syn stipe en oanhâld yn drege tiden.

Dy jûns sette Pytsje mei syn leger op it hûs fan buorman Droogstoppel oan. Hy hie syn ridderhelm op en in honkbalkneppel yn 'e fûst. De senile beppe slofke him nei mei in omkearde gatsjepanne as helm en in fleismes as wapen. En hûntsje Waf hie in maaljenkolder fan in Hema-pûdsje oan. It leger fan Pytsje kaam buorfrou Droogstoppel oer it mad. Se stie krekt oan 'e ôfwask doe't mei in knal it glês fan 'e keukensdoar tesplintere waard. De glêsdiggels reinden op buorfrou del. Se sloech de hannen foar it gesicht en seach de honkbalkneppel net oankommen. Se siigde oer de keukenflier.

Omdat buorman Droogstoppel net yn 'e hûs wie, sette Pytsje no mei syn leger op 'e skuorre ta. De senile beppe hakke mei har fleismes op it slot fan 'e doar om, oant bliken die dat dy helendal net yn 't slot siet. Pytsje stoep deryn en knipte it ljocht oan. Hy seach oeral houtblokken, kreas kleaud en klear foar yn 'e kachel. Honkbalkneppels seach er net. "Hy hat se ferstoppe," grommele Pytsje.

Underwilens wie Dirk Droogstoppel thúskaam. Dirk wie de buorjunge. Hy waard kjel doe't er de doar opdie en syn mem langút oer de grûn lizzen seach, mank de glêsdiggels. It bloed waard him sûpe. Doe seach er ljocht yn de skuorre. Hy strûpte de mouwen op en strûsde de doar út. Fansels makken Pytsje Puk, beppe en hûntsje Waf dat se weikamen doe't se it driigjende stal fan Dirk fernamen. Hûntsje Waf rûn Dirk foar de fuotten, dat dy foel op 'e snút yn 'e drits. Likegoed krige er yn syn fal beppe noch by de rok en skuorde in grutte lape út de stof.

Heit en mem wienen neat net wiis mei Pytsje syn eksploat. Mem wie poerlik dat beppe der sa raar foar wei kaam wie. En hûntsje Waf moast nei de bistedokter om't er in ribbe kniesd hie, en dêr wie mem ek alles behalven gelokkich mei. Mar doe't Pytsje fertelde dat buorman grouwe kneppels yn 'e skuorre hie en dat heit en mem ris sjen moasten hoe't frou Droogstoppel derút seach, waarden heit en de bruorkes en suskes al wat twivelriedich. Op 't lêst waard heit teriede dat it sa net langer koe. Mei Pytsje en hûntsje Waf gong er nei buorman syn hûs. Pytsje en heit hienen beide in knepel by har. Buorman seach it swurk al driuwen, en hy fielde him troch syn losse hannen ek wat skurf, dat hy soarge dat er út 'e wei kaam. Heit socht lykwols it hele hiem ôf en nei in skoftsje fûn er buorman yn 'e kelder.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Buorman Droogstoppel waard oan 'e plysje oerdroegen. Pytsje en syn maten sleaten twa fan Droogstoppel syn jonkjes yn har hutte yn it bosk op en kamen dêr geregeldwei del om se mei in kneppel in wan bruien te jaan. Se soenen ek wol wat fan dy twa fuotballen ôfwitte. Hie Dirk Droogstoppel ommers net op fuotbaljen sitten? En Dirk hie moaie Nikes dêr't Pytsje al sa lang oanstriid fan hie, dat dy koed er him no wol taeigenje.

Mem koe Pytsje syn aksje altyd noch net goedkrije; beppe en hûntsje Waf wienen noait wer helendal de âlde wurden en dat wie har slim yn 'e wei. Aldere suster Ukke bleau lilik omdat Pytsje eigenmachtich op buorman ôfgongen wie, wylst de hele húshâlding it net lije woe. De oare bruorkes en suskes en de maten fûnen Pytsje lykwols geweldich moedich. En de maten fûnen it mar wakkere moai dat se dy jonkjes fan Droogstoppel no yn 'e knipe hienen.

Doe't de plysje op in jûn buorkundich makke dat hûs en hiem fan fertochte D. yngeand trochsocht wienen en dat der net ien honkbalkneppel fûn wie, siet in strjitte fierderop Sam Cohen by syn bruorke Moos op bêd. Se wienen der beide danich mei op 't skik dat dy ferfelende buorman Droogstoppel, dy't har altyd útskold, opburgen wie. By it ljocht fan in bûslampe telden se harren dûbeltsjes en kwartsjes. Se hienen al hast wer genôch sparre foar in nije fuotbal.



## **Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf**

[ill. Spaarpot 1,2,3]

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Sa moest it mar

Doffe droanen op 'e makade. Dompe mars fan learzens yn 'e moarnskjeld. Sûntsjes risseljende stof. Syn rislute trêd ferret neat, mar ginneraalfjildmaarskalk Erich von Hôkstein is senuweftich. De kening komt.

It got in betonnen harne om. Yn 'e prakkesaasjes wei lûkt Von Hôkstein aloan mear oan 'e afterste foet. Risselfaasje wurdt stive stifelstap. De luitnanten Hetze Eelsing en Ficke Rammer, dêroanta yn folsleine lyktrêd, moatte no war dwaan om de langliddige ginneraalfjildmaarskalk te bestifeljen.

Fannijs om 'e harne. Betondompen en bokslinggerissel wurde wei yn in gûlerich sigen. In loerlege sinne kipet oer de fearrare muorren. Von Hôkstein knypt de eagen healticht. Mei gâns lijen kinne Eelsing en Rammer de lyktrêd hâlde. Twatûzen eachpearen sjogge harren kant út. It kazerneplein liket ûnbidich, de bühne pjutterich op dy ôfstân. Doch moat Von Hôkstein amper mear as twa minuten brûke om der te kommen. De mûle strak, de klep justjes mear oer de eagen as ornaris, bekluiwt Von Hôkstein de bühne. Eefkes slokt er, at er de mikrofoan beetkrijt. Dan ferhellet er him.

"Fryslân boppe!" ropt er.

"Fryslân boppe!" daveret it út twatûzen kielen. It lûd wurdt gau wei yn it alabsorbearjend beton. Opskrille slûgersfûgels wjukkelje jit in minútmannich boppe it plein om.

"Frisen!" begjint Von Hôkstein. "Frisen! Hoite yst ein besonderer tach. Hoite komt ûns der keunich besûchen."

Hy wachtet in lyts. Alle soldaten stoarje him fol ferwachting oan. Von Hôkstein rjochtet de rêch. Mei bühne derby stiet er sa'n trije meter heger as hja. Hy glimket koart at dy gedachte him troch de holle got. It each falt him op it portret fan kening Siemen I. Hie ik sa lyts weest as hy, tinkt Von Hôkstein, ik hie it nea andurst en sprek hjir dizze kliber ta.

Hy ferfettet: "One ûnzeren grosen keunich Siemen den earsten hetten wier nie yn dizem groosaartigen reich geleebt! Bedenkt das gût, Frisen! One den keunich hettet ier ymmer noch tserpilyttert geleebt, ûnterdrûkt fon Hollendern ûnd Doitsjen. Deem man ferdankt ier oire freiheid! Oera foar de kening!"

"Oera foar de kening!" daveret de mannichte as út ien mûle.

Oera foar de kening, tinkt Von Hôkstein. Wa hie dat tsien jier ferlyn tinke kind? Tsien jier ferlyn stie Siemen Martena noch oan 'e transportbân, no is er kening fan in ryk dat rint fan 'e Denemark oan it Fly ta. En kenings troepen binne jinsen, oarekant de eardere Absjlûsdeich, of Ofslútdyk seinen wy eartiids, dwaande mei it keninklik gesach yn West-Fryslân te fêstigjen. Soks hie njonken tsien jier ûnmooglik talike.

Mei in sêft skodholjen, ûnsichtber foar de kriichskloft, rjochtet Von Hôkstein him wer ta syn mannen.

"Ier fersteet das alles perfekt yn ordnûng sein mûs. Es dÛrfen keine feler gemacht werden."

Mei opsetsin lit er in koarte stilte falle. Dan grypt er de mikrofoan, stekt it

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

kin foarút en seit starich: "Menner, ych fertrou auf oich. Wier werden es sjaffen. Foar it heitelân. Foar de kening. Oera foar de kening!"

"Oera foar de kening!" raze de soldaten oeral. De dompe moarnsstilte is folslein ferdwûn. Beton en makade lykje te leven, de kjeld wurdt net mear field. Der leit in sangerjende spanning oer de kazerne.

Foar de mannen is it in aardichheidsje, tinkt Von Hökstein. Se he der gjin oan fan hoe'n belang oft dizze dei het. Foar him as militêr, mar ek foar it Heitelân. Siemen Martena fan doe is no kening Siemen I, en kening Siemen I is forme troch riejouwers, benammen út it Eastergea. Dêr is er net better fan wurden, alheel net. Gâns lju binne al ferdwûn, lju fan 'e earste oere bytiden, dy't net langer passen yn it tinken fan it notiidske hof. Elke flater hjoed kin him de kop kostje.

"Oera foar de kening!" ropt er jitris, hân op it hert, eagen nei de himel rjochte.

"Oera foar de kening!" raast de massa.

Hommels bringt de ginneraalfjildmaarskalk de hân omheech, tikket oan 'e pet en bonkelet de bühne ôf, it plein oer. De luitnanten folgje yn syn sok. Yn syn kantoar onakommen besjocht er troch syn pantsere burorút de ploechjes soldaten dy't de lêste hân leze oan it opkrazjen fan it kazerneplein. It portret fan kening Siemen I, rombombidich, is behongen mei blommen. De wat lytsere portretten fan Friedrich Nietzsche en Douwe Kalma allyksa. Net helendal ferburgen is de heak dêr't trije jier ferlyn noch in fjirde portret oan hongen hat.

Ynienen fernimt er dat luitnant Eelsing njonken him stiet. Hy eaget deselde kant út. In amerij sjogge de beide mannen inoar oan.

"Soargje datst troch dizze dei komst, Erich," seit Eelsing. "Miskien krijst hjoed eefkes de mooglikheid om mei Siemen te praten."

"Soe it in protte skele?" freget er, wylst er oan 'e skouders lûkt.

"Ik tink it net, mar wat foar kâns hast oars?"

"Tink hy der mar om dat er him net te folle mei my ynlit, Hets. Oars koe it him aansen ek heel goed de kop ris kostje."

Eelsing knikt. Hy sjocht somber. "Se witte fan 2001, Erich."

Syn superieur wurdt wyt om 'e noas. "Wat seit er?"

"Se ha earne op in âlde twadiminsjonale Internetkompjûter in ferslachje fûn. Dyn skrutelens op 'e treppens doe sil grif as heechferried beskôge wurde."

"Mar dy hele gearkomste wie ommers sa etnistysk as wat," stint Von Hökstein. "De Kneppelfreedbetinking is trije jier ferlyn sels ferbean, mei't it in ekstrem-etnistysk feest wêze soe."

"Do kinst it stânpunt fan 'e partij, Erich. Offisjeel bestonne der yn it tiidrek fan foar de achtste Opstalboom gjin etnisten en regionalisten. Neffens my hasto dat programûnderdeel doe sels noch skreaun, om in massale etnistejacht foar te kommen. Gefolch is wol dat alle aksje tsjin 'e Fryske saak fan doe no as ferried beskôge wurdt."

De ginneraalfjildmaarskalk wol wat werom seze, mar krekt op dat stuit klinkt daverjend it folksliet oer it kazerneterrein, teken dat de keninklike auto yn sicht is. Yn in omsjoch is it plein ien draven en dwaan. Mar yn fiif minuten is alles en alleman ek teplak.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Nei de parade sitte Von Hökstein en kening Siemen I yn Von Hökstein syn kantoar, foar it each noflik ûnderút, mar yn wêzen fan top ta teil spand. Se switte, alhoewol't it net waarm is. Von Hökstein is bliid dat de kening syn riejouwers der net mei yn kaam binne. In lyts wûnder liket it. "Erich, jonge, dat wie perfekt organisearre," seit de kening.

"Tankewol," antwurdet Von Hökstein droech. Hoe lang is it lyn, tinkt er, dat ûnder myn befele de stêd Grins fallen is. En no wurde my plommen yn it gat stutsen om't ik in ploech soldaten kreas marsjearje en groetsje litte kin. Ik lykje ferjamme wol in dûnslearaar.

Wat grymgnyskjend sjocht er de kening oan. "Siemen, ik mut mei dy prate."

De oare sjocht ferheard, in bytsje kjel ek, satliket. "Dat dogge wy doch?" freget er.

"Dyn riejouwers wolle myn kop, Siemen. It is net genôch dat ik militêr sjoend op in sydpoar set bin. Ik bin te gefaarlik. Se witte dat ik ja en amen sis, mar dat ik myn kânsen gryp as it om Fryslân giet. Ek at dat op har kosten giet."

Kening Siemen sjocht tige ûngemaklik.

"Se witte fan 2001, Siemen."

"Mar doe hast ommers net iens ..."

"Dêr giet it no krekt om. Ik hie doe al in rede skreaund en dy he se weromfûnd op in kompjûter."

"Ja mar Erich, jonge, dat wie doch in perfekte regionalistyske rede. Do hast nea in etnist west. Dyn ferhaal wie sels yn it Hollânsk skreaun, at it my goed heucht."

"Mar ik he doe net sprekke durst en dêr he se it bewiis fan fûnd. Se sille sizze dat ik dêr de Fryske saak skea mei diend he. Boppedat is foar dyn feilichheidsjinst langer elkenien fertocht dy't ea wat mei Kneppelfreed te krijen hand het. Wet of gjin wet."

"Ja, Erich, jonge, mar ..."

"Hest it net yn 'e rekken, Siemen? Dy lju út it Eastergea wurkje alle striders út it Westergea en it Noardergea derút, goedsikks of kweaskikks."

"Erich, jonge, hoe kinst dat no seze? Myn riejouwers hearre ta de fernaamste lju út de doedestiidske Fryske beweging. Troch harren is de spaarferbining Ljouwert-Lear der kaam, noch foar't de revolúsje útbriek."

Von Hökstein hellet djip yn. Dit komt derop oan. Syn leven stiet deroan.

"Siemen, ik sil neat sizze fan de fertsjinsten fan dyn riejouwers, alheel net. Mar se sjogge alle Noarder- en Westergeasters as in bedriging, om't by ús de taal doch noch in rol spilet. Us kulturele ambysjes sjogge hja as in gefaar foar de ekonomyske posysje fan Fryslân."

Siemen slokt. "Do likest wol in etnist mei dat praat fan dy," stammeret er.

"Dat is krekt de trúk, Siemen. Alle krityk wurdt as etnisme bestimpele. Sa he se al heel wat goeie minsken ferdwine litten. En sa gau atsto lestich wurdst, fine se ek wol in wei om dy an kant te krijen."

De kening seit neat.

"Bist Lev Wolfsky fergetten?" ferfettet er mei in driuwend lûd.

"Dy etnist!" ropt de kening fertwivele.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

"Dat het er altyd al weest," seit Von Hkstein kalm. "Ik leau dat hy de term sels yntrodusearre het. Mar wol in poerbste minister fan ûnderwiis en ien snder wa't der nea gjin revolsje komd hie."

"Hy woe in etnistysk skoalsysteem ynfiere ..." prottelet Siemen mei in swak ld.

"Hy woe twatalich ûnderwiis ynfiere, krekt as do doedestiids. Better net te witten hest dr yn 2001 sels foar demonstrearre."

De krekt jit sa fiere kening sakket yn. Hy lit de skouders hingje. "Hast gelyk, Erich."

Op dat stuit got de kantoardoar op, in kast slacht iepen, fjouwer swarte stallen, fjouwer pear batsende learzens, kneppeljende kneppels, feugeljende fingers, petten, petsen, kletsen, klappen, in doar dy't tichtslein wurdt, hymjen, switten, slaan ... in sabel, foarse houwen, in tafel falt om, reade stippen op 'e wite bank, in brune puozze op it grize kleed, in ûnthalze holle hobbelet healwei de hurd, skroeiende hierren, spuitsjende slachieren, swaaiende earms, in tosk fljocht ratteljend yn it stiennen finsterbank, lit in spoarke fan lytse reade puntsjes after, in blompt truzelet oer de wearld, writen om de doar iepen te lken, razen, oangean, skreauwen, ljen, stjerren ... in sleauwe slach fan minskelea tsjin it pantserrt, it ûnderheljen fan in kachelspoker, sabelhouwen, learzens mei skonkleaze fuotten deryn, de kachelspoker kleaut in pet en in grouwe manljusplasse, spui, koarre, ruteljende longen, lste wurden, in deldonderjende hingellampe dy't in breinpanne tebrizelet, stof, stilte ... Von Hkstein sjocht fernoege om him hinne.

"Militren binne it gelokkich net," himet er. "Fjouwer kantoarmantsjes kin ik noch wol baas." Hy stekt de sabel wer yn 'e skjidde. Wat bloed rint him oer it kin. Hy taast nei de mle.

"En dy tosk foldng my doch al net rjocht."

Kening Siemen skuort en wraamt jit oan 'e kachelspoker, dy't fst liket te sitten yn 'e Eastfryske harsenbrij fan ien fan syn krekt ferstoarne riejouwers.

"Lit mar gewurde," seit Von Hkstein switfeierend. "Ik keepje wol in nijen."

"Hiest gelyk," knikt de kening. Hy lit de kachelspoker los en sjocht ferdwaasd yn it rn, bloedspatten op syn strik en jaske. "Dy lju wienen net te fertrouwen. Mar hoe no fierder? Hoe fertelle wy dit oan 'e minsken?"

Von Hkstein prakkesearret eefkes.

"It bste liket my ta," seit er, "at wy fertelle dat ik in etnistyske anslach op it libben fan 'e kening foarkomd he. Dan makkest my fannijs oerbefelhewwer. En ienichst persoanlik riejouwer fan 'e kening."

Hy prakkesearret noch eefkes. "En it soe wol aardich wze at s heit minister fan ûnderwiis wurde koe."

De kening sjocht betinklik.

"Hest net folle kar, bke," glimket Von Hkstein. Syn rjochterhn lkt de sabel in lyts eintsje t de skjidde wei. De kening gluorket fansiden nei de kachelspoker, dy't noch altyd stiif ferankere is yn Jeldo Haien syn plasse. Hy knikt. "Erich, jonge, hast gelyk," seit er. "Sa moest it mar."

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Sonnet út it tsjuster

Hâldsto net fan de sinne mei syn kwast  
Dy 't griene griener kleur't en reader 't read?  
En fielsto hoe dyn hûd soms tintelt ast  
Syn strielen opheinst mei dyn skonken bleat?

Hâldsto net fan de sinne dy út grûn  
En gers, út roazen, 't wetter en dyn hier  
In parfum brout dat oeral yn it rûn  
De lucht ferspriedt fan jeugd en fan plezier?

Asto no yn in tsjust're kerker sietst  
En mochtst der earst wer út nei moannen tiid  
Tinkst datst fan sinne gjin ferlet mear hiest?  
Of makke mear as ea syn ljocht dy bliid?

Dyn laitsjen docht itselde as de sinne  
Hoe soe 'k dêr dan net mear fan hâlde kinne?

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### De ko fan 'e Burgerheide

Wâldsers is rûch folk. Mar wâldsers sjogge ek gauris wat mear as in sljochtweihinne minske. Set in klaaiman op in tsjerkhôf del en hy sil mei stille earbied opsjen nei de himel, om't him al syn libben yndruid is dat de sielen dêrhinne opstige. Fiele sil er lykwols neat, as govertsje alle sielen ek om him hinne. Dat is mei in wâldsjer wol oars. Nearne sjogge de lju safolle begangels as op it sân. Faaks is dat it sigeunerbloed dat yn gâns wâldske ieren kloppet, ik kin it jim net sizze.

Gjalt wie hikke en tein yn Burgum en hy wie sa'n wâldman mei it twadde gesicht. Altyd hied er it net hân. Earst doe't syn earste bern berne waard, wied er wat gewaarwurden dat in oar net fernaam. Koart foar't de fleagen begûnen, seach er in jongeskopke troch de frou har ûnderliif skimerjen. Doe't syn Astrid yn it roeien lei, hie se fansels just gjin ferlet fan sokke sterke stikken, mar doe't er har letter ris fertelde wat er sjoen hie, moast se derom laitsje en sei se dat er dat grif nei de tiid befantasearre hie. Gjalt tocht sels ek dat de kâns op in boaike altyd ien om twa wie, dat einliks wie it helendal sa bysûnder net dat se yndied in jonkje krigen hienen. Hy soe wol dreamd ha, en dat dy dream en it slachte fan syn berntsje meiïnoar strutsen, dat moast tafal west ha.

In pear moanne letter kaam Gjalt in kear yn tsjerke. In trou tsjerkegonger wied er net, mar sa inkeld mocht er graach ris in preek hearre. Hy koe de jonge dûmny Popma goed lije en de man hie fan en ta ek wol ferstannich praat. Diskear hie dûmny it oer de tekens dy't God oan guon minsken joech en hoe't sokken net altyd leaud waarden, om't de minsken no ienris de skeptyske kant it neist binne. Mei't dûmny it foarbyld fan de stjer fan Betlehem oanhelle, seach Gjalt de foargonger ynienen nei de siken gapjen. Bûltsjes ûntsnapt út syn mûle. Mei benaude pûdeagen stoarre er Gjalt oan, wylst syn skôging fan bleekwyt yn in aaklik blau ferwannele. Gjalt hearde de wurden fan de preek noch wol, mar nuver genôch kaam de tonge dûmny aloan fierder út 'e mûle te hingjen en like er net langer bysteat om gewoan te praten. Gjalt siet ferbjistere te sjen, ûnmachtich om lûd út te jaan. Hy kaam heal oerein en op it seldichste stuit stie dûmny wer sa libben as in hert op 'e kânsel. Hy luts freegjend oan 'e wynbrauwen om't Gjalt him oereinjûn hie, dat dy gong gau wer sitten.

Nei de preek bleau Gjalt eefkes tusken de tsjerkebanken hingjen. Doe't it tsjerkefolk allegear ôfset wie, rûn er wat skytskoarjend op dûmny ôf. "Mochtst de preek net lije, Gjalt?" frege dy. "Ik tocht op healwei eefkes datst fuortgean woest."

"Nee, sa net," preuvelde Gjalt, "mar doe't dûmny oer de stjer fan Betlehem begûn, seach ik dûmny ynienen fersûpen."

Hy beskreau wat er sjoen hie en besleat: "As ik dûmny wie, soe ik foarearst mar net te swimmen."

Dûmny Popma seach him wat nuver oan en betanke him foar de ried. Elk wist dat er in ferwoeden swimmer wie en hy miende dat de guodlike Gjalt, dy't amper swimme koe, him út soarch om syn wolwêzen wat tefolle fan syn fantasij ride liet. Doch hied er sels sein dat de tekens dy't

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

God oan in minske jout te faak net achtslein wurde. Hy woe ek net dôfhûdich wêze. Fan 'e wike it swimmen in kear oerslaan soe him úteinlik gjin kwea dwaan.

Twa dagen letter soe dûmny Popma nei âlde frou Willemsma te jûnpraten. Se wenne frijwat bûtenút en dûmny moast in ein troch it fjild om by har húske te kommen. Hy trape fleurich dat út op syn sportfytske. Op in reed mei oan beide kanten in sleat dûkten hommels twa grille ljochten lyk foar him op. Dûmny raamde it stjoer om en truzele mei fyts en al yn it kealledrinken. Hy hearde noch de kriezjende remmen fan 'e frachtwein. Doe gong er kopke-ûnder.

It duorre in ivichheid ear't de frachtweinsjauffeur dûmny syn hân fûn hie. Hy skuorde sa hurd as er koe, mar dûmny siet raar yn it freem fan syn fyts fertiisd. It wie him al swart foar de eagen wurden doe't it de sjauffeur lang om let slagge om him mei de holle boppe wetter te krijen. Hy gappe nei de siken. De sjauffeur koe him net lang hâlde en wer gong er ûnder. En wer. It koste de man in kertier om dûmny út de sleat te krijen. Aldergeloks koed er reanimearje, oars hie dûmny it libben der yn 'e midlike wei net ôfret.

Gjalt waard heislike kjel doe't er de oare deis yn 'e krante lêste wat dûmny Popma oerkaam wie. Net inkeld om't er soarch om dûmny hie, mar ek om't er der no wis fan wie dat er dingen seach dy't oaren net seagen. Hy fertelde it oan syn mem. Dy hearde it ferhaal swijend oan. Se geat Gjalt in kopke tee yn en sei: "Us mem hie dat ek, Gjalt."

Gjalt syn beppe wie Rikele Myt. Dy koe wat mear as in oar. Se hoegde ien mar eefkes oan te sjen of soms koart te betaasten en se wist wat him miskearde en oft er wer better koe of net. Se mastere wat mei krûden en in soad minsken hienen baat by har middeltsjes.

"Beppe seach ek mear as oare minsken, Gjalt. Ik ha dat nea hân, mar ús mem sei wolris dat it meast in ginneraasje oerslacht. Sy hie it ek fan har beppe. Soks komt hjir yn 'e Wâlden opgelegen foar. Jim heit hat ek wolris in begangel sjoen. Doe kaam er út 'e kroech wei en hy soe op hûs yn. Hy wie de buorren noch net út, as by de tsjerke waard er fan 'e dyk ôfrea, op 'e stientsjes. In lange staasje, allegear minsken yn it swart, luts oan him foarby en sette nei it tsjerkhôf. Hy koe gjin gesichten ûnderskiede. Foarop rûnen de krieën mei in deakiste. Hy wie folslein oeral. En dat alhielendal doe't er twa dagen letter hearde dat in dronken Westereintsjer ús buorman deastutsen hie."

Op in nacht yn jannewaris fytste Gjalt fan Ljouwert nei Burgum. Hy wie Quatrebras al foarby. It wie tsjuster en kâld, en o sa hoar. Al mear as in kertier lang hied er neat oars heard as it sisterjen fan 'e fytsbannen op 'e makade en syn eigen hymjen. Doe luts in sunich tinkeljen syn omtinken. Hy seach lofts en rjochts, mar koe neat ûnderskiede. Hy hold yn en stapte fan 'e fyts. It lûd kaam tichterby. Hy koe no ek in stal gewaarwurde, noch fier fuort. Gjalt digere opnimstich, de eagen yn it wiidst iepen. Wat er dêr seach, yn sa'n kampke gers lofts fan 'e dyk, dat like wol in ko. In nuvere, wite ko. Mei in bel om 'e nekke. Dy't hertsje winter noch bûtendoar omrûn.

Gjalt hie murken dat Astrid sokke spoekferhalen út noch yn net hearre



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

mocht. Se sei dat se der neat fan leaude, mar neffens him wie se der eins bang fan. Dat, hy sette de oare moarns wer nei syn mem ta. Hy moast der doch mei ien oer prate.

"Do hast de ko fan 'e Burgerheide sjoen," sei se. "Dêr haw ik ús mem opgelegen oer heard. Hied er mar trije poaten?"

Gjalt knikte. Dat wie him ek opfallen, mar it wie him alwer fergetten doe't er it ferhaal oan syn mem fertelde. "En in bel om 'e nekke," seid er. "Dy ko is in faaiteken," sei syn mem. "Us mem hearde him gauris en twa dagen letter wie der yn Burgum ien dea. Sa wis as de bank. Altyd twa dagen en ien deade. Net twa, net trije, altyd ien, dat miste net. Twa dagen foar't se sels stoar, hearde se him ek. Ik moast de doar fan ús spitkeet foar har iepensette. It slagge har noch om in eintsje omheech te krûpen en nei bûten te sjen. Doe fertelde se dat se de ko seach en dat er diskear har dea oankundige."

Mei in rûzige holle lei Gjalt dy jûns op bêd. Hy koe de sliep mar net krije. Wat syn mem him ferteld hie, woe net by him wei. Wa soe it wêze dy't moarn om in lichtsje gong? Astrid wie nei de berte fan 'e twadde wat yn 'e pogge rekke, mem wie net mear de alderjongste en sels in sûne jongkearel lykas himsels koe wat oerkomme, dat koenen je oan dûmny syn ûngemak wol ôfnimme. Dat hie fergemy wikkerdewik west. Hy woe noch lang gjin widner wêze en as it heal koe, moast Astrid ek mar gjin widdo wurde. Mem hie doch sein dat de ko altyd de dea fan presys ien persoan oankundige? Dat dat nea miste?

De oare moarns wied er ier en betiid fan bêd ôf. Hy hie syn brochje al bepluze en stie krekt yn 'e learzens, doe't Astrid ûnder kaam.

"Do bist mar skrandere fan 'e moarn," gappe se.

"Ik moat der eefkes út."

"Mar Gjalt, it reint dat it eazet. Wat silst no bûtendoar?"

Hy joech har in tút op it wang. "Ik ha ferlet fan in fiskje. Ik sil om in pear sâlte hjerringen. Kin ik foar dy ek ien meinimme?"

"Foar dau en dage al oan 'e pikelhjerring? Nee, tankjewol."

In pear strjitten fierderop wenne in âldman en dat wie fan komôf in Grinzer. In deunen ien. De man hie gjin frou of bern en safier't Gjalt it wist oars ek gjin sibben mear. Freonen hied er likemin. De winkellju klagen dat er altyd op 'e latte woe en nea jild meibrocht om wat ôf te beteljen. Wol kamen der geregeld fan dy ljidskes út Ljouwert oan 'e doar. Altyd midden yn 'e nacht, fan dy jonge dinkjes, dy't dan in oeremannich letter wer útnaaiden. Dêr hied er wol splint genôch foar yn 't kammenet. Nee, sa'n Grinzer wie neat oan wei. As der dan doch ien om hals moast, tocht Gjalt, dan dy nepert mar.

Mei de moffen oan om gjin fingerprinten efter te litten gong er by de Grinzer efterom. De hoksdoar wie net op 'e skoattel. Hy gong deryn, it keukentsje troch. De man wie net yn 'e keamer. Dan mar boppe sjen. Ja, hy lei noch op bêd te snoarkjen. Oan de lege flessen op 'e flier wie te sjen dat it de jûns tefoaren grif gesellich west hie. Hy lei de âldman de hannen om 'e kwabbige hals en treau him de tommen stiif tsjin 'e strôtbol. De Grinzer skrille wekker, mar koe gjin wurd útbringe. Fiif minuten letter wie it dien.

## **Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf**

Sûnt hat Gjalt de ko fan 'e Burgerheide wol gauris wer heard of sjoen. En alle kearen waard twa dagen letter in Grinzer dea oantroffen. Doe't der yn Burgum gjin Grinzers mear oer wienen, wienen it Hollanners dy't in ûntidige dea stoaren. En dêr wienen safolle fan, dy wienen samar net op. De streekeigen wâldsjes liken stikken noch dea te kinnen. Nearne wienen op in stuit safolle hûndertjierrigen as yn Burgum. Earst as se ris bûten it wâlldoarp útfanhûs wienen, setten sokken de klompen úteinlik foar it bêd. De wâldlju sels moatte wol wat yn 'e lampe hân ha, mar dat folk kin bytiden sa ticht as in pôt wêze. Better net te witten hat net ien Gjalt ea ferblaaid en hy moat noch altyd yn Burgum omstappe.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Begangel

Der ried snein  
in swarte wein  
by ús troch de strjitte

Hoewol't myn suskes neist my stienen  
en gjin grutte drokten hienen  
wie ik de iennichste dy't him seach

Hjoed hat er buorfrou Tryn ophelle

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### De trije ynbrekkers

By in wittenskiplik ynstitút wurke ris in hûswarder dy't ôfgryslke fûl op ynbrekkers wie. Hy wenne yn in behindich húske yn 'e tún fan it gebou en siet gauris nachts foar it rût om it terrein en de ruten yn 'e gaten te hâlden. Op in tsjustere winterjûn seach er in lyts ljochtsje by it rût fan de bibleteek. Grânzgjend wraamde er in bile en troch in geheim tunneltsje draafde er ûnder de tún troch nei de boekerij. It tunneltsje kaam út efter in paniel tusken twa boekekasten. Troch in skreefke seach er hoe't in grutte swarte man war die om in radiotastel yn in koffer te krijen. De hûswarder besloep him fan efteren en kleude him mei de bile de plasse. Sûnder in wurd út te jaan siigde de ynbrekker oer de flier.

It byld fan de deade man dy't foar him oer de grûn lei, makke de hûswarder rare kjel. Yn syn lilken wied er miskien wat te gysten fanwegen kaam, sa tocht er. Dit wie moard en dêr koenen se him foar ûnder de blauwe pannen skowe. Dat lyk moasten se net fine, dat moast hjirwei.

Nei't er eefkes úthime hie, sleepte er it lyk nei in souderkeammerke dêr't bûten himsels net ien it bestean fan wist. Dêr wrikte er mei in poepetange de planken fan it lewant, sette it lichem rjocht oerein tsjin de bakstiennen muorre en mitslele der mei in protsje âlde brikken in kreas binnenmuorre foar. De planken kamen dêr wer netsjes tsjin oan en net ien hie eanje kind dat it keammerke oer nacht in lytse jellen smeller wurden wie.

In skreveltsje byleauwich wie de hûswarder al. Hy wie benammen o sa bang fan geasten en griisde by it idee dat de siel fan de ynbrekker troch it gebou doarmje soe. Om dat foar te kommen, liet er de oare deis in grut moarmeren krús meitsje, it teken fan Kristus. Dat sette er yn it souderkeammerke.

It sil omtrint twa jier letter west ha, wer op in winterjûn, dat de hûswarder efter it finster fan ien fan de kantoaren koart twa ljochtsjes skinen seach. Se wienen sa gau wer fuort, dat hy wist net iensen foarfêst oft er se wol echt sjoen hie.

Handich sloep er it ynstitút yn en wraksele him yn in ferburgen romte boppe de souder fan it kantoar dêr't er it skynsel sjoen hie. Yn 'e bûse hied er in lyts doaske dat er út syn fiskerskoffer helle hie. Der sieten op ferskillende plakken gatsjes ûnder him yn 'e souder. Troch ien sa'n gatsje seach er twa manlju dy't by it ljocht fan bûslampen laden iepenskuorden en de ynhâld fan kasten oer de grûn reagen. It bloed waard him sûpe. Ut it lytse doaske helle er in leaden kûgeltsje. Hy wachte oant ien fan de manlju lyk ûnder him stie. Doe rôp er sunich troch it gatsje "pssst!" Ferwûndere seach de ynbrekker omheech. Mei liet de hûswarder it kûgeltsje falle. It boarre him fia de man syn rjochtereach in paad troch syn harsens. Hy foel dea oer de flier.

De hûswarder kroep fierder, oant er rjocht boppe it plak siet dêr't de oare ynbrekker yn in kast omskaaide. Hy helle út it doaske in ein fiskerstried, knope dat oan in flierbalke fêst en makke yn 'e oare ein in strûp. Doe liet er it triedsje heel stadich troch in gatsje sakje, oant de luts oer de dief syn

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

holle foel. Op it stuit dat dy in stap fansiden die, luts er de strûp strak. It sterke snoer snie djip yn it fleis fan syn hals. Folslein oeral skuorde er de holle alle kanten út en de strûp waard heelyd strakker oanlutsen. Mei in sêft ruteljen blaasde er de lêste siken út.

De rest fan 'e nacht wie de hûswarder dwaande mei it oprêden fan de rommel. De smoarde ynbrekker hie wat bloed op it flierkleed efterlitten dat er net fuortpoetse koe, dat dêr smiet er mar in kopke kofje oerhinne om it reade plak te maskearjen. De oare deis soed er wol wat grommelje oer meiwurkers dy't mienden dat se oeral mar kofjedrinke koenen en dat it nearne nei like hoe't de lju mei har wurkromte omsprongen. De twa liken sleepte er nei it souderkeammerke, dêr't er se njonken de oare ynbrekker bemitsle. In noflik putsje wie it net. It heal fergongen lichem yn de muorre stonk ôfgrysluk en gniisde him troch de lêste restjes fleis driigjend ta. Hy wie bliid dat it moarmeren krús yn de keamer stie.

Jierren letter, de hûswarder wenne doe al lang oarsearne, ûntduts in jonge wittenskipper by tafal dat ien fan 'e panielen yn it gonkje nei syn keamer in doar wie. Dreaun troch de nijsgjirrigens fan de jeugd en de wittenskip wrotte er him iepen. Foar him seach er in trepke dat nei in souderke fierde. Hy gong derby op en kaam yn in keammerke. Njonken wat âlde doazen stie der allinnich in grut moarmeren krús. De jonge wittenskipper hie wol niget oan de geheimsinnige fynst en naam it krús mei nei de kofjekeamer. Dêr stie it in dei, mar in meiwurkster dy't it in grizelich ding fûn, krekt in grêfstien, sette it oan 'e dyk.

Sûnt doogde it net mear op it ynstitút. De wittenskippers fielden geregeldwei in nuver sigen op plakken dêr't it einliks net sige koe. Der klonken rare lûden troch it gebou. Guon hearden stimkes yn 'e holle, dy't praten fan moard en fan wraak en dy't de lju oanfiteren ta alle mooglike ferkeardichheid. Al gau namen de earste meiwurkers ûntslach. Oaren rekken oan 'e drank of út it wurk. Twa dienen harsels tekoart. De direkteur draaide troch en krige dien. De ynkeaper joech nei drigeminten fan 'e aaklike stimmen twa moannen salarisjild út oan fuottesteuntsjes en doarmatsjes. De personiëlssjef naam nije minsken oan, mar fergeat om se in kontrakt te jaan en de boekhâlder makke yn syn nerveuzens de helte fan it fermogen fan it ynstitút kwyt en koe him net yn 't sin bringe wêr't it jild keard wie. De iene nei de oare wurknimmer ferdwûn yn it sikehûs of rekke nei Frjentsjer. It wittenskiplik ynstitút gong nei in pear jier oer de kop en it gebou rekke yn ferfal.

Dit ferhaal is my troch ûnderskate persoanen foar wier ferteld. Om wat foar ynstitút oft it gong en wêr't it stien hat, wisten se net. In pear mienden dat it oan de Keizersgrêft yn Amsterdam stien hie, mar oaren bestrieden dat en tochten oan Grins of Bremen. Ien ynformant miende dat er heard hie dat der fisken bestudearre waarden.

## **Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf**

[III. Foar ús geasten is dat ynbrekken ....]

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Willie Hughes bestiet net

Willie Hughes bestiet net  
Willie Hughes is flauwekul  
Want twa Willies yn in bedsteed  
Wat is dat no foar gelul

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Klopgeasten

"Alle jûnen hear ik dat klopjen. Ik sliep net mear. Ik wurd der gek fan." Frou Adama har stim stûke. Sels foar in frou fan har jierren seach se te bleek, te wurch. Dokter Bottama naam in slok kofje. Hy koe it âldminske sa stadichoan wol deie. Op syn minst ien kear yn 'e moanne hied er se op sprekoere, heeltyd wer mei oare fage klachten en krupsjes. Hy hie dy nachts in jonge mem holpen by in lang en muoisum kreambêd, en op 't lêst hie ien fan 'e twilling it libben der net ôfret. Frou Adama har nijste ferhaal, oer klopjen dat har nachts wekker hold, wie wol it lêste dêr't er no geduld foar opbringe koe.

"Ik bin sa bang, dokter. It binne grif klopgeasten," sei se. "Ik wie al sa ûnwennich fan myn âld húske oan 'e Boekestrjitte. En no haw ik miskien ek noch klopgeasten. O dokter, jo witte net ..."

"Klopgeasten binne myn mêd net," foel dokter Bottama yn de wurdestream fan it âldwyfke. Hy kwattele in adres op in feltsje papier en treau har dat yn 'e hannen. "Helje in ekstra doaske faliumtabletten. En sykje dizze frou ris op. It is in medium; at ien doel hat oer geasten en hoe't je derfan ôfkomme, dan is sy it wol."

Frou Adama woe wat sizze, mar de dokter stuts rislút in hân nei foaren, fústke ôf en rôp: "Folgjende pasjint!"

Frou Adama wie troch al har senuwen hinne in bytsje brûkel. Naam dokter har no eins wol serieus? Goed, dy reade útslach op har hannen okkerdeis, dy spiede ûnder de kraan samar fuort, en kaam nei alle gedachten fan in plestikpûdsje fan de Wibra dat ôfferve. En dat hoastjen, dat se earst miende dat kinkhoast wie, wie nei it iten fan in pear dropkes fansels wer opholden. Mar dat joech sa'n snotbongel ta dokter ferdoarje doch net it tjocht om oan har wurden te twiveljen. Der wie gjin respekt mear foar de âlderein.

Likegoed sette se de middeis nei it medium ta. Zaza van Buren hite se. Wûndere namme. Frou Adama hie der swier moed op. In dokter hie studearre, dat dy moast har doch eins helpe kinne. Sa'n Zaza dêrfoaroer, wat koe dy no witte. No ja, as fierder net ien har helpe koe, wat oare mooglikheid hie se dan?

It die bliken dat Zaza van Buren in assistinte hie en dy fertelde frou Adama dat se in ôfspraak meitsje moast, om't frou Van Buren it heel drok hie. Mar doe't se begûn te skriemen, sei de assistinte dat der oer in oere noch in gatsje wie en as frou Adama in sit yn 'e wachtkeamer nimme woe, dan koe frou Van Buren noch wol tiid foar har frijmeitsje.

Mei it hântaske op 'e skurte en de knibbels stiif tsjininoar oan siet frou Adama yn 'e wachtkeamer. Unrêstich bestudearre se de skilderijen oan 'e muorre. Abstrakte keunst, mei in protte read en blau. Gegriem, oardiele se. En se stutsen ek nochris fierste bot ôf tsjin de sêftgiele en griene meubels. Nei in setsje skrille se op. Se murk dat se efkes weidûze wie. Gjinniget, se hie de ôfrûne wike amper in wink yn 'e eagen hân. Fansels wie se slim ûnwennich fan har húske oan 'e Boekestrjitte. Mar dat wie de oarsaak net allinnich. Yn dy nije flet doogde it net. In ûnhuer klopjen op



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

'e muorren hold har nacht oan nacht wekker. Se hie der altyd al wol premomsje fan hân dat klopgeasten bestienen, mar se hie se einliks yn âlde, steatlike huzen ha wold, net yn nijmoadrige flets mei graffity yn it treppehûs.

It rûn har gril oer de rêch doe't se yn 'e rekken krige wêrtroch oft se wekker skrokken wie. It lûd klonk fannijs troch de wachtkeamer. Se wienen hjirre! De klopgeasten wienen har folge. It hert jage har fan kjellens. Lykbleek sprong se oerein en sa gau as har âlde fuotten koenen, draafde se op 'e doar ta. Se hie de hân al op 'e klink, doe't de doar iepen lutsen waard, en se stroffele hast yn 'e earms fan in ûnbidich grou frommes dat har ferheard oanseach.

Saakje, sa't Zaza yn it echt hite, liet har assistinte in beker waarme molke foar frou Adama helje. Se besocht har mei freonlike wurden wat del te bêdzjen. Frou Adama wie sa fan 't sintrum dat se it earst in skoftsje taliet dat dat grouwe minske har oer de hannen streake, mar op 't lêst kaam se wat ta harsels en luts fîts de hannen nei har ta. Net al te eigen mei frjenden, ferdoarje! Wat glimke dat frommes no? Moast dy grouwe fodze har tsjin wêzens út in oare wrâld beskermje? Hoe hie dokter Bottama har nei sa'n ûnnoazele pampus stjoere kind?

In foech kertier letter wie se wer wat by har sûp en stút. Se hie wylst sjoen dat der yn it kantoarke ûnderskate kreas ynliste diploma's hongen en dat joech har wer wat mear betrouwen. Dat, se besleat om har ferhaal dan doch mar te dwaan. Mei in trilderich lûd ferhelle se hoe't se in wike lyn it húske ferlitten hie dêr't se hast fyftich jier wenne hie. Dat it wurk har allegear te folle wurden wie. En dat se no yn in fletsje wenne, sûnder tûn en alles op ien ferdjipping. Mar dat se der net wenne koe. En dat kaam mei troch dy smoarge klopgeasten. En no setten se har ek al nei as se útgong. En se wienen hjir sels yn 'e hûs, yn 'e wachtkeamer.

"Wat hienen jo yn jo âld húske foar ferwaarming, frou Adama?" frege it medium.

Frou Adama seach har ferbjistere oan. Harke dat minske wol? Se lei hjir har hele sielelibben bleat en dan sloech dat minske ynienen fan it spek yn 'e houtene klompen - of yn 'e kachels dan.

"Nee werklik, ik freegje it mei in reden," sei Saakje mei in freonlike glimk.

Frou Adama stoarre har noch efkes erchtinkend oan en joech de oare doe mar it foardiel fan 'e twivel. "Gewoan, in fjoerduveltsje. O sa maklik, alles koe deryn."

"En no ha jo sintrale ferwaarming, tink?" frege Saakje.

Frou Adama luts oan 'e wynbrauwen. "Wat guod?" graude se.

"Sintrale ferwaarming," efterhelle Saakje. "Fan dy wite platte kachels mei wetter deryn. En dan in tsjettel dêr't it wetter yn ferwaarme wurdt."

"Niks tsjettel," rôp frou Adama lilik. "Jo witte der neat fan. Soe ik wetter yn in tsjettel opwaarmje moatte om yn myn kachel te dwaan? Binne jo sljocht? Oan myn kachels sit gewoan in knop en as ik dêroan draai, dan wurdt it waarmer of kâlder. En ik hoech der iensen gjin hout of koaltsjes yn te smiten. Se wurde helendal fansels waarm."

Omstannich lei Saakje frou Adama út hoe't in sintrale ferwaarming

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

wurke.

"En at it wetter troch de lieding pompt wurdt, dan makket dat gauris in klopjend lûd. Dat ha jo krekt ek heard."

Frou Adama snúfde. At dat minske har by de poat ha woe, dan soe se noch fan 'e bok dreame. Saakje krige de tsjinakseljende frou Adama lykwols by de hân en luts har sûnder wat te freegjen omheech.

"Kom mar ris mei, dan lit ik jo sjen hoe't sintrale ferwaarming wurket," sei se. En frou Adama moast mei nei de kelder, oft se woe of net.

Helendal ferromme krûpte se thús ûnder de tekkens. Dat minske hie har sjen litten dat, as se in knopke omsette, dat it klopjen dan op slach fuort wie. Wêrom't dy grouwe podde, want dat bleau it, dat apparaat mei dy knopkes in tsjettel neamde, wie har noch heelyd in grut riedsel, mar de útlis hie har al tige op it gemak set. Op oanrieden fan dat minske hie se al har platte kachels útset. It wie wol net sa waarm as se nei it húske moast, mar hawar, der wienen slimmer saken.

Neigeanderich lei se de heale nacht wekker, mar it klopjen kaam net wer werom. Eefkes hie se miend fan al, mar dat wienen gewoan de fuotstappen fan de buorman dy't let thúskaam. Hy hie fêst wer yn 'e kroech sitten, dy sûplap.

De oare moarns slepte frou Adama lekker oan tsien oere ta út. Doe't se yn 'e âld sjammeloek teewetter opsette, hie se sa'n goed sin dat se in stikje út it heechliet núndere, dat se slim ûndogens fan harsels fûn. It wie doch hearlik om te witten dat der gjin geasten yn har fletsje taholden. Der bestienen ommers helendal gjin klopgeasten. Dat hie dy dokter Bottama har mar wiisheitsje wold. Wer sa'n heiden. It moast ferbean wurde. In kristlike dokter hie har wis net sokke koal ferteld, dy hie fuort sein dat geasten net bestienen. Se moast mar ris nei in oare húsdokter omsjen.

"Ik begryp net dat dy âlde it úthâldt yn dy kjeld," sei Timen. Hy hie de rútsjese doek dêr't syn skeamele besittingen yn beknoppe sieten oer it flierkleed útlein. Syn maat Simen knikte. Hy rille noch at er weromtocht oan dat kâlde fletsje. De fingers wienen him sawat beferzen. Hjirre, twa ferdjippingen heger, hienen se de ferwaarming teminsten op 20. Hy wachte oant Timen de doek losknoppe hie en krige doe syn hammer derút. Fannacht mar ris tige op 'e radiatoaren omklopje en sjoch oft de húshâlding dy't hjir wenne him ek bang meitsje liet troch in pear twahûndert jier âlde dogeneaten.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### As in sike ko wer better wurdt

Marije knikt my freonlik ta. Se sjocht de hele dei tsjin grouwe monseigneurs oan, guon minlike âldbaaskes, de measten lykwols spuonske kribbebiters mei barge-eachjes en pûljende ieren. Net sa aardich fan 'e keunstner dat er dy ieren meiskildere hat. Foar itselde hied er se fuortlitten, dêr hie grif net ien oer klage, en wy hienen de monseigneurs der postúm better om lije mocht. No moat dy leave, hillige Marije der al den dei tsjin oansjen, wylst se har soan yn al syn lijen oan har eagen ûntlûke. Wa docht in mem soks oan? Of is it miskien út begrutsjen dat se de monseigneurs foar har jonge set ha, om't har memmehert oars skuorre soe? De wegen fan 'e tsjerke binne foar in sljochtweiinne komelker net te begripen.

Marije laket altyd as ik foar har knibbelje. It sjocht der wol grappich út, tink. Ei, manlju binne yn 'e eagen fan froulju almeast grappich, al ha se dat trochstrings net yn 'e rekken. De froulju gnize om ús, sels de hilligen. Sjakt ek neat, se ha graach ien dêr't se om laitsje kinne, om't se it libben meastentiids aardich dreger nimme as wy. Dan is sa'n heechsteigen hûsnar in noflikke ôflieding op 'e mominten dat harren libbensbril al te skier wurdt.

Sjoukje prommelet wolris dat in Fries allinnich foar God knibbelet, mar dan sis ik dat de mem fan God my net minder is en jou Sjoukje in tútsje. Dan laket se ek wer en tinkt nei alle gedachten dat ik in leave idioat bin. Hjoed kom ik lykwols net foar Marije. Ik hoopje dat se dat net slim fynt. Mar de hilligen ha net om 'e nocht allegear har eigen spesjalisasje. Ik groetsje sint Piter, dy't diskear stoïsynsk bliuwt, en beantwurdzje it glimkjen fan sint Vitus mei in finger oan it skaad fan 'e pet dy't ik net op ha. Sint Nikolaas - ik mei Sinteklaas sizze - wiuwt entûsjast mei de beide hannen. Sûnt de hillige fan 'e bern my ferline jier holpen hat om ús Willem werom te finen, doe't dy lykme-allinnich de lannen yn set wie, sykje ik him hast alle wiken op. Ik baarn in kearske foar him en wy prate in pypfol, en op fiif desimber lis ik út syn namme in pakje yn 'e skuon fan Willem en Aaltsje. It makket Sinteklaas gelokkich dat wy dy tradysje noch yn eare hâlde.

Foar it byld fan 'e hillige Adolfus bliuw ik stean. Hy baait yn in sangen ljocht, dat falt troch it brânskildere rût heech boppe ús. It is in aaklik rût, mei in foarstelling fan it fagefjoer. It is net earlik dat de nommele Adolfus it bytsje kleur dat er op 'e wangen hat, ûntliene moat oan de lôgen dy't de sielen fan 'e dommen tramtearje.

Ik slok. Bylden fan de earste kear dat ik Adolfus oansprutsen ha, kringe har oan my op. Adolfus hie my strang oansjoen. Ik hie him noch noait om in geunst frege, mar him ek noch noait mear as flechtich groete. En ik hie better net te witten ek noch noait in kearske foar him baarnd. Hy sil my wol in sjerpslikker fûn ha. Mar fij, wat foar gedachten binne dat? Soe in hillige sa lyts wêze, soed er my dy minsklike sleauwens net ferjaan? Fansels wol. Hilligen binne net misledige at je net in kearske foar se baarne, se binne krekt bliid at je se úteinlik ûntdekke en fertrouwen yn har stelle.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Sjoch, Adolfus hie al in glimkje om 'e mûle. Ik frege my ôf oft ik foar him knibbelje moast. Foar Marije doch ik dat al, mar foar Sinteklaas net. Dy fynt soks koal. Sint Adolfus tuorke al sa'n ein boppe my út, dat it neffens my net nedich wie. Ik bûgde dêrom de holle en sei myn nederichst: "Goeie, hillige sint Adolfus."

"Goeie, bêste man. Jo binne Pibe komelker, is 't n't sa?"

"Deselde, hillige sint Adolfus."

"O, sis mar gewoan fan Adolfus, hear. Wat kin ik foar jo dwaan?"

"No, sjoch, Adolfus, it giet om Grada, dat is myn bêste ko ..."

"Dêr liket it net sa bêst mei, wol?"

"Nee, hillige ... eh ... Adolfus, hy ..."

"Der sit ferkeardichheid yn jo ko. Mar dêr wit ik wol wat op. Se sil gau wer better wêze."

Ik tanke de hillige Adolfus hertlik en hy lake omdat ik in kears foar him baarnde, in grutten.

"Moai fan jo, mar dat hoecht net, hear, sa'n grouwe kears. De oare kear kin in lytske it my ek wol dwaan."

Ik wiisde nei it finster dat de sinnestrielen sa'n helske kleur joech.

"By it ljocht fan dy kears lykje jo safolle sûner," sei ik. "It is my yn 'e wei dat jo alle dagen weroan allinne mar troch it fagefjoer ferljochte wurde." Adolfus slokte. "Dat is heel moai fan jo, Pibe. Heel moai. Ik sil foar jo dwaan wat ik kin."

Ik seach in trien oer syn noas rôljen.

De oare deis stie Grada rjocht op 'e poaten. Se haffele wat yn it topke hea om dat ik foar har dellein hie.

"Dat sjocht alwer út gâns oare eagen," sei ik.

Ik streake har swart-wite rêch. Se pisse. It wetter wie donkerbrún en stonk. Se pisse de ferkeardichheid derút.

Alle dagen kom ik no yn tsjerke. It kostet my in pear sturren oan kearskes, mar ik gun de hilligen it bytsje ekstra ljocht fan herten. Ik nim ek wolris in stik koeke mei. Marije mei graach sûkelarjetaart, mar se moat om har figuer tinke. Sinteklaas yt alles, dat is in echte libbensgenieter. Adolfus hat graach in stikje reepkoeke. Benammen it brune rantsje smakket him goed. Ik nim allinnich leaver net sa'n grut stik foar him mei, want hy smacht nochal lûd en dat jout gjin foech yn tsjerke. Foar him baarn ik meastal in grutte kears, leafst ien dy't wat noflik stimet, dat er net inkeld yn dat rare sangene ljocht hoecht te stean. Dêr wurdt net ien better fan.

Hee, der stiet in man foar Adolfus! Ik gean neist him stean.

"Yndrukwekkend byld, net," seit er.

Net in religieus man, tink ik, as er allinnich mar in byld sjocht. Likegoed knik ik. Ik wol him net foar de holle stjitte. Ik glimkje nei Adolfus. En as de man eefkes yn oarewei sjocht, glimket Adolfus fluch werom.

"Soenen jo Adolfus ek om help freegje?" wol ik witte. "Of is dat in ûnbeskieden fraach?"

"Nee, hear," seit de man freonlik. "Ik bin net roomsk. Ik bin kultuerhistoarikus. Ik skriuw in boek oer de Adolfus-kultus." Hy strykt

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

mei de hân troch syn burd. "Ha jo Adolfus syn help wolris frege?"

Ik knik wer. Dan fertel ik him oer Grada.

"Typysk," seit er.

Adolfus lûkt de wynbrauwen freegjend omheech. "Hoe sa typysk?"

grânzget er sunich. "Ik ha in sike ko better makke, wat is dêr sa typysk oan? Wat eamelet dy fint allegear?"

De man liket it net te hearren.

"Typysk," efterhellet er, "dat de minsken Adolfus tsjintwurdich as de hillige fan it suverjen, it klinzgjen, beskôgje. Sels at it giet om sike kij. Sa'n rol fan suverder wurdt Jezus ek wol taskreaun."

"Mar Adolfus is doch de hillige fan it suverjen!" Ik sjoch de domme man wat ferwûndere oan. Hy glimket ûnnoazel. Is dit no in studearre man, freegje ik my ôf. Elkenien wit doch dat Adolfus it bloed fan 'e minsken suvere hat. Dat er de ferkearde bistjes derút helle hat dy't stadichoan yn 'e ieren fan it minskdom wreiden. Firussen neamden se dy. It virus hebraicus, sa hite de ferkeardichheid. En it skynt dat er de minsken ek ferlost hat fan de pest en de teebee, alteast dat sizze guon. En fan 'e AIDS. En it fee fan it groat en de tongblier. Doch gjin niget dat je sa'n hillige de hillige fan it suverjen neame. As de dokters gjin útrie witte - en hoe faak is dat net it gefal - dan kin men jin meast op 'e hillige Sint Adolfus ferlitte.

"Adolfus wie in steatsman," seit de man. "En in wreden ien. Hy hat miljoenen minsken deadien. Der wurdt altyd útholden dat dat nedich wie omdat se in gefaarlik firus meidroegen, mar wat langer wat mear gelearden twivelje dêroan."

Adolfus sjocht liik op 'e man del. "Wat swetst dy fint allegear," lústeret er my ta. "Hat hy der soms by west?"

"B-o-e-k-e-w-i-i-s-h-e-i-d," staverje ik mei de lippen, as de man wer eefkes nei wat oars sjocht.

De man draait de holle nei my om en sjocht my freegjend oan. "Seinen jo wat?"

"Nee," sis ik. Lige mei net, en alheel net yn tsjerke, mar ik hie allinnich de lippen beweegd, sûnder myn stim te brûken, en dat is krekt besjoen gjin praten.

De man tikket oan 'e hoed - hy hat wol echt ien op - en kuieret in eintsje fierder.

"Net nei harkje," seit Adolfus. "Der binne wol mear dy't sok praat ha.

Moai maklik om dat sa lang nei myn dea allegear út te hâlden. Mar hie ik oars dien, dan hie no elk mei it firus oanhelle west. En dan hienen jo bern der no útsjoen as demoanen, mei lange noazen en swart, pylkerich hier en grutte pûkels op 'e plasse, en op har fjirtichste hienen it flybjende debilen west, want it firus taast de harsens oan. Fansels wie it net in maklike opjefte, ik ha der jierrenlang alle nachten fan wakker lein, mar it wie nedich. It wie de wil fan God."

Hy gûlt.

Ik rin nei in hoekje dêr't in stuoltsje stiet en sleep dat nei Adolfus ta. Ik klim derop en fei him mei de bûsdoek de triennen fan it wang. Dat ien de hillige misledigje kin dy't myn Grada it libben ret hat, en ús allegear foar

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

in skriklik libben as flybjende demoanen behoede, dat is my slim yn 'e wei.

"Jo moatte witte hoe't it gongen is, Pibe," snokt Adolfus my yn it ear. "Ik pak der al langer mei om as dat Bremen de haadstêd fan Fryslân is." Dat liket my behoarlik lang ta. Ik tink dat Europa doe noch bestie. Adolfus praat no mei de stim fan master op skoalle, dy't ús it ferhaal fan 'e hillige Adolfus faak ferteld hat. Wy wienen altyd stil as mûskes as master it fertelde.

Op in kear wie Adolfus midden yn 'e nacht wekker wurden. Hy lei op in hurde brits yn 'e gefangenis. Der hie wat kreake yn syn sel. Dat kaam faker foar, it wie in âld en suterich spultsje, mar dit kreakjen wie lûder as oars. Hy stuts in kearske oan en seach ien op 'e oare brits lizzen. Hee, ik ha in selgenoat krigen, wie syn konklúzje. De man like te sliepen, dat Adolfus woe it fûstkjen mar oant de moarn útstelle en it kearske útblaze, doe't de oar hommels oerein kaam en mei in helder lûd sei:

"Dach, Adolfus."

"Dach menear. Hoe kinne jo myn namme?" frege Adolfus ferheard.

"Och man, hoe soe ik jo net kinne. Ik wit alles. No ja, hast alles. Ik bin in ingel fan God."

"Wat deksel!" rôp Adolfus. "Moat ik dat leauwe?"

"Blaas it kearske mar út, dan sille jo it sjen." sei de oar. Adolfus blaasde tsjin it flamke. It bleau ljocht yn 'e sel. No kaam it ljocht lykwols fan de oar. Dy striele in himelsk skynsel út. Adolfus seach dat er ek wjukken op 'e rêch hie.

"Adolfus, God hat in taak foar jo. Der moat flink húshimmele wurde yn it lân," sei de oar. "Der giet in firus om en dat kin wolris heel gefaarlik wurde. Gâns gâns minsken binne der al mei oanhelle. Der is gjin ferwin op, spitigernôch, dat sokken moatte yn karantêne, sa gau as mooglik."

"Wat foar firus, menear de ingel?" frege Adolfus.

"In firus dat sûne minsken feroaret yn demoanyske sombys," sei de ingel. "Sjoch, hjir ha jo in foarbyld fan ien dy't it firus skipe hat." Hy wiisde nei de bakstiennen muorre fan 'e sel en dêr ferskynde in troanje op fan in kearel mei mar ien tosk, in lange kromme noas, hier dat net ljocht of donker, mar swart wie, en in soad pûkels op 'e kop.

"En dat is noch mar it begjin," sei de ingel. Adolfus rydboske. De ingel wiisde fannijs nei de muorre. Der ferskynde in byld fan twa bern, in jonge en in famke, dy't deun op in grutte lampe sieten en ferheftich op in typmasine hammeren.

"Wat is der mei dy bern, wêrom binne se sa bleek? Binne se siik?" frege Adolfus.

"Sa komme alle bern derút te sjen as se it firus oprinne," sei de ingel.

"En wat is dat foar apparaat?"

"As it firus trochset, hat elk aansen sa'n ding yn 'e hûs. It firus fermôget de harsens en de pasjinten stoarje it leafst dagen achterinoar yn 'e lampe. Bern dy't it firus ha, boartsje net mear bûtendoar. Se meie de frisse lucht net mear, se hingje foar de lampe te typen en stjerre in ûntidige dea."

"Mar wêrom wolle se net mear bûtendoar boartsje?" rôp Adolfus ferskrikt

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

út. "Alle bern wolle doch yn 'e sinne boartsje, hofkesjonge, sleatsjespringe ..."

"Hofkesjonge?" skampere de ingel. "Bern dy't it firus ha, wolle gjin appels mear. Inkeld mar ditsoarte fan dingen." Hy grypte yn 'e loft en hie in papieren pûdsje yn 'e hân. Der siet in broadsje yn mei in glibberich stik fleis dertusken. Hy joech it oan Adolfus oer. Dy biet deryn. Hy spuide de hap iten fuort wittefier.

"Wat in ôfgryslík firus!" raasde er.

"It wurdt noch folle slimmer," sei de ingel. Der ferskynde no in plaatsje op 'e muorre fan oaljeplakken op it wetter en wanhopich wrakseljende seefûgels dy't folslein ûnder it swarte guod sieten. En in plaatsje fan in blanke frou yn badpak dy't op in strân yn 'e sinne lei, wylst in fyftich stappen efter har liken fan Aziaten tusken it beton fan ruïnes leinen te rotsjen. En in plaatsje fan in opslûpen jonge yn in skoalklas dy't master in pistoal tsjin 'e holle hold. En oare bern dy't mei passers smieten. De famkes sieten omtrint yn it lask en op de jonges har klean stienen ûnhuerige wurden foar lichemsdielen en aaklike sykten.

"Wêrom dogge dy minsken sa raar?" frege Adolfus. "It liket Sodom en Gomorra wol."

"Jo reitsje de woartel yn it lid," sei de ingel. "Dêr wie elkenien op it lêst mei it firus besmet. Tochten jo dat God dy stêden samar om 'e nocht ferwoaste hat?"

Adolfus wreau oer de mage. Hy hie pine yn 't liif krigen.

"En wat tochten jo hjirfan?" frege de ingel. It lûd fan in trein dy't koartby lânsried klonk, fermongen mei in mitrailleurshalvo, skriemen en flokken en noch in soad lûden dy't Adolfus net te plak bringe koe.

"Dy't it firus ha, harkje allinnich mar mear nei sokke muzyk. Muzyk út de hel. Mozart en Wagner meie se net mear lije."

Adolfus luts ferwûndere oan 'e wynbrauwen. "Hoe kin dat no?"

De ingel spytgnyske. "Sa't lekker iten foar de lijers gjin smaak genôch mear hat, sa hat swietlûdige muzyk gjin klank genôch mear. Se hearre net mear goed. Se ferjitte de nammen fan de makkers fan 'e moaie muzyk. Se sykje as in wyld om dingen dy't tinken dogge oan de hel. It wurde ommers demoanen. Se ferjitte de musea, de parken, de skriuwers en dichters. Se ferjitte wat har foarâlden har neilitten ha. Se ferjitte sels wa't se sels binne. As bern hingje se yn 'e lampe te dikerjen en de pear jier dy't se as folgroeide demoanen noch oer ha, brûke se om jild byinoar te skraabjen om yn 'e bûtenlânske sinne te roasterjen, sels as se tusken de liken lizze moatte fan minsken dy't krekt fersûpt binne."

Adolfus koarre oer de flier. "Wat in ferskriklike gedachte," stammere er.

"Dat firus is in nachtmerje."

"Krekt. En God hat jo útferkard om it út te roegjen. Meitsje jo derop klear. Jo ha in striid te striden, Adolfus," sei de ingel.

De man strôtskrabet. Ik draai my om. Hoe lang haw ik al mei de bûsdoek op 'e hillige Adolfus syn gesicht ompoetst? Te lang, sjoch ik no. Ik ha de ferve der folslein ôf poetst. De eagen stoarje wyt en deadske foar har út, de wangen jouwe in sêfte witige kleur ôf. It kearske is útbaarnd. Ik fiel oan

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

myn wiete wangen dat ik gûld ha. De man efter my hat de hoed ôfset. Ik sjoch dat syn hier donker is. Nee, donkerder as donker. En hy hat pûkels op 'e foarholle. De noas liket my noch wol aardich gewoan ta, mar miskien hat er it firus noch net sa lang.

Ik sjoch nei Marije. Se knikt.

Ik sjoch nei sint Vitus. Hy knikt.

Ik sjoch nei sint Piter. Hy knikt.

Ik sjoch nei Sinteklaas en tink oan Willem en Aaltsje dy't aanst miskien as flybjende, debile demoanen yn in lampe sitte te stoarjen. Sinteklaas knikt kjel en ferwoeden.

De monseigneurs jouwe gjin azem, mar dy hâlde har altyd stil as it derop oankomt.

Ik tink oan Grada, dy't libbet as in hert, en sjoch nei it pears-wite, deade gesicht fan sint Adolfus. Ik sjoch op nei it finster. It is al let, it ljocht wurdt minder en de kleuren fan it fagefjoer wurde djipper.

Ynienen stean ik mei de swiere, gettenizeren kearsestanner yn 'e hannen.

De man docht in pear stappen tebek.

"Adolfus hat dien wat yn syn fermogen lei," lústerje ik. "It wurdt tiid dat der definityf mei dat firus ôfreckene wurdt."



## **Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf**

[ill. Strip met drie tekeningen St Adolfus, Hald op mei dy komeedzje, St.  
A besodemietert de boel, Om't er net alhiel neffens it selibaat libbet]

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Diskriminaasje

Jo moatte al Snitser wêze  
Of Dryltser  
Mar gjin Pekinees  
Goaiïngarypsterpuolster mei al  
Byneed Dearsumer  
Perfoarst gjin Istanboeler, gjin Casablanker  
En jo meie ek gjin Madrileen wêze  
Wolle jo fergees  
De Wijd en Zijd yn 'e hûs krije  
Klearebare diskriminaasje!

## **Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf**

[ill. Hitler: ik diskriminearje net, ik haatsje yderien]

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Monolooch fan in gymnasiast

It is ek wol wat de learaar syn skuld. Dy hie ferteld dat lûd him mei sa'n 300 meter yn in sekonde troch de lucht beweecht. Dat, as wy seishûndert meter fan inoar ôf steane, en do raast mar lûd genôch, dan hear ik dat twa tellen letter.

Goed, dat wistest ek wol, wy ha it der neitiid fakernôch oer hân. It wie pas echt fassinearjend om te ûntdekken dat, asto no justjes hurder as it lûd fan my ôf beweechst, dan kin ik roppe wat ik wol, mar dan hearsto my net. Dy 300 meter de sekonde, dat is in lytse 1100 kilometer yn 'e oere, dat liket net iensen sa ôfgryslke fluch.

Ik siet altyd op it puntsje fan 'e stoel by sokke lessen. Do ek, net? Helendal spannend waard it doe't de learaar fertelde dat snelheid altyd relatyf is. Dus, asto sjochst dat ik mei in snelheid fan 100 kilometer yn 'e oere by dy wei ryd, dan beweechsto yn myn eagen mei 100 kilometer yn 'e oere efterút.

Doe kaam it fraachstik fan de trein. Ik sei, asto mei in hele flugge trein, justjes flugger as dat it lûd giet, fan my ôf beweechst en ik stean op in spoarbrêge en ik rop de trein wat achternei, dan hearsto net wat ik rop, omdat it lûd dy noait ynhellet. Safier wienen wy it noch iens. Mar dêrnei waarden wy it spitigernôch ûniens. Doe sei ik, asto dan út dy trein wei wat nei my ropst, dan soe ik dat ek noait hearre kinne, want út dyn stânpunt wei beweech ik yn itselde tempo fan dy ôf.

En dat woe dy net oan, hin? Do miendest dat dyn stim út de trein wei my wol berikke soe, omdat ik ommers altyd op itselde plak bleau. Dus as ik mar lang genôch wachtsje soe en do hiest lûd genôch raasd, dan soe ik it wol hearre.

Dat wie dus gewoan in wittenskiplik ferskil fan miening tusken ús, no? Doe't ik dan ek lêste dat dy nije sweeftrein op in bepaald trajekt flugger rydt as it lûd, wie myn ynteresse fansels geande makke, dat moast begripe. Wy ha it der noch oer hân dat wy no hifkje koenen wa fan ús oft it by it rjochte ein hie. Do fûnst it ek in aardich idee, dat hast sels sein. It foel my al bot fan dy ôf datst op it lêst net mear woest. Mar ja, de bernerjochter hie wol gelyk, dat sjoch ik no ek yn. Doe't wy op dy spoarbrêge stienen, hie ik dy net oer it stek boppe op 'e trein smite moatten.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### De boekebeam

Dy man dêr, dat is Sake. Sake beam wurdt er neamd, al stiet er as Sake Boorsma yn it boek. Alle dagen nei iterstiid gongeleet er mei de krebintige lea nei dat boskje dêre. Dan stiet er in skoft by dy grutte boekebeam en dan fertelt er dy beam fan alles. Oer wat er dy dei yn 'e krante lêzen hat en wat dat him docht. Oer dy oerstreaming fan lêsten, de oarloegen yn it heine easten, de polityk en de minsken dy't er kin dy't ta earmoed ferfalle. Elk dy't derlâns rint, kin it hearre, al bliuwe net folle minsken stean om te harkjen. It makket Sake neat út. Net mear. Hy praat. Ik harkje wolris. Sake praat faak oer syn frou. Se hite fan Ada. Ada libbet net mear. Se is al mear as tweintich jier wei. Hy hat it der sa dreech mei hân, Sake. Hy hat him hast tekoart dien. Hy stie al mei de holle troch it tou doe't de post oan 'e doar kaam en him seach.

Sake hat de post doe alles ferteld. Hoe moai oft Ada wie en hoe'n fleurich minske, dat se altyd song by it teesetten, dat er de man hate dy't har deariden hat, dat se hast altyd giel droech. En as se blau droech, dat se dan ergens fertriet oer hie. Dat se titelroazen plante hie, mar dy wienen no allegear dea.

Mar doe moast de post wer fierder, want dy hie noch in sekfol post dy't er besoargje moast. Wol hat er de plysje belle. Dy hat ek west. En Sake fertelde de plysjes dat er nachts gûlde as syn hân yn it kâlde stik fan it bêd terjochte kaam. Mar dat er nei Ada har dea in jier lang it bêd net ferskjinne hie omdat er leaude dat har lucht dan foar altyd fuort wie, dat koe er net mear fertelle, want doe moasten de plysjes wer boeven fange. En de maatskiplik wurker sei fan "sorry meneer, ik versta u niet" en dan moast er Hollânsk prate en dat woe net as er it oer Ada hie, want dan kaam der in snok yn syn stim en dy kearde dy Hollânske wurden allegear op. En nei fyftich minuten seach dy menear op syn klok en dan seid er dat "het uur helaas om" wie.

Doe krige Sake op in dei in boek ûnder eagen en dêr stie yn dat planten der tieriger fan wurde as minsken tsjin har prate. En dat guon sizze dat se echt harkje kinne. Dat hat Sake him neinaam. Hy hat op Ada har grêf in lyts boekebeamke plante en dêr hat er alles oan ferteld. Hy hat it ferteld fan de earste tút dy't er Ada jûn hie. En fan de lêste. Fan it giel en de titelroazen en fan it bêd.

En it beamke woeks. Noch noait is in beam sa gau sa grut wurden. En doe't it grêf romme wurde moast omdat foar it begraafplak in wenwyk yn it plak kaam, hat er it beamke útgroeven en yn dat boskje plante. En as er tocht dat er it beamke alles oer Ada ferteld hie, sloech er yn oar praat. Dat beamke is him dierber wurden. Sels no't er yn it rêsthûs wennet en in nije 'fryndin' hat, giet er noch altyd nei it boskje werom foar in praatsje mei syn boekebeam.

## **Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf**

[ill. Man tegen boom, Bla bla bla, hald dy de freet]

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### It guoske Gans Anders

It luts nei krysttyd en it Emsterskar lei ûnder in twatoms laachje snie ferburgen. By de grutte poppestien stienen twa tsjustere beskikken gear oer in spoar fan fuotprinten.

'Hy is hjirlâns kaam, Jabik!' sei de grutste, in rûge bear mei kloeren as slaaien.

'Ja, hy is hjir yndie del kaam, Wullem!' systere de oare, dat in slangeftich hear wie, grimmitich.

'Hy is dat út gongen,' grânzge Wullem.

'Ja, hy is yndie dat út set,' sei Jabik.

Wullem ûntbleate de broazelige toskten, slingere in smûzige rânsel oer it iene skouder en Jabik oer it oare, en trêde oer de behindige fuotleaten fierder troch de spoarsnie.

Dêr't it Emsterskar ophâldt, begjint Lânstêd mei it húske fan Lokje. Wylst it bûten begûn te krôkjen, prottele yn dat húske fan Lokje de tee op it fjoerduveltsje. Lokje mocht net oer de winter en alheel net oer krysttyd. Se hold de hoarn fan 'e tillefoan los yn 'e hân en stoareage ûngelokkich oer it wide wiete wyt efter de glêzen.

'Noflike krystdagen, Lokje,' efterhelle it hoarnlûd yn har hân.

Lokje swei. Krysttyd woe se neat mei fan dwaan ha, en dat hie se doch al fakernôch en kleardernôch sein.

'Dan net,' suchte de hoarn. Der klikte wat en doe tutere de hoarn it petear ôf.

Lokje drukte him op 'e tillefoan. Se lei it kin op 'e hannemûzen en dikere lyk foar har út, mar it rôze puntsje yn it wrydske snielân seach se troch har triennen net. En dat it op 't lêst net mear in puntsje wie en deun foar har oer stie, murk se earst doe't in bras stimke it teeprotteljen fersnattere.

'Goedy-goedy goeie! Ik sei goeie! No goeie!' klonk it.

Lokje ljepte út har stoel omheech, de fingers útinoar fan kjellens.

Oarekant it finster dûnse in rôze goes mei in grutte bril op 'e snaffel, in huodsje op en in gongelstôk yn ien fan 'e wjukken.

'Litst my deryn? No, litst my deryn? Lit my der dan yn!' gaggele er. Hy rûntsjedraaide, hipte op ien poat trije stappen foarút en bedarre doe op 'e snaffel yn 'e snie. Like fluch stied er lykwols wer op 'e beide poaten en waggelbaggele syn horlepyp fierder. Lokje begûn te gnizen. Wylst se tinzefrij trientsjefage, stoep se op 'e útdoar ta en de snie yn. Mar ynstee fan dat se it guoske seach, fernaam se in stjonkende stim boppe har.

'Hasto hjir ek in pearse goes sjoen, jufferke?' grommele de stjonkende stim.

'Ja, yndie, hasto hjir in sangene goes sjoen, jufferke?' systere in slangestim ûnder har.

Lokje har strôtbol hie eefkes hâlden en kearen oan in petiterich snokje dat deryn of derút woe. Se hoaste en de triennen dy't se ôfpoetst hie, kamen wer werom doe't de grutte bear mei de stjonkstim har in kloer op it kliene skouder lei.

'N ... nee,' stammere Lokje. Dat antwurd noaske de beide ûngefrege besikers net botte, as Lokje op har ûntefreden wezen ôfgean mocht.

'Of ja, doch wol,' sei se. Se skreaude har doe't se de ferwûndere eagen fan 'e grutte bear beseach en helle rislút dy syn hierrige poat fan har jûpke.

'Hy is dêr ta de bosk yn draafd,' sei se. 'Amper tsien minuten ferlyn. As

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

jim fluch binne, kinne jim him miskien noch ynhelje.'

De oaren setten sok en ferdwûnen tusken de strewellen dy't Lokje oanwiisd hie. Eefkes letter hearde it famke twa ysluke útgjalpen en in plûms. Se wienen it kroasmarke yn flein.

'Tanky, o tanky. Tankywol, wat in lol. Hoi hoi, ik bin it guoske Gans Anders!' snattere it fleurich, en út de daksgoatte wei plofte in pak kleurige fearren foar Lokje har fuotten. It guoske Gans Anders slingere as in dronkeman oer de stientsjes, skodkoppe doe ferheftich en as alle brein wer teplak siet, kwêke it: 'No goeie, a goeie. Ik sei goeie. Hee, hasto ek in tak bee, ik bedoel in bak tee, in bak tee foar mee?'

Laitsjend sei Lokje dat se Lokje wie en se noege de delfallen jûnprater deryn en by de teetafel.

Neigeraden dat it mear blebberbeitee opsloarpe, waard it guoske Gans Anders stadichoan pears-reader.

'Lekkere tee, o wat in lekkere tee. Tanky, o tankywol, hear, juffer Lokje, tige by tige, woe 'k mar sizze, lekkere tee.'

'Wolst nochris in dûnske dwaan?' frege Lokje, dy't fan betinken wie dat har besiker wol wat werom dwaan mocht foar de tee en it libbensrêden. Graach postuere it guoske him oer de keamer, hoed en stôk klear, en makke syn spronkje. Mar Lokje ferluts fan blier yn in omsjoch nei eangstich en se raasde fan: 'Omleech!'

Efter it guoske hie se de stallen fan Jabik en Wullem sjoen, dy't jitte grimmitiger as earst op har huzing ta stoepen. Wullem wiisde mei in grouwe, hierrige kloerfinger nei it rût, as teken dat er it guoske sjoen hie. 'Hy hat dy sjoen! Dy grutte bear hat dy sjoen!' lústere Lokje. Se rydboske oer de hele lea.

'Oei oei, minder moai, minder moai. Hjir mar wei, hjir mar wei. Kom mei my, Lokje. Kom. Kom!' It guoske skuorde mei de snaffel oan Lokje har jûpke. It skopte de hoksdoar iepen en draafde de snie yn. Mei de eagen op 'e kjim stoartele Lokje it nei, oars neat om 'e lea as har jûpke en de reade slofkes dy't se yn 'e hûs oan hân hie.

Lange boskoeren fierder sakken Lokje en it guoske op it moas del. Lokje seach hast like blau as it guoske Gans Anders, mar by har kaam it net fan 'e blebberbeitee.

'Oeps fanke, dom dom, wat dom fan my, sa dom,' snattere it guoske. 'Do hast ommers gjin fearren, lykas ik, gjin inkelde fear, nee noch net in dûnsfearke hasto. O wat silst kâld wêze, o o, wat dom fan my, wat bin ik domme goes, sa'n domme oele fan in fûgel. O o, dat ik dyn jas no net meinaam ha. O, hie ik no dyn jas mar meinaam!' It guoske sloech de wjukken dramatysk tsjin 'e kop, dat de eagen him der hast út pûlen, tommele efterstebek op it kâlde moas en stuts doe ferhûge de kop wer omheech.

'Sjoch ris wat ik hjir ha,' snettere it mei in fernoege laits om 'e snaffel. It lange Lokje in doaske lúsjeferzen oer.

It ferwûndere Lokje hoe'n waarmte oft de lúsjeferzen ôfjoegen.

Hannegearjend waarme se har by de flamkes, dy't soms wol twahûndert tellen gluoiken ear't se stil waarden en in skronfelich swart prikje efterlieten, dat har fûl yn 'e fingers biet. It makke net út. Lokje hie har de hele jûn noch net sa noflik field. It moas kaam om har hinne omheech en sleat har yn. It wie hearlik waarm. Alles om har hinne wie grien. En waarm. En wiet.



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

'Harrebarre,' grommele in âldminske dat op Jabik like. Falsk slissend lei se it mes del. 'Man! Wy ha in bern!' rôp se.  
'Alwer ien?' stonk in bromstim efter Lokje. 'Spiel mar troch it húske!' 'Mar it is in famke!' sipke it minske.  
'O, no dan hâldst har mar,' stonk de stim fierder.  
'Kwol net!' preuvele Lokje lilk. 'Kwol net. Kwol net!'  
It minske seach grymsk en fiske Lokje út it grien wei. Lokje seach dat se yn in grutte boerekoal sitten hie. De griene koalblêden besochten Lokje werom te lûken, mar it minske wie sterker. Wat wie dat minske oars ûnbidich. En wat ôfgrysklike ûnsjoch.  
'Kwol net!' rôp Lokje fannijs.  
'Se wol net,' siplipke it minske fierder.  
'Doch se mar troch it slaad!' stjonkbearde de stjonkbear.  
It minske snokte eefkes en sette Lokje doe beret de oerde fan it mes op it liif.  
'Neel' grânzge Lokje. 'Kwol net! Hearst my net? Ik wol net!'  
It lims begûn yn har terms troch te kringen. Kâld wie it, iis-en-iiskâld. Troch-ende-wer-troch-kâld. Sa kâld. It like Lokje hast te ferlamjen. Mar dat wie mar eefkes.  
'Ik wol net, sei ik!' raasde se. Se skuorde it mes út har liif wei en treau it mei alle krêft fan har.

'Dat skeelde net folle,' sei de freonlike man. Hy streake Lokje oer de poatte. Lokje lei ûnder in steapel tekkens, mei in waarme krúk njonken har en in glimkjend guoske Gans Anders as in lyts kacheltsje op har kâld lyfke.  
'Se rêdt it! O ja, se rêdt it! Se skuort dertroch, o ja, o wat moai, Lokje skuort dertroch!' jubele it guoske. En de man sei neat, mar syn eagen jubelen krekt like hurd mei.  
Der wie in nacht fol tongerslaggen ynfallen. Beammen kreaken en tûken brutsen fan stammen yn 'e tsjustere bosk. De freonlike man siet it hele tsjuster lang njonken Lokje op 'e stoel en kaam allinnich út en troch oerein om wat te drinken of om nei it húske te gean. It guoske snoarke sêft op Lokje en Lokje rekke it in pear kear oan omdat se har dan pears of rôze of oranje fielde en dat wienen goeie kleuren om te fielen. Doe kaam it lemieren en waard alles echt pears en doe rôze en doe oranje, sels de freonlike man, dy't no ek tafeltriljend lei te snoarkjen.  
Lokje kaam fan it bêd en fuottele nei de spine. Se fûn trije pannen en sette dy op 'e tafel, mei in bôle, it bûterpantsje en ynstee fan it potsje guozzeleverpastei in hompe tsiis. De pannen rinkinken de snoarkerts stadich út 'e slom wei en doe't Lokje teeset hie, skode de freonlike man in stoel by en joech it guoske him op 'e tafel del.  
'Hast goed slept?' gappe de freonlike man efter de rêch fan 'e hân.  
'Hearlik,' sei Lokje, al wie dat net helendal wier, want it guoske hie har swier op 'e mage lein en ûnder it tinne matras hie in bultsje te fielen west, krekt ûnder har rjochter skoudersblêd. In wâldbeantsje fan de freonlike man syn miel fan juster, mar dat wist Lokje net.  
'Wat in gelok dat Pibe dy fûn hat, Lokje!' snettere it guoske ûnder it moarnsbrochje. 'Sa'n gelok, o wat in gelok dat Pibe sa djip yn 'e bosk wennet!'  
'Sitte wy hjir sa djip yn 'e bosk?' frege Lokje.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

'Milen fan 'e neiste buorskip,' knikte de freonlike Pibe. 'Hoe kaamsto sa fier fan hûs?'

Lokje ferhelle har hele ferhaal foar him. Pibe prakkesearre eefkes en glimke. 'Jim ha gelok hân, sa't it guoske al sei. Ik kin dy grimmitige hearskippen wol. Gjûn bêst folk.'

'En wêrom wennesto hjir sa djip yn 'e bosk, Pibe?' frege Lokje.

'Och fanke,' sei Pibe. 'Ik hie gjin libben mear ûnder de minsken. As lytse jonge wenne ik yn it lân fan keizer Ignarikus de tritichste. Keizer Ignarikus wie in idele, nee, in pronkske darkert fan in keizer. Altyd en altyd mar wer, alle dagen weroan, liet er skipsladingen fan de durabelste kleen en sieraden oeral wei nei syn paleis komme, dat de kleankasten omtrint boarsten. Us âldomke Iokulator wie doe skroar en hy mocht wol oer in grapke. Dat, op in dei slingere er de rânsel oer it skouder, sprong op syn ezel, hobbele nei it paleis en liet him by keizer Ignarikus oantsjinje. 'A goeie, majesteit,' seid er. 'Ik ha no wol sokke prachtige stof kocht, dêr moatte jo einliks in mantel fan ha.' De keizer syn eagen waarden al grutter en hy slikke him om 'e lippen.

'Mar,' sei myn âldomke Iokulator. 'It is in hele bysûndere stof. Foar jo en foar my en alle oare tûke minsken is er sa prachtich as wat. Mar de dommen ûnder ús sjogge him mar faach. En de alderdomsten sjogge helendal neat.' Doe helle myn âldomke Iokulator syn rânsel fan 'e rêch en graaide deryn. 'Dit is se!' seid er. 'Moai, hin!' En de keizer, dy't likemin wat seach as myn âldomke, mar dat net sizze doarst, bearde alderheislikst doe't myn omke him wiisde op de grienen en it parlemoer en de blauwe lyntsjes dy't der net wienen.'

'No,' ferfette de freonlike Pibe. 'Myn âldomke Iokulator makke foar keizer Ignarikus sabeare in skitterjende mantel foar op syn jierdei. Keizerom liet wylst oeral omsizze dat er sa'n bysûndere mantel hie, dy't foar tûke minsken wol, mar foar de grutste sûgen net te sjen wie. En doe't er op syn jierdei poerlike neaken op it balkon stoep, wie elk fol bewûndering en bearde alleman fan de grienen en it parlemoer en de blauwe lyntsjes dy't der net wienen. Utsein dit bûkemantsje.' En Pibe priemke mei de rjochter wiisfinger op syn boarst.

'Mar de keizer is ommers neaken' rôp ik boppe alles út. En doe krige de hiele kliber in kaam, de keizer net útsletten, en begriepen se dat myn âldomke Iokulator harren allegear tefiter hie. Mar se namen it my frijwat kwea ôf dat ik dat oan it ljocht brocht hie en de measten woenen neat mear mei my te krijen ha, dat doe haw ik myn lân ferlitten en my hjir in húske boud. Ik libje fan wat de memmedieren my bernje en wat de beammen brûke om fûgeltsjes te lokjen, en soms ruilje ik my wat guod oan by de boskwachter en syn frou of by in jager.'

Bûtendoar kamen Wullem en Jabik oanstappen.

'Dêr wennet dy bûtenlanner!' sei Wullem en hy wiisde mei de skerpe neilen nei it brike klintsje ûnder de beammen.

'Ja, dêr wennet yndie dy útlanner!' sliste Jabik, dy't Wullem om 'e nekke hong.

'Lit ús ris hinnegean en sjoch oft dy dy goes ek sjoen hat!'

'Ja, lit ús yndie ris freegje oft dy dy goes ek sjoen hat!'

Pibe hie krekt tsjin Lokje sein fan 'Hjir komt nea ien oan 'e doar', doe't der lûd op 'e foardoar fan syn klintsje bûnze waard.

'Wat deale!' lústere er mei strakke lippen. 'Praters? No?'

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

'Neat praters!' pipe it guoske Gans Anders mei it briltsje skean op 'e snaffel. 'O nee, neat gjin praters, heden nee. Dat binne Wullem en Jabik, hoe kin 't ek oars, o o wat moatte wy no?'

Pibe like net ûnder de yndruk. Hy raamde in bile fan 'e weach, fierde de doar sa hurd iepen dat Wullem en Jabik op 'e rêch yn 'e snie keallen en ûnderhelle it hakkersark.

'Oppakke, rosmos!' balte Pibe en de grimmitige besikers draafden hurd it beammige blêdetsjuster wer yn.

No seach Pibe swart en Lokje begûn wer te triljen en sakke mei in bleek kopke op it bêd del.

'O nee, sa net, o nee, o nee!' snettere it guoske, dat oranjeroan kleure. 'It is dûnstiid, jawol!' It begûn in wyske te fluitsjen.

'Hee, dat ferske kin ik!' sei Pibe, dy't syn grimmitigens ôfskodde.

Lokje seach in poenkast stean.

'Kinsto dêrop spylje, Pibe?' frege se.

'Net sa bêst,' joech Pibe ta. 'Do?'

Lokje knikte laitsjend, stimde it ynstrumint en snaarke it fûgelfluitsjen mei, wylst Pibe song.

'Wêr hasto it poenen leard?' frege dy neitiid. 'Safolle sokke jonge poenkastspilers binne der net.'

Lokje seach sneu. 'De poenkast wie myn jeugd,' sei se sûntsjes. Se slokte sêft, seach stil en sûnder sykheljen foar har út. Pibe lei har in hân op it skouder. Dy wie oars waarm as de beareklau fan Wullem west hie. Lokje glimke.

'Ik kom út Moarmergat,' sei se. 'En de Moarmergatsters binne prippers. Se dogge neat leaver as inoar mei knyften yn it liif prippe. Gjin Moarmergatster as hy hat in hûd fol gatten fan 'e pripperij. Moarmergatsters lykje as se folwoeksen binne wol gatsjepannen. Ik kin dy net sizze hoe't ik dêr as bern it mier oan hie.'

Se tocht oan de boerekoal en it smoarge minske mei har mes. Wer fielde se de lilken opkommen dy't de kjeld út har liif treaun hie. Se hate pripperij mei messen. Se hate it oer alles en boppe alles.

Pibe stuts de piip oan en wachte.

'Moarmergatsters prippe inoar en se bûkje op inoar yn en krôkje inoar yn 'e snút. En se binne swart en grou. Ik woe net prippe en ik hate bûkjen en ik wearzge fan snútkrôkjen. En ik bin klien en ljocht. Ik wie mar in nuvere Moarmergatster. Ik woe snaren poene. En ferhalen fertelle, mar der wie net ien dy't dernei harkje woe. Dat, ik poende de snaren, dei yn dei út, en de oare Moarmergatster pykjies laken my út. En doe skopten se my Moarmergat út, om't ik sein hie dat prippen mei messen dom dwaan is. Dat wie koart nei krysttyd.' Lokje snokte.

'Och fanke,' sei Pibe. Hy snokte ek en kniep Lokje wat fêster yn it skouder.

'Mar doe kaam ik yn Lânstêd,' sei Lokje en se lake wer wat. 'En dêr poenden se alle gear. En se fertelden inoar de moaiste ferhalen. Wol yn it Lânstedsk en dat koe ik doe noch net, mar dat haw ik gau leard. Fan it Moarmergatstersk moast ik doe neat mear ha. Ik poende de snaren en ik fertelde ferhalen en harke nei it poenen en de ferhalen fan de pykjies yn Lânstêd en ik wie sa lokkich.'

Pibe sei neat en hy tocht dat Lokje der no net lokkich útseach.

'Mar krysttyd haw ik nea ta wenne kinnen,' sei se. 'Krysttyd wie altyd it grutte prippfeest fan it jier yn Moarmergat en dan waard der pript en mie

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

dronken en as elk dan in flinke sneed yn it ear hie, dan kamen se by ús heit en mem oan 'e doar en dan rôpen se dat Lokje mei moast te prippen, oars dan soenen se har prippe. En dan kroep ik ûnder de bank oant se wer fuort wienen en dat duorre soms sa lang. En no haatsje ik krysttyd.'

'Boehoe, o boehoe, o wat in drôvich ferhaal, o wat in âlderdrôvichste skiednis,' snottere it guoske Gans Anders mei lange útgûlen. De freonlike Pibe en de oandiene Lokje begûnen te laitsjen en streaken it guoske tagelyk ynlik oer it kopke. It briltsje foel him fan 'e snaffel en it skodkoppe no't it ynienen neat mear seach. Fan skrik waard it graugrien.

'Hast it heard? Drôvich ferhaal, no?' spytgnyske Wullem.

'Ja, ik haw it yndie heard. In drôvich ferhaal, ja, yndie,' nokkere Jabik. De twa kweabisten sieten yn 'e hûken ûnder it rût.

'Sst!' siske Wullem. 'No ha se it oer ús!'

'Ja, yndie, se ha it oer ús!'

'O dy grimmitige bruorren, dy twa grimmitige bruorren,' snettere it guoske, dat oan bar wie om syn tryst ferhaal te dwaan. 'Dy meitsje my it libben sa soer. O wat meitsje se my it libben soer. Se wolle it leafst guozzesop fan my siede, o o, wat in griis, wat in lijen!'

'Hoe sa dan?' fregen de freonlike Pibe en Lokje.

'Se ferkeapje aaien, in oar syn aaien, aaien dy't in oar lein hat, want sels kinne se gjin aaien lizze, dy grimmitige bruorren. En ik kin goudene aaien lizze. O ja, dat kin ik, dat witte se. En no wolle se my útinoar reagje, o se wolle my rûpelje en teppe en plôkje, en iepenrippe, mei in mes prippe en myn aaien derút skuorre ...'

'Wat?' raasde Lokje oeral. 'Dy prippe? Mei in mes?' It waard har grien en oranje foar de eagen, wylst it húske brún wie, Pibe wyt en it guoske no blau.

Doe seach se de brede rêch fan Wullem boppe it finsterbank út kommen. 'Goed, dan sil ik foar ien kear sjen litte dat ik in Moarmergatster pykje bin!' kriet Lokje. Se krige de hogge fan 'e tafel, snjitte op 'e doar ta en justjes letter seagen de feraltrearre Pibe en it ferstuivere griiswite guoske Gans Anders it behindige famke razend en baltend en messeswaaiend efter de twa guozzeslachers oan draven, wylst it bloed harren ta de hûd út gjalpte.

Lokje hie in grutte glimk om 'e mûle doe't se in nei in skoftsje weromkaam.

'Ik sil dyn mes eefkes foar dy skjinspiele,' sei se oan Pibe. Dy lake.

De loft ûntgrime al ringen en de snie teide hurd fuort. Wullem en Jabik kamen net werom. En doe't de dagen wer lang wienen en de nachten koart, en de sinne alles wat wyt west hie syn eigen kleur twaris sa moai weromjoech, hipke oer it griene gers fan it Emsterskar in fleurich famke, mei njonken har in read guoske en in freonlike feint. It wie in singelier trijespan, mar se wienen ûnderweis nei Lânstêd en yn Lânstêd meie se singeliere skepsels wol lije. Se pasten mei har trijen skoan yn Lokje har húske. Lokje hie har krystwearze oerwûn, Pibe koe mei syn earlikens yn Lânstêd gjin ferkeard dwaan en alle stedsjers wienen sljocht op it komike guoske Gans Anders mei syn bryk briltsje op 'e snaffel. Dat, se hienen it tenei bêst, musisearren en ferhalefertelden safolle as se koenen en libben alle trije noch lang en lokkich.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Satan syn neiteam oan 'e Waadsee

De measte Friezen ha ljocht hier en blauwe eagen. Doch, at men yn Noard-Fryslân tusken de Eider en de Deenske grins komt, treft men hjir en dêr tusken al dy noardlike typen ek gauris ien oan mei swarte eagen en donker hier. En mei in heel lyts oanpart fan dy minsken is noch wat mear te rêden. At it moai waar is, en elk rint yn 'e koarte broek of minirok, dan falt it op dat der guodden by binne en dy ha in rare skonk - krekt in bokkepoat. Sokken binne bernsbarn en bernsbarnsbarn fan Satan sels. Ik wol net sizze dat de oanwêzichheid fan dyen ferklearret dat de streek ien fan de rûchste, minst beskaafde fan hele Europa is, dat net, mar dat se der de lêste tsientallen jierren harres ta dien ha om Noard-Fryslân sa te hâlden as it is, dêr is gjin mis op.

Dat it skaai fan Satan in bokkepoat oan 'e grûn krigen hat oan 'e noardlike Waadseekust, komt trochdat God ris net helendal op it stel wie.

### *God yn 'e lapekoer*

It wie de deis dat kardinaal Pilarbitros yn 'e hel smiten waard, om't er mei syn striid tsjin hoedmiddels safolle lytse kondoomfabrikanten yn 'e wiel brocht hie. No siet de hel al hast oan 'e râne ta fol mei minsken dy't it sûnder kondoom dien hienen, en dêrmei AIDS, hepatitis en wit wat rare krupsjes mear oer fiif kontininten (en ik wit net hoefolle ynkontininten) ferspraat hienen. Tûzenen sûnders leinen alsa noch tusken de kardinaal en de Lutherjende reade flammen yn 'e djipste. Mear as twa meter wie de kardinaal dan ek net fallen, en doe't er him eefkes krêftich ôfsette op de hollen fan 'e sûnders ûnder him, koed er de râne berikke, en wied er al gau wer út de hel wei.

Dêrmei wied er de twadde minske út de skiednis dy't út de dea weromkaam op ierde. Klear, dy oare wie earst nei boppen gongen en by syn weromkommen omleech, en by ús kardinaal wie it krekt oarsom om, mar likegoed wie it foar God in slach yn it gesicht dat in minske soks opret hie. It probleem wie eins gauwernôch oplost: God stjoerde in pear ingels mei leppen nei ûnderen om de hel wat breder te meitsjen, en de útbrutsen kardinaal waard noch deselde deis foar de twadde kear oer de râne kipere, diskear foar ivich.

Tafallich seach God neitiid nei ûnderen en fernaam er dat it tsjuster yn 'e hel wie, en dat de sûnders bier dronken en feestfierden, wylst de duvels, dy't ieuwen- en ieuwenlang de waarmte fan it grutte fjoer wend wienen, inoar klappertoskjend oankrûpten. De kanten fan 'e hel wienen sa fier útgroeven dat er derhinne lei as in grut, winich gat. It ea sa marteljende fjoer wie troch de wyn útblaasd wurden. It dûzele God ynienen. Dokter waard roppen. Dy seach ris fan de hel nei God en konstatearre in burn-out.

### *Satan yn Fryslân*

Doe't Satan in dei letter by in befreone aartsingel oan soe om in bakje kofje en in praatsje, fong er tafallich de wurden op fan twa ingels dy't oer de hage stienen te rabjen.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

“Kin wol eefkes duorje ear't wy de âldman wer by ús ha, no?”

“Liket al sa. Hy wie net rjocht halich, justerjûn.”

“No, lit him dêr earst mar moai ris wat bekomme, dêr yn dat kuoard.”

Satan begreep al ringen wat der bard wie en wie tige op 't skik. No koed er lang om let ris frij op 'e ierde omstappe en wat wille ha, sûnder dat dy ferfelende moralist him allegeduerigen dwerse kneppels smiet. Sadree't er de kofje efter de knopen hie, sei Satan syn kunde gedach en sette er dat út nei de ierde.

Mei't Satan in man is, die er alderearst wat manlju it leafste dogge - hy fersierde in kreas famke. Dat wie de boeredochter Annemaleenke út Höögel, yn Noard-Fryslân: ljocht hier, blauwe eagen, grutte boarsten - typysk Frysk. Se mocht dy kreaze fint mei syn swart prúkje hier en donkere eagen wol lije en doe't se tafallich syn bokkepoat seach, waard se dêr net iensen oars fan. De minsken yn Höögel hâlde fan alle skepsels, en nimme it ferskil tusken minsken en bisten net sa krekt. Se liet him de hele jûn by har opsitte en doe't heit en mem tsjin tolven smoardronken wienen, tilde er har yn 'e earms en ferdwûnen se yn har sliepkeammerke.

In bytsje sneu wie Annemaleenke wol doe't se de oare moarns gewaarwaard dat har leafste sûnder wat te sizzen útnaaid wie. Treurich socht se it bûthús op en liet har dêr troch Arnold, de grutfteint, treastgje. Njoggen moanne letter waard in kreas jonkje berne - Teade. Alleman wie derfan oertsjûge dat Arnold de heit wie. Hie it bern ommers net krekt deselde donkere eagen as de boerefeint? Annemaleenke wie de frjemdling al lang fergetten en se wie bliid dat it bern gjin blauwe eagen hie, want dan hie se wier net witten wa't de heit wêze koe.

### *De brulloft fan Arnold en Annemaleenke*

It hele doarp waard útnoege foar de brulloft fan Annemaleenke en Arnold. Hoewol't se gjin fan beiden kristen wienen - dy wienen der yn dy dagen amper yn Noard-Fryslân - fielden se har doch min ofte mear ferplichte en noegje ek de âlde dûmny Liudger (de jeugd sei fan 'Loeder'). It wie allinnich sjesa dat dûmny gjin alkohol sjen noch rûke mocht. Moasten se him dan mei in grut sûpfeest foar de holle stjitte? Se wienen it der al hast oer iens dat it dan mar in alkoholfrij feest wurde moast, doe't Annemaleenke har lytse poppe tafallich rjocht yn 'e eagen seach. En in miljoenen jierren âlde wiisheid streamde troch har lichem en siel.

“Sodeju, nei de hel mei dûmny, Arno-darling! Wy wolle mei ús brulloft doch wille ha, net? Dan sille wy ferdoarje ek wille ha! En net sûnder drank!”

Sa kaam it dat al de gasten, dy't by lange tafels yn it bûthús sieten, doe't se harren bekers kofje mei slachrjemme oan 'e lippen setten, ek de smaak fan De geele Kôm, it pleatslike drankje, preaunen. Inkeld dûmny, dy't mei in ûngelokkich gesicht allinnich mei in pear skiep oan in taffeltsje siet, krige gewoane kofje. Lang duorre it lykwols net foar't him dúdlik waard dat de gasten wat geastrikers as inkeld mar kofje brûkt hienen. De slachrjemme, dy't de drank yn de bekers ôfdutsen hie, koe de alkohollucht dy't de gasten útazemen net mear ferbergje.

Omdat dûmny miende dat de gasten faaks flessen ûnder de tafels

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

ferstoppe hienen, krûpte er op hannen en fuotten ûnder de tafels troch. Dêr rekke er mei de holle wolris in knibbel. Net ien kaam op 'e gedachte dat der miskien in geastlike ûnder de tafel omkrûpte, dat de froulju mienden dat harren buorman aardich yn 'e stimming kaam en de hannen wat frijheid tastien hie. Soks frege fansels om in reaksje - soms yn de foarm fan in klap mei de fûst op 'e noas, en soms mei wat freonliker hannelingen, dy't dan lykwols ek ûnder de tafel ferrjochte waarden. Ta skrik fan dûmny.

Doe't dûmny op 't lêst ûnder de tafel weikaam, rûn de holle him troch. Skodholjend liet er him op in stoel falle en grypte in beker waarme kofje, dy't er yn 'e strôt rinne liet. Doe hied er it riedsel fan 'e dranklucht ek oplost.

“Jim minne hûnen!” balte er, lilk op de oaren en grutsk op himsels. Hoewol't de measten har op dat stuit op 'e ien of oare manier mei minsken neist har dwaande holden, hearden doch noch aardich wat oanwêzigen dûmny syn wurden. As de lju yn Höögel tenei werris sin oan kofje mei De geele Kôm hienen, moasten se altyd weromtinke oan it brulloftsfeest fan Annemaleenke en Arnold. En dan fregen se harren gasten oft se ek in 'minne hûn' ha woenen.

### *Dûmny Uwe Hansen*

Dûmny Liudger oerlibbe de brulloft net lang. Dat kaam, de oargelspiler yn tsjerke wie op in ûngelokkige dei sa kachel dat er ûnder de tsjerketsjinst ynstee fan it 'Loovje de Heare' de meldij fan 'Was sollen wir trinken' begûn te spyljen. Dûmny waard earst read, doe wyt, hy grypte nei syn hert en kealle doe foaroer fan de kânsel op 'e stien fan Johannes Bakstra, de grutste sûplap út de skiednis fan Noard-Fryslân.

It duorre nei de dea fan dûmny Liudger in skoft ear't him in nije sieleharder yn Höögel melde. Mar op in dei kaam doe Uwe Hansen yn it doarp. Hy hie jierrenlang missywurk yn Afrika dien, en doe't er dêr as jongfeint oankaam wie, hienen de swarte krigers him mei de punten fan har spearen begroete. Hy waard meifierd en yn in grutte pôt treaun. Op dat stuit hied er leard dat men as tsjinner fan God net tebekskrilje moat foar it brûken fan geweld. Hy wie in grutte sterke boeresoan fan de klaai en mei in pear klappen hied er de wylden op 'e knibbels. Dat hie him gâns respekt by de ynboarlingen oplevere. Sa hied er al gau in libbene kristlike gemeente, dy't er mei spierkrêft byinoar hold.

Nei tweintich jier yn de rimboe waard it longerjen nei De geele Kôm Uwe Hansen oermânsk. Hy sei farwol tsjin syn gemeente, stapte yn in lyts fleanmasyntsje en sette dat út nei it noarden. Hied er dêrboppe yn 'e loft eefkes yn 'e spiegel sjoen, dan hied er de reekkolom meikrigen dy't boppe it plak hong dêr't er syn hûs en de tsjerke wist.

Doe't er beroppen wie as dûmny fan Höögel en omkriten, miende Uwe Hansen dat er it leauwe yn Noard-Fryslân op deselde manier ferspriede koe as ûnder de wylden yn Afrika. Op 'e ien of oare manier kaam it libben oan 'e Waadseekust him helendal net sa oars foar as dat yn it oerwâld. Mei in pear folle flessen De geele Kôm yn 'e hannen gong er jûns de huzen yn Höögel bylâns. De goeie kristenen hienen it noflik, dy

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

waarden ûnthelle op in soad drank en spannende aventoeren út Afrika. En dyselden dy't noch gjin goeie kristenen wienen, hufte er krekt salang mei de flesse op 'e holle oant se ûnthieten dat se tenei alle sneinen trou tsjerkje soenen. En dan waard der meast ek wer in pear oere seupele.

### *Teade is eefkes faai*

It wie Uwe Hansen tige yn 'e wei dat mar sa'n bytsje minsken yn Höögel doopt wienen. As nije dûmny socht er se allegear thús op. Sa kaam er ek by Arnold en Annemaleenke. Se wienen de tredde húshâlding dy't er dy jûns opsocht, dat it nochterste part fan 'e dei hied er al lang efter him.

“Goeie!” rôp er, doe't er de keukensdoar iepensmiet en deryn stapte.

“Ek goeie, dûmny Hansen!” grânzge Arnold, dy't mei de faam op 'e skurte siet. Wat kin ik foar dûmny dwaan?

“Kwoldymbendobe!”

“Hin? Wat?”

“Kwol dyn bern dope, do sûch!”

“Moat dat no echt jûn, no't de frou in kear fuort is?” protestarre Arnold.

“Helje dat bern, grutte kloot, of do kinst in wan op 'e bealch krije!”

boldere de oare, en hy ûnderhelle syn Kômflesse.

Suchtsjend luts Arnold de hannen ûnder de rokken fan de faam wei en sei tsjin har: “Helje do Teade eefkes út it bûthús.”

Dûmny Hansen glimke tefreden. Doe krôke er, foel foaroer plat op 'e tafel en begûn te snoarkjen.

De oare deis waard dûmny Hansen wekker yn it strie, tusken de skiep.

Lofts njonken him lei syn flesse en dy rûkte nei drank. Rjochts fan him leinen Arnold, Teade en de faam, en dy rûkten ek nei drank. Dat it dopen derby ynsketten wie, dêr tocht net ien oan, en dat wie ek mar goed, want it skaai fan Satan hat in erflike allergy foar wijwetter.

### *Teade syn earste skoaldei*

Teade hie it altyd goed fine kind mei de minsken yn Höögel. Mar doe't er mei seis jier yn 'e stêd Bräist op skoalle kaam, waard him dúdlik dat de wrâld net oeral like freonlik is as yn it eigen doarp. Hy wie in aardich, rêstich jonkje, mei twa yntelliginte, ynteressearre swarte eagen en in betsjoenende ûndogense glimk om 'e mûle. In jonkje dat elk graach mei, soe men tinke. Mar mei syn maten hearde er op skoalle by in minderheid dy't Frysk prate. Dat wie foar de Bräisters reden genôch om harren geregeld eefkes nei te sjen. En omdat se allegear kristlik wienen, krige se noch in pear klappen mear.

De roomske learares Helga Vögl-Weisswurst út Beieren hie ek net folle mei de doarpsbern op. Se wie der hillich fan oertsjûge dat der yn de Noardfryske doarpen oars net as domme boeren wennen, dy't se nedich wat Beierske beskaving bybringe moast. Mar om't net ien begreep wat se sei, tocht se dat de bern net harkje woenen. En dat waard fansels fuort mei in feech om 'e earen bestraft.

De earste dei op skoalle moast Teade sjen litte oft er al wat rekkenje koe.

“Tedl, waßtú, wiafial fia und zwoa san?”

“Wat?” frege Teade ferheard.



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

De learares waard read.

“Wos soagstu do, doiddä?”

Teade miende dat se him net goed heard hie, om't er miskien net lûd genôch praat hie. Wat lûder seid er no: “WAAAT?”

“Ausgschamd!” raasde de learares. “Fia und zwoa, und ez gach!”

Teade, dy't der gjin wurd fan begrepen hie, kaam neat betterers yn 't sin as doch wat syn heit ek altyd die at er wat net ferstien hie. Hy helle djip yn en rôp sa lûd as er koe:

“HIIN? WAAAT?”

De learares wie no sa read yn it gesicht dat de learlingen soarch hienen dat se miskien ûntploffê soe.

“Säks!” rôp se. “Säks, du Dambbfblaudara. Fia und zwoa san säks. Säks, säks, säks!”

Teade blierre op. Dat wurd koed er teminsten!

“Bedoele jo mei in skiep of mei de faam, frou Vögl-Weisswurst?” frege er mei in ûnskuldich gesicht.

De learares sprong op út har stoel. Se raamde it hillich krús fan 'e muorre en swaaide dat driigjend boppe de holle yn it rûn, wylst se op Teade tastapte. Dy fielde ynstinktyf dat der neat goeds fan komme soe as se him mei dat krús om 'e holle aaide. Bang foar in pear klappen wied er net, dy krige er fan dûmny ek wolris, mar dan net mei sa'n nuver ding. Hy hold de earms omheech om de slaggen ôf te warren. Dêrby seach er syn learares tjocht yn 'e eagen.

In ûngewoan gefoel bekrûpte frou Vögl-Weisswurst. Se liet it krús sakje en stoartele tebek. Wat se yn dy jonge syn eagen seach, dat koe har ferstân net befetsje. Sokke macht koe se net begripe. Se wist lykwols al dat se har Beierske beskaving oerjaan moast, en wol fuortendaliks, oars soe se net in tel langer libje. Mei in ysluke útgûl smiet se it krús tsjin it finster. Dat sprong mei in soad leven yn tûzenen stikjes útinoar. Doe draafde se de klas út, de skoalle út, nei bûten. Se fûnen har pas de jûns werom. Se lei út de liken njonken de ôfmêde konsjerzje yn in heaberch.

*Teade ûntdekt dat er wat mear kin as in oar*

De juffrou fan 'e twadde klas, Sauke Tumbaksen, hie as bern net mear as in jier legere skoalle hân, dat dy fertelde alles wat de learlingen fan frou Vögl-Weisswurst leard hienen, noch wer ris op 'e nij, mar dan yn it Platdútsk. Teade wie in goeie learling en hy ferfeelde him op skoalle bytiden slim.

Op in waarme simmerdei siet er ta it rût út te stoarjen. Yn 'e beam oarekant de skoallereed wie in ploechje mosken lilkwetterjend deilis. In do seach it spul in skoftsje oan, krige doe syn nocht en jage it protestearjende lytse guod wjukwapperjend de beam út.

Ik woe wol dat ik in fûgel wie, mimere Teade, dan soe ik troch it iepen rût fuortfleane en de somkes fan frou Tumbaksen de somkes fan frou Tumbaksen litte. Hearlik sweve mei de sinne op 'e rêch, en dan delstrike by Hinrikboer op it lân, dêr't de fammen yn it skoft de jurk útstrûpe. Hy seach it al helendal foar him. De koer mei tsiisbroggen en stikken noga, dêr't er foarhinne gauris in stik fan krige as er dêr delrûn. Hy preau de

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

smaak hast al yn 'e mûle. Of hast? Hy preau ferdoarje noga! En no hearde er ek in gniffeljen fan de fammen en de arbeiders om him hinne. Se neamden him in grappich fûgeltsje. Sa'n lyts readboarstje hienen se noch nea sjoen. En dat dat bistje noga mocht!

Doe't Teade sêd wie, koste it him alhelendal gjin muoite om wer yn syn âlde sels werom te feroarjen. De iters hienen soks fansels noch nea sjoen en ien, in âldman gong sa fier om eefkes ekstra hurd oan syn piip te lûken en “nokes nokes” te prommeljen. De fammen wienen der net sa wiis mei dat er boppe op 'e koer mei bôle en snobbersguod wer yn Teade feroare wie, mar toe mar, it wie op 't lêst ek mar in jonkje.

Doe't er yn in readboarstje feroare wie, hie der yn it klaslokaal fan frou Tumbaksen in lûde knal te hearren west. In skoalbern is ommers aardich grutter as sa'n lyts fûgeltsje, en as de ien hommels yn de oare feroaret, is der ynienen in fakuum, dat mei in klap wer folsûgd wurdt mei lucht. De hele klas wie dan ek opskrille, en foar de twadde kear yn Teade syn skoalloopbaan wie in learares skreauwend de skoalle útdraafd, wylst er oan 'e oare kant fan it gebou, as yn in dream, de frijheid temjitte wjukkele.

### *Us held is de fjirdeklassers spuisêd*

Doe't er de oare deis nei skoaltiid op hûs oan soe, stie der in ploechje tsienjierrigen foar de skoalle te wachtsjen. Hy rûn harren foarby, en murk dat se him neisetten. Ut it sicht fan de skoalle, efter in tropke beammen, krige de grutste jonge fan in groepke him by it skouder. Se hienen fansels heard wat der bard wie, en mei't soks yn Bräist gjin wizânsje wie en de jonges fan Bräist net fan nijmoadrichheden hâlde, tochten se, se moasten him mar eefkes geweken nimme. Hy wie stadichoan wol wend oan fjochtsjen, mar sa'n hele kliber tsjin ien, dat wie doch wat te mâl. Sa hienen se dat thús net wend west.

“Ick kots op jûm,” seid er lilk. En mei't er it sei, fielde er dat der druk op syn mage kaam. Hy koe de mûle net tichthâlde en in stream tsjokke brún-griene floestof wâle út syn yngewant op en sproeide him mei in bôge ta de mûle út. Hy fielde him slim siik, en de stream boaze oan en like de grutte jonges rjocht yn it gesicht te reitsjen, wêr't se ek hinne draafden. Wat fierder oft de groep útinoar rekke, wat heger waard de striel koarre, oant er op it lêst boppe de beammen útkaam. De widdo fan dûmny Liudger, dy't op 'e fyts oanriden kaam, ferwûndere har der al oer, mar se koe dy striel net rjocht te plak bringe. Miskien in dronken boer dy't der wat in nuveraardige styl fan jarjen op neihold, wa wit. Doe snjitte har in jonkje foarby. It wie fan ûnderen oant boppen bedutsen mei in laach stjonkende drits. In weach fan dyselde drits folge it jonkje, en doe't er har fyts ûntwykte, flapte it fochte har rjocht yn it gesicht. Se seach neat mear, liet it stjoer los en klapte tsjin 'e dyk.

### *Niget oan biology*

Teade fûn learen oer it ginneraal wol aardich wurk, mar syn moaiste fak wie doch biology. Doe't er gewaarwaard dat al dy bonkjies in namme

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

hienen, waard er poernijsgjirrich. Thús ûnder iten pluze er syn hinniepoat of bargeribke helendal útinoar, en mem fûtere dat er net sa mei syn iten boartsje moast.

No hie de skoalle in skiep. Guon mienden dat de konsjerzje it as oankrûpbistje hold, lykas safolle Noardfriezen, mar offisjeel wie it der foar it fak dierfersoarging. It wie al in âld ding en op in kweade hjerstdei lei it dea yn syn ferhaffele kampke gers. Teade, dy't dy deis tafallich betiid wie, wie de earste dy't it stakker dier lizzen seach. Hy wie út de skroeven. Soks wie fansels machtige nijsgjirrich. Al dy bonkjes en spierkes moasten der mar ris út en dan woed er wolris sjen oft er dy 'boane' en 'laxn' allegear beneame koe mei dy prachtige Beierske nammen dy't er yn it earste jier by frou Vögl-Weisswurst yn 'e biologyles leard hie.

Omdat lytse jonkjes net berekkene binne op it útinoar skuorren fan deade skiep, hied er syn holle en earms feroare yn de kop en kloeren fan in bear. Dan gong it útinoar skuorren fan sa'n skieppekring in stik makliker. Hy wie al in einhinne klear en stie krekt djip yn 'e stúdzje wei oer de namme fan in lyts bonkje te prakkesearjen doe't frou Vögl-Weisswurst op 'e fyts de hoeke om swaaide. Mei kriezende remmen kaam se ta stilstân, waard sa wyt as omke Wopke, sprong fan 'e fyts en draafde fuort.

Teade hie har oars net as út de eachhoeke wei sjoen en krige pas foar it begryp dat it de juffrou fan 'e earste klas wie dy't dêr op 'e fyts sitten hie, doe't se de hoeke al wer om wie. Juffrou koe him fansels wol fertelle oft wat er yn 'e hannen hie no in axl- of in schlisslboan wie. Dat, hy sette eefkes de sokken deryn en waard juffrou, dy't krekt de syddoar yn snjitte, noch gewaar. Swaaiend mei de bluoedderige bonke draafde er op 'e doar ta, wylst roppend fan “frou Vögl-Weisswurst!” It wie him allinnich fergetten dat er der net mear minsklik útseach, en syn mei bloed besmodzge hierrige kop en klauwen soenen in Noardfries miskien net fuort kjel makke ha, mar in âldeftich Beiersk frommes yn alle gefallen wol. Se hat nea wer in wurd sein. Har famylje hat har út Noard-Fryslân weihelle en se hat de rest fan har libben yn de 'Psychologische Anstalt des heiligen römischen königlichen Freistaats Bayern' sliten.

### *Teade giet fierder yn 'e biology*

Teade syn fassinaasje foar Gods skepping wie bliuwend. Hy hie bêst op 'e pleats wold, mar de oare twa soannen fan Annemaleenke, en miskien ek wol fan Arnold, hienen net it ferstân om wat oars te dwaan as buorkjen, dat Annemaleenke ornearre, Dussel en Trottel moasten de boel mar oernimme, en dan mocht Teade foar feedokter leare.

Dat like him wol wat. As jongbaas sette er dan ek fleurich nei Kiel ta. As wenplak foel dat him ynearsten wat ôf. It wie noch einen grutter as Bräist en der wienen amper blomkes en bistjes om te bestudearjen. Mar hy hie sa stadichoan ek sin krigen oan oareljus bern en dêr wienen genôch by, dy woenen bêst bestudearre wurde. Hy krige stadichoan al yn 'e rekken dat er him yn 'e stêd net yn in bear feroarje moast as it ljocht noch op wie, want dêr krigen Kieler fammen senuwtafallen fan. Yn it tsjuster koenen se sa'n spiersterk, hierrich lichem dêrfoaroer namste mear wurdearje.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Dat fredige studearjende bestean waard op in lette winternacht hommels bedrige troch in oeriverige pastoar, dy't wat ûnderfining hie mei duvelbanderij. Dat wie de earwearde Minne Paap. Dy hie yn syn stamkafee sitten te bibellêzen en by it útgean fan 'e kroegen wied er hast tsjin Teade oprûn. Hoewol't er in lange broek oan hie en pastoar Paap syn bokkepoat dus net sjen koe, hie dy fuort yn 'e gaten dat dat fintsje mei syn swart prúkje en keppel fammen om him hinne fan duvelsaaien útbret wie. Hy folge Teade temûk nei dy syn keamer, skreau it adres op en pandere doe mei in ferbiten gesicht troch it earste tinne laachje snie nei syn tsjerke ta. Dêr fandele er in stikmannich sjempotsjes byinoar, dy't er folgeat mei wijwetter. Hy hong in krús om 'e nekke, stuts yn 'e beide jasbûsen in bibel en sette doe wer werom nei Teade syn kosthûs.

No lei dy yn 'e kost by in jonge widdo, frou Vreeling, en lykas alle jonge froulju waard dy oanlutsen troch manlju mei satanyske trekjes. Se wist heel bêst dat Teade net folslein minsklik wie. As se moarns troch it gatsje boppe har bêd yn Teade syn badkeammerke gnúfde, dan seach se dat er in bokkepoat hie. Soms gong er ek yn it stal fan in bear of in wolf yn bad. Sokke dagen begûn har bloed te sieden. Dan moast se har bedimje om it tinne muorke der net út te drukken en by Teade yn it bad te dûken.

Dat bedimjen slagge har wol in healjier. Doe kaam der in wintermoarn dat it krôke. It wie kâld yn 'e hûs en se fiede har sa iensum, wylst Teade yn it stal fan in walrus tefreden yn syn waarm badwetter slomme. Se hie al eefkes op 'e knibbels foar it gatsje sitten, doe't se hommels kramp yn it kût krige. Mei in skreau fan pine sprong se op en foel foaroer tsjin it skiedingswantsje. Dat joech fuort belies en se bedarre mei in lading blomketegeltsjes, brokken foechspesjy en houtsplinters boppe op de walrus Teade.

“Goemoarn, frou Vreeling,” sei Teade fetsoenlik.

“Teade, ich fühl mich so einsam,” stammere frou Vreeling.

Teade hie dy nachts al de iensumens fan in oar frommeske bestriden, dat hy hie de piip eins wol út. Mar frou Vreeling wie syn hospita, dy stelde syn keamerhier fêst. Hy begreep dat er de kristlike deugd fan neisteleafde praktisearje moast, lykas dûmny Uwe Hansen him dat leard hie, en skuorde frou Vreeling mei syn walrustosken yn ien reis it bêdjak fan it liif.

In ferdjipping leger drukte krekt op dat stuit pastoar Paap it rútsje fan it rommelhok yn. Stil wrotte er him troch de sponning en teante nei de keukensdoar. Hy drukte ien ear tsjin it hout en harke. In nuveraardich gebonk wie boppe him te hearren. Hy wachte fiif minuten. Tsien. In kertier. It bonkjen hold mar oan. Lang om let luts er oan 'e skouders en die foarsichtich de doar iepen. Yn 'e keuken wie it noch skimerich. De flier glinstere. Oeral leinen plassen wetter. Dat sipere mei strieltsjes tagelyk troch de skreven tusken de planken boppe him. Ferwûndere seach pastoar Paap omheech. De souder bûgde in heel ein troch. Ut in gat yn it hout stuts wat dat op 'e poat fan in âlderwetsk bad like. De planken skodden op it ritme fan it gebonk, dat er no noch dúdliker hearde.

Walrussen wage mear as fjouwerhûndert pûn en frou Vreeling wie der al lang net mear sa wis fan dat Teade de ideäle man wie om wat oan har

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

iensumens te dwaan. Mar se woe ek gjin spulbrekker wêze no't se him sa rûch op 'e robbehûd fallen wie. Likegoed wie se bliid doe't de bewegingen yn it grouwe robbeliif nei in healoere ynienen flugger waarden. No duorre it grif net lang mear. It wie in striid om de holle boppe wetter te hâlden, dat se hie amper yn 'e rekken dat it bad al tsien minuten skean stie trochdat it mei ien fan 'e poaten troch de wrakke flier sakke wie. Under har kreaake wat. Doe reinden planken, balken, in bad, in frommeske en in walrus op 'e gongflier en op pastoar Paap del. De sjempotsjes dy't er by him hie, spatten oan grús en eleminten en it wijwetter spelde mei it badwetter fuort.

Frou Vreeling hold in brutsen skonk en trije kniesde ribben oan it aventoer oer, mar se glimke gelokkich en fûn yn Teade in soarchsume ferpleger.

### *Werom yn Höögel*

Oan 'e ein fan syn earste stúdzjejier krige Teade yn in moanne tiid sân kear it boadskip dat er heit wurden wie. En frou Vreeling krige ek al in rûn ûnderlyfke. Hy seach ris soarchlik yn syn jildponkje en besleat om mei direkte yngong syn stúdzje yn Hamburg fuort te setten. Nei in jier yn Hamburg hied er lykwols mei in soartgelikens probleem te krijen, dat úteinlik studearre er yn Heidelberg ôf. Hy ferfear werom nei Höögel en fêstige him yn in húske by Arnold en Annemaleenke op it hiem as feedokter. Dêr buorke er goed. Allinnich de behandeling fan skiep en geiten mei termklachten levere him al in grou stik brea op. Boppedat wie Teade in baas yn syn fak. Hy hie in jefte om bisten yn in koart skoftsje tiid wer by de wurken te krijen.

Soms kaam er by in skiep dat de kolder yn 'e kop hie. As er dan yn 'e skieppe-eagen in lyts keareltje seach dat de tonge nei him útstuts, dan rôp er: "Oppakke, healwize bongel!" en it wie meast de oare deis wer klear. It skiep hie dan in pleachgeast yn hân. Dy litte har troch in gewoane dokter net ferjeie, mar se seagen wol dat Teade de soan fan harren baas wie en drosten ornaris slûksturtsjend ôf as dy har hiet om op te hâlden.

Ien kear koe Teade in bist net rêde. Dat wie in wite do, alteast dat tocht Teade. Yn werklikheid wie it in ingel út de himel. Yn dowestal struts dy yn opdracht fan de aartsingels by jûntiid op finsterbanken del. Dan frege er de minsken yn 'e hûs mei in himelske-stim-as-fan-sulveren-klokjes om de drank tenei stean te litten. Yn Beieren hie dat fan de Elbe oan 'e Bodensee ta in weach fan bekearingen teweibrocht, mar yn Noard-Fryslân waard de ingel-do mei sokke sterke tsjinarguminten bestoekt dat er in oere nei syn kommen by syn gasthearren op 'e tafel siet en ûnder lûd jûchhei it tredde skaaltsje De geele Kôm leechdronk. Dat hie it doel fansels net west, dat de aartsingels hellen de ingel mar wer út it stoflik omskot fan it doke werom nei de himel ta.

### *Utliding*

Teade is heel âld wurden en krige in machtige neiteam. Syn skaai fielt him yn Noard-Fryslân noch altyd as in baarch yn 'e blabber. Se ha it

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

bestean der foar net-Friezen net altyd makliker op makke, mar ja, dy ha mei harren ûnfryske opfettingen sels skuld. *Das Bekenntnis zur Minderheit ist frei*, stiet der ommers yn 'e grûnwet fan Sleeswyk-Holstein en as ien dan sa nedich mei de moraal fan in Beier of Jut of Angel of Saks libje wol, dan moat er fierders ek net eamelje.

Oan de frivole ferdivedaasje yn de stjoertiid fan de EO en de ûnhuere útjeften fan Bornmeer te sjen moat God noch altyd yn syn fier kuoeroard tahâlde. De aartsingels ha begryplikerwiis minder fieling mei God syn skepping as de baas sels, dat se litte de boel gauris mar de boel.

Benammen fan Noard-Fryslân hâlde se de hannen ôf, want tsjin alle satansbloed dat dêr streamt kinne se net op. En oft dat slim is, moat elk mar foar himsels útmeitsje.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Oer hop ferrifele

Dat mûletrekje  
laitsjend bekje  
is yn 't pompier bewarre

Swellesturt, jûpe  
stjireage krûpe  
yn sulverbromyt is 't bedarre

Och jûpe, och eagen  
hok wearzige leagen  
hok húchelspul helje jim út

Jim sizze op pljims  
fan it no noch neat slims  
momkaapje haat mei jim tút

Lit blierleagenlea  
fan lang stjurre ea  
lottere wurde fan blêdfjoer

Lit stjirren en bekje  
net langer begekje  
kom, hoarnkoppe oege en hop

**Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf**

**Ripe parren en jonge fammen**



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Eelkje Wadman hie wer ris oerwurkje moatten. De baas hie har de hele dei ôfsnaud en no strampele se troch de rein nei de parkeargaraazje. Se wie sa grimmitich dat se hast tsjin twa jonges oprûn. Dy glimken har freonlik ta en se prommele fluch in ekskús. Efter har hearde se de twa fleurich fierder praten oer Katja Schuurman, wylst se in kroech yngongen. Eelkje grânzge. Manlju! Folle mear as ôfwaaid praat en mingels bier efteroer slaan siet der net by. Smearlappen wienen it, allegear!

Thús dûkte Eelkje djip yn 'e kessens fan har grutte twapersoansbank en swom mei de ôfstânsbetsjinning wat hin-en-wer tusken de kanalen oant se 'De gouden swipe' derfoar krige. Swimeljend folge se de striid tusken de stege boer en syn soan. Allinne spitich fan dat gebûns op 'e eftergrûn. Doe't de film foarby wie, klikte se der in oar kanaal foar. Simone Scheffer mei in reportaazje oer in beamplantprojekt yn 'e Noardfryske polders. En wer dat gebûns. It begûn ta Eelkje troch te kringen dat it lûd net út de televyzje wei kaam, mar fan bûten. Mei ûnfêste trêd rûn se op it finster ta. Se skau de kleden wat fansiden.

Doe't se in pear kear eachknipere hie, waard se wat gewaar. Har efterlik blikje lei fol mei appels, parren, meloenen en rjappels, allegear grutter as har holle. Se hienen in mûle en eagen. En se beweegden. Se bûnzen tsjin 'e hoksdoar op. Deabenaud draafde Eelkje de foardoar út. In ynkringende swiete fruitlucht folle har noasters. Se stroffele. Doe waard it har swart foar de eagen.

Doe't se wekker waard, lei se plat op 'e rêch yn it gers. Der drukte har wat op 'e mage. Se kokke doe't se seach wêr't it drukkende gefoel weikaam. Op har siet ien fan 'e rûne skepsels dy't se efterhûs sjoen hie. It like wol in ûnbidige rjappel. By har holle stie it oare wêzen. Dat like mear op in par.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

De twa jonges, Henk en Wingo, hienen in noflik plakje oan 'e taap fan de Scamele Ruter fûn. Lofts fan Wingo siet in langliddige, meagere jonge. Yn 'e hân hied er in soppige griene par, dy't er mei syn Herder foarsichtich skylde.

De jongbaas, dy't him as Frank Tacoma foarstelde, wie in noflike prater en al ringen wienen de trije yn in drok petear ferwikkele. Frank soe krekt wer in nij ferhaal stalle, doe't er op it skouder tikke waard. Efter him stie in âlde seeman.

"Do silst it wol nuver fan my fine," seid er tsjin Frank, "mar mei ik dy freegje om dy skilen yn it jiskefet te smiten?"

Frank seach de oare wat ferwûndere oan. "Hoesa?"

"Oer in pear minuten begjint de Walpurgisnacht. Ik ha yn myn lang libben twaris sjoen hoe't yn dy nacht kweade machten besieling brochten yn fruchten. En beide kearen wienen dat fruchten op in skilepantsje.

Miskien is it better ..."

"Hâld op mee dyn gejeuzel oer skilepantsjes," biet Frank de âldman ta.

"Oppakke of ik sil dy sneeë!"

De man stie eefkes yn berie, sprong doe ynienen ûnferwachte fluch tusken Frank en Wingo yn en soe it skilepantsje gripe. Dat draaide as de reek ûnder syn fingers wei en skeat de taap oer. It reage glêzen, fleskes en bierfíltsjes oan 'e kant, fleach de jachtweide troch, makke in gisel yn 'e loft en bleau doe likernôch in meter boppe in tafel hingjen. It hie mar in lyts pantsje west, mar no hie it it formaat fan in soppanne. De âldman trille oer syn hele lea. "Krekt wat ik tocht," prommele er. "De kweade machten ..." Hy sprong boppe op 'e taap en raamde in wiskyflesse, dêr't er woest mei nei it pantsje sloech, ta lilkens fan 'e kastlein. Doe besetten him hommels de siken. Hy sakke troch de knibbels. Mei in plof kaam er op 'e planken telâne.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Underwilens lei yn Sollerup in famke mei de namme Leefke yn it skaad fan in grutte beam te harkjen nei de Dreksakkers, har moaiste muzyk fan dat stuit. Njonken har lei in âlderwetsk guozzeroer, dat se brûkte by it klaaidosjitten. Doe't se ynienen in grutte petiele lânsfleanen seach, miende se dan ek dat har klaaidolansear-ynstallaasje op 'e kletter slein wie. De skûtel hold lykwols ynienen stil en fleach doe de oare kant út. Dat wie neat foar Leefke. Se krige it guozzeroer, roaide en skeat. It wie in foltreffer en it stik keukenrêding knalde boppe de fiver yn skurden útinoar. Op it griene fiverwetter driuwkelen eefkes in pear skroeierige skilen om. Mar al gau ferskynden der ien, twa, trije fiskekoppen boppe wetter, dy't har oan it fruitmiel tegoed dienen.

Doe't Leefke njoggen moanne letter har freonen Wingo en Henk útfanhûs hie, liet se de beide jonges de fiver mei de grutte karpers sjen. "Au!" sei Wingo, dy't him op de grûn deljaan soe. Hy wreau mei de iene hân oer syn brits, wylst er mei de oare in skerp wyt dinkje ophold. "Ai ... tut mir Leid, Wingo," sei se. "Das ist bestimmt 'ne Tonscherbe. Die kommt wohl von diesen merkwürdigen Tellern oder Schüsseln oder was auch immer, die hier in der Walpurgisnacht umherschwebten." Se ferhelle wat har by 't maitiid oer de wei kaam wie. "Dat is al wûnder," sei Wingo. "Wy ha it yn de Walpurgisnacht al sa apart hân. Ek al mei skûtels, of einliks moat ik sizze: mei skilepantsjes." Hy fertelde Leefke wat der yn 'e Scamele Ruter bard wie. "Was ihr nicht alles mitmacht," sei Leefke, dy't it net helendal leaude.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Op itselde stuit lei Eelkje yn it Medysk Sintrum Ljouwert te hymjen en te razen, oant in lûd klonk as fan in lears dy't stadich út de wiete, sûgiende blabber omheechlutsen wurdt. Twa griene, slimerige hantsjes kamen foar it ljocht. Se grepen it lekken beet en wylst de jonge frou parste, luts in sloppe, ronfelige rjappel mei hannen, fuotten en in bernegesichtsje himsels de wrâld yn.

"Mem!" blabbere er en hy seach leafdefol nei Eelkje.

"Tjisse," stinde Eelkje. "Ik neam dy Tjisse."

Mar foar't Eelkje him even oanhelje koe, kroep har Tsjisse al op 'e hannen en knibbels nei de râne fan it bêd. Hy liet him op 'e grûn sakje, stoartele op it rût ta en liet him derút sakje. Bûtendoar wraggele er op 'e dyk ta, tilde in kolkslid op en liet him yn it rioel glide.

Dêr tilde it op fan appel-, rjappel- en pareftige skepsels. De measten sloegen de tiid dea mei it opsnuven fan wyt poeier fan lytse spegeltsjes.

Op in steapel skilepantsjes sieten twa pareftigen te praten.

"Moarn sil ik trouwens nei Sollerup, heit," sei de lytste. "Heit hat doch ferteld oer omke Sjoerd en omke Piter? No, it skynt dat in lyts famke harren samar út de loft sketten hat. Klara en ik sille wraak nimme."

"Klara, Klara? Wat moatst doch mei dat aaklike fanke, Aloïs? Klara skaait nei har mem, se sjocht derút as in minskefamke!"

Syn soan luts oan 'e skouders en gong it ljedderke bydel. Hy hie gjin nocht oan kibberaasje mei de âldman.

"By heit kinsto nea gjin goed dwaan," seid er tryst, doe't er njonken Klara op har skilepantsje lei.

"Sa is dy ginneraasje," sei se. "Se haatsje alles wat op minsken liket. Witst hoe't dat komt?"

"Nee," sei Aloïs, dy't lang net safolle histoaryske kennis hie as syn faam.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

"Do witst doch dat Karel de Grutte altyd mei in appel yn 'e hân ôfbylde wurdt? No, dat wie Magnus, in Fryske sintjapiksappel, dy't njonken Karel tsjin de Grinzers fochten hie. Magnus hie safolle dapperheid sjen litten dat Karel him de rang fan ryksappel jaan woe. Magnus frege de keizer lykwols om in oare geunst: hy woe graach dat alle Friezen - fruchten sawol as minsken - it rjocht krigen om yn frijheid te libjen. Keizer Karel wie sa yn it moed taast dat er dat ynskikte, en hy makke de dappere Magnus likegoed noch ryksappel. Karel stelde lykwols as betingst dat de fruchten en de minsken yn Fryslân inoar oant yn alle ivichheid mei respekt behannelje moasten. Dat gong lang goed, mar yn 1498 spande de doetiidske ryksappel Paulus Noominus gear mei Albrecht fan Saksen, dat dy Fryslân ûnder de foet wâdzje koe. Doe kaam de flok fan keizer Karel oer Fryslân. De fruchten waarden ta sombys, dy't net mear prate of tinke koenen. Mar de keizer hie myld west. Yn 'e Walpurgisnacht komme de fruchten heel koart wer ta libben. En as se yn dy pear tellen in skilepantsje bemachtigje kinne, dan bringt dat harren nei in feilich plak ta en dan hâlde se it libben. De measten wolle wraak nimme op it minskdom. Mar omdat se sels gjin hannen en fuotten ha, sette se bern by minskefroulju oan om har te helpen."

"Ik wit it," suchte Aloïs. Hy kaam oerein en holp Klara op it skilepantsje. Wat hie se it moai poetst. It glom oan alle kanten. Se laken neiïnoar. Gesellich, sa'n tochtsje tegearre nei Sollerup, om dy Leefke te ûnthalzjen.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Wylst de fruchten mar tamoarden, liet Onno Wadman, by ús bekend as de âlde seeman, him troch in putsje yn it Ljouwerter rioel sakje. Hy hie al eane dat er syn libben jaan moast foar it minskdom. Krekt lykas syn broer Inne en syn wiif Hylkje dat foar him dien hienen. De dragers fan de namme Wadman hienen al sûnt Karel de Grutte de taak om de moardsuchtige fruchten tsjin te hâlden.

Onno Wadman peazge in skoft troch de tsjustere, stjonkende rioelbuizen ûnder Ljouwert. Doe't er in hoeke omgong, stie er lyk foar in boskje âlde rjappels, dy't oer in pear grouwe joints gear wienen. Se sloegen alheel gjin acht op him.

"Goare kloatrjappels!" rôp er. "Ronfelige knoarhoannen! Smoarge smûzen!"

De rjappels seagen him mei healtichte eachjes oan.

"Peace, man!" sei ien.

Lilk skuorde Onno in grut knyft út 'e bûse. Under ynteressearre tafersjoch fan de relaxte rjappels klapte er it iepen. Dêrby stroffele er oer syn eigen fuotten en foel plat op 'e noas yn 'e drits. Gapjend nei de siken kaam er wer boppe. De stjonkende brune fochte dripte út syn gesicht. Syn kleen wienen trochweakke. Dy oanblik makke sa'n komyske yndruk op de rjappels dat se foar it earst yn har nearzich, frustrearre libbentsje begûnen te laitsjen. Se glimken, gniisden, laken, skatteren it út. Ien skuorde út 'e jas. Doe de twadde. Doe de tredde. Se geiden harsels oan rjappelpomp. Onno stie mei iepen mûle te sjen nei wat er bewurkmastere hie. It rioelwetter dripte fan it puntsje fan syn noas yn syn mûle, mar hy hie it net yn 'e rekken. Doe begûn er ek te gnizen. Sa gau as syn âlde fuotten him drage woenen, peatske er de gongen troch en alle kearen as er in frucht seach, liet er him yn folle trein foaroer yn 'e brune blabze falle. In spoar fan parresmots en rjappelpomp liet sjen wêr't syn paad rûn hie.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Der wienen net mear safolle fruchten by libben en wolwêzen doe't Onno it kolkslid omheech treau en him út it rioel hyste. In bêste put wurk hie dat west, hy hime deroer, mar it hie de muoite wurdich west. Hy hie tsientallen moardgrage fruchten út 'e wrâld holpen en hy libbe sels noch. Hy hie wol in pilske fertsjinne, dat hy sette nei de Scamele Ruter. Dêr trof er Henk en Wingo, dy't mei ynmoed yn har bier stoarren en hopen dat der in soad wiisheid út opstige soe. Njonken harren siet mei in treurige mine Onno syn omkesizzer Eelkje.

De iennichste frucht dy't him net dealake hie, wie Aloïs syn heit. Dy wie sa ôfgryslke grimmitich, dy koe net iensen laitsje, al soed er wolle. Hy hie him efter in pylder ferstoppe doe't alle parren en rjappels yn de grutte romte har de iene nei de oare de jassen útskuorden. No hied er mar ien ding mear yn 'e holle. Wraak! Hy soe dy âldkearel krije, al wie it syn lêste. Op in skerp slipe skilepantsje wiske er de Ljouwerter binnenstêd troch.

Mei in heislik kabaal barste it grutte rût oan it Ruterskertier yn grús en eleminten. De diggels spatten oan 'e eftermuorre fan 'e jachtweide ta. De poerrazende par fleach op syn flymskerp stik diggelguod de Scamele Ruter troch, rjocht op de tafel ôf dêr't Onno Wadman oan siet.

Net ien hie murken dat Eelkje har rjappelberntsje Tjisse in heale minút dêrfoar de kroech yn hobbele wie. Sa't syn ynstinkt him earder nei syn lotgenoaten yn it rioel fierd hie, late it him no nei it plak dêr't syn mem har ûnderfiningen fan it lêste jier yn 'e alkohol besocht te smoaren.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Doet it healbloedrijappeltsje seach hoe't de âlde par mei moard yn 'e eagen en in deadlik wapen ûnder it gat op syn mem ôffleach, hied er gjin tel yn bestân stien. Om har te rêden hied er him mei in grutte sprong foar it fleanend porslein smiten. Troch de klap wie de heit fan Aloïs fan it skilepantsje ôfslingere en klibbe er no as parresmots tsjin it portret fan de majesteit.

"Wa hie tocht dat sa'n skepsel read bloed hie ..." mommele Wingo sêft. Tjisse syn slim skansearre lyts lyfke lei foar him op 'e donkere houtene flier fan syn stamkroech.

"Frysk bloed ..." stammere Onno ferslein. Hy drukte de gûlende Eelkje stiver tsjin him oan.

"Wer is in Wadman stoarn foar it minskdom," seid er.

Tjisse waard mei alle eare dy't in Frysk held takomt te hôf brocht. Henk en Wingo hienen it grêf mei bearenburch wijd. De parse wie manmachtich oanwêzich, elkenien woe Eelkje har stoarje hearre. Wikenlang ferskynde Eelkje har kreas kopke op alle stjoerders. In jonge ferslachjouwer fan Radio Tytsjerksteradiel frege Eelkje mei in prachtige djippe basstim op sa'n fynfielige manier hoe't se har no fiede, dat Eelkje fuort fereale waard.

Aloïs en Klara fleagen ûnderwilens op harren twapersoanspantsje it leaflike Sollerup yn. Lang koenen se net fan it doarpsgesicht genietsje. Leefke hie al wer net troch dat ien fan 'e skalen dy't se mei har guozzeroer út 'e loft skeat, gjin klaaido wie. Aloïs en Klara waarden troch deselde fisken opfretten as harren omkes omtrint in jier earder. En dêrmei wie de wrâld foarearst wer frij fan moardgrage fruchten.



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Gjin ferhaal

Hy is net ferrotte, dy Aloïs. Hy wit wat er wol en hoe't er it ha sil. Tenacht, och heden ja, dan sil it heve. Dan sil er him losmeitsje fan it pompier. Wat hat er syn nocht fan it deagean. Hoe faak moat er noch delsketten wurde? Hoe faak noch fan 'e fisken opfretten? O, wat is er it sêd. Spuistjonksêd. As in skuldige geast, in Langesleattemer man, in moaie Saakje, moat er kear op kear op kear alles wer trochmeitsje. Yn in tsjuster hoekje fan in middellang ferhaal komt er op in wrâld. Dêr pielt er wat mei syn Klara om, dêr wurde syn omkes delsketten. En as er harren wrekje wol, knalt in lyts famke, dêr't dy Henk Wolf in ûnwierskynlik gelok oan taskreaun hat, him oan smots. Meastentiids hâldt er it net langer as in tsien minuten fol, of de lêzer moat it boek ûnder it lêzen wei eefkes oan 'e kant lizze. Dy rol, djoeie, wat omfleane en stjerre, sil er spylje moatte salang't it ferhaal lêzen wurdt, en der is nea en te ninter gjin wissichheid dat net ien it boek wer ris út it kammenet krijt.

Dêr is gjin ferwin op, ús leaven Hear soarget inkeld foar de skepsels yn syn eigen wrâld. In personaazje is noch altyd gâns minder as in persoan. Personaazjes mei men alles oandwaan, en as in skriuwer ek iepentlik in massamoardner is, hy giet frij-út, en it is oera en halleluja, want hy is in grut man en in keunstner. Agatha Christie, Stephen King, Hans Andersen - deaslaggers, moardners, ûnminsken binne it. Wa is it dy't de jonge Werther sa lije litten hat? Wa hat it nedich makke dat William de Baskerville syn talint ynsette om it personaazje te finen dat ta moardnersbysfeint makke is? Wa hat sels de almachtige God in rol as moardner yn 'e skuon skood en twingt Him om Max Delius nota bene yn Westerbork mei in stien te ûntpersonazjearjen? Oant in oar de himel ûntdekke wol.

Wannear hat in personaazje him ferset tsjin de rol dy't de skriuwer him troch de strôt triuwt? Mossieu Colson en syn trawanten woenen wolris wat dwars wêze, mar dêr hienen se fan 'e skriuwer tastimming foar krigen. Se wienen personaazjes-plus, mar it is in skynfertoaning, echt meikedize kinne se net. De skriuwer mei syn pinne bliuwt Hear yn syn eigen wrâld.

Aloïs hat lykwols akkoarte mei de god-skriuwer fan it ferhaal fan Aloïs syn skriuwer. Dy jout him it frij om út syn stoarje te stappen en de wrâld fan syn skepper yn te gean. Om him dea te dwaan. Tenacht, o tenacht, tenacht sil Aloïs Henk Wolf deadzje. As ferjilding. Om't er alle kearen wer dy ôfgryslieke rol fol lijen en stjerren spylje moat. Hearlike, swiete wraak, it sil in trêft wêze. En de skriuwer fan it ferhaal fan dy Wolf sil laitsje. Laitsje om dy moaie grap. En yn syn wrâld sille de boekelêzers gnize en him komplimintearje mei syn skriuwsel.

Hy wit al hoe't er it ha sil, ús Aloïs. Hy hat Henk Wolf in foargespinsmannich tadien. Hy hat him foarútsjen litten hoe't de kreaze Lea, fier fuort yn in bûtenlân, oer de klink springt. Hy hat him narre en treitere mei in stjalpweach oer de kusten dêr't goekunde fan him tahâldt.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

O, wat hat er him yn 'e lytse loege holden, wat siet er yn 'e pypsek. De god-skriuwer fan it ferhaal fan Henk Wolf hat it dagen duorje litten ear't der berjocht út it rampgebiet kaam. En doe hied er al wer in nije tramtaasje foar him klear. Miskien lit er him noch wol fan in ko mei trije poaten en in bel om 'e nekke dreame, as foarteken fan syn eigen ûngemak. Aloïs is net in noflikke par, mar dêr hat mar ien skuld oan en dat is Henk Wolf.

Nei midnacht sil Aloïs yn de beam foar Wolf syn rût delstrike. Mei Klara sil er komme, syn leave, syn ynleave Klara. Se sille op in fleanend pantsje komme, krekt lykas Wolf it betocht hat. Mei in grouwe strampel sille se it rût út 'e sponningen huffe. Dy Wolf sil kjel oerein sjitte, mar sa gau net útein komme kinne as dat it pantsje de keamer yn fljocht en him mei syn skerpe râne de hals útsnijt. Sa sil it komme. Aloïs hat it al mei Klara en mei de god-skriuwer fan it ferhaal fan Henk Wolf bepraat en dyen liket it in moai, hast poëtysk plan ta. Tegearre sille Aloïs en Klara de ôfkappe holle meinimme. It sil foar de persoan-personaazjes yn it ferhaal fan Henk Wolf altyd in riedsel bliuwe wêr't dy keard is. En it ûnthalze lichem sil efterbliuwe as warskôging foar de personaazjehaters yn it ûnsillige ferhaal. Faaks litte Aloïs en Klara noch in briefke op it lichem efter, in warskôging foar skriuwend Fryslân-yn-it-ferhaal-fan-Henk-Wolf. Soe in moaie set wêze. Hy sil it aansjen nochris mei Wolf syn god-skriuwer beprate.

*Aloïs kin my wat. Ik jou it ta, ik bin foarstanner fan slavernij. Fan personaazjes, begryp my net ferkeard, net fan persoanen. Miskien kinne wy de fier evoluearre personaazjes, lykas Hepke, Richt en al dy stumperts út dy 19e-ieske Bildungsromans, wat mear rjochten jaan, mar flat characters lykas Aloïs en Klara, byfigueren yn in komysk ferhaaltsje, ferjamme, sokken ûntkear ik alle rjochten. Wat soenen sokken gearspanne mei myn god-skriuwer, wylst ik fan god noch syn gebod wit? Dêr kin neat fan komme. Aloïs is dea en dat bliuwt er, hy is myn geastesbern, myn slaaf en sûnder my is er helendal niks en naks. Werom nei dy fiver yn Sollerup mei Aloïs, dêr't er as fiskestront omdriuwkelet oant it ferhaal fan dy parren en fammen wer ris lêzen wurdt.*

Henk Wolf kin prottelje safolle as er wol, it sil him neat helpe. Ik stean no ûnder machtiger pinne as sines. Dat er fan god en syn gebod neat witte wol, feroaret dêr neat oan. Helendal neat. Gjin moer, miter of donder. Syn god-skriuwer hat him sa makke, krekt sa as hy my de rol fan in *flat character* jûn hat. De kommende nacht wurdt in moardnacht. Dan wurdt ik yn in ferhaal skreaun dêr't ik as persoan en net langer as personaazje sjoen wurdt. Dan wurdt ik lang om let foar fol oansjoen. Dan sil ik my fergripe oan dy aakliksma, dy misliksma, dy sadist dy't my as in spoekhûskarke heeltyd wer itselde lijenspaad ôflizze lit. Mei myn Klara ûnthalze ik him en syn holle nim ik troch de almacht fan de pinne fan de god-skriuwer mei werom nei myn eigen wrâld.

*Aloïs, slach doch net fan dat domme praat út. Tochtsto no wier datst myn*

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

*holle út dizze wrâld meinimme kinst nei dyn eigen? Asto ea yn dizze wrâld slaggest, en dat kin net sa wêze, dan komst der nea ofte ninter wer út. Do fielst dy in personaazje yn dyn wrâld, en do silst dy yn dizze wrâld in personaazje fiele. Do sikest god-skriuwers dy't der net binne en dêr leist it mei oan. Alleast, dat mienste. Ik bin frij, in persoan yn elke wrâld dêr't ik yn tahâld, en do dochst neat of it moat ûnder myn hannen wêze. No ja, it kin wêze dat in oare skriuwer dy as syn geastesbern oannimt en dy foar syn wein spant. Sa hat Trinus lêsten Dynte Planteit fan Reinder ôfpikt. Kin ik my oars bêst foarstelle, dat wyfke sit wol slinger oan, en as ik Reinder leauwe mei, hat se gâns Holz vor der Hütte, dêr't ik sa'n wurd om sis. Wa wit, hat Trinus der nochris aardichheid oan en lit Aloïs Henk Wolf teneikomme. Mei sa wêze. Mar dat is dan Henk Wolf it personaazje. Yn dyn wrâld. De persoan Henk Wolf leit bûten dyn berik. Hjirre rjochtesto neat út, boeke.*

Goed, Wolf, jo binne tûker as ik tocht hie. Jo ha dus wol troch dat ik it sels bin dy't hjir oan it wurd is, Aloïs. No is it ferrassingseffekt fuort en dat muoit my tige. Mar it tsjirmjen sil der net minder om wêze. Tenacht is it dien mei jo. Jo god-skriuwer hellet my oer nei jo wrâld, mei myn Klara. Dat ik net wer werom kin, dat moatte jo dan mar leauwe. It is net oars. Jo leauwe net oan jo god-skriuwer, jo tinke dat jo inkeld mar persoan binne en gjin personaazje. Heechmoed, heite, frekte heechmoed. Mar de earen sille jo bekôge wurde. Yn jo dreamen sille jo gewaarwurde dat ik ynkoarten foar jo stean. En dan is it *Schluß, basta, over en uit*. Dan is it boek fan Henk Wolf út.

*Moai boek soe dat wurde, Aloïs. Prachtich, hear, sa'n ein. Wol wat in antyklimaks, mar dêr hasto as personaazje fansels net it measte doel oer. Ik bedoel, in ferhaaltiid fan goed tritich jier en dan soe, as in deus ex machina, in byfiguer út in tuskenbeiden ferhaaltsje stappe en my deadwaan? Hast de literêre kwaliteiten fan myn god-skriuwer, dêr't ik it bestean noch heelyd fan ûntstride wol, net botte heech, is it wol? Ik wol dy saneamde god-skriuwer der oars noch wol eefkes op wize dat dyn namme net helendal tafallich is. En dy fan dyn leave Klara ek net. As er jim tegearre as moardners yn myn ferhaal talit, dan hat er aardich wat op 'e noed.*

Ik kin it net wurdearje dat jo my dookje, Wolf. En wêr ha jo it yn 'e frede oer? Wat is dat mei ús nammen?

*Och, Aloïs, kin hy it net wurdearje dat ik him dookje? Hy hat sowieso wat in identiteitskrisis, no? dat er oer himsels yn 'e tredde persoan skriuwt. Kom op, baaske, do makkest dyn moardplannen oars net as mei myn tastimming. Do sjochst it ferskil tusken dyn god-skriuwer, dat bin ik, en mines (at er bestiet) helendal net. Dêr bist fierstente flat foar. Do fernimst wol, ik mei dy net. Bist in haatdragend lyts parke. Mar ik ha dy sels skepen, dat dat rekkenje ik dy net oan. Tsja, en dat fan dy nammen fan Klara en dy, dêr jou ik gjin antwurd op. Ik wol inkeld mar sizze dat jim*

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

*tegearre neat gjin goeds fuortbringe kinne. Dêrom bin ik bliid dat ik jim yn jim ferhaalwrâld deamakke ha. En as in oar it yn 'e plasse krijt en lit jim wer libje, dan gun ik him de wille fan herten, mar ik warskôgje him al dat er jim gjin bern krije lit. En alheel gjin soan.*

Wolf, ik ferpof it en praat langer mei jo. Jo misbrûke de kennis dy't jo wol ha en dêr't ik troch jo tadwaan net oer beskik. Jo sille it deiljocht net wer sjen, dat wik ik jo. Hoe't jo my sa gau op it spoar kaam binne, wit ik net, mar ik soe my yn jo plak mar klearmeitsje foar tenacht.

*Ik bin dy helendal net op it spoar kaam, ik ha dy nea út it each ferlern. Do kinst gjin finger bewege en gjin wurd sizze sûnder myn tastimming. En 'tenacht'? Yn wa syn wrâld dan wol, do dom personaazje? Yn myn wrâld kinne wol tûzen nachten fergean sûnder datsto dêr weet fan hast. En yn dyn wrâld giet gjin nacht foarby sûnder dat ik it wol. Sjoch mar:*

*Aloïs, in parfoarmich en moardgraach personaazje út it ferhaal oer ripe parren en jonge fammen, fan de hân fan Henk Wolf, hie ferkeardichheid yn 't sin. Dat hied er altyd, sa haw ik him makke. Hy woe diskear syn skepper, my dus, fermoardzje. Hy koe der nammentlik net mear oer dat er sa'n min aard krigen hie. Hy wie fan doel om syn plannen fannacht út te fieren. Mar de nacht gong foarby en it wie him net slagge om mear as in fotootsje fan my, syn skepper, te ferskuorren. En ik libbe fierder. Wer gong in nacht foarby. En wer. En nochris mear as njoggenhûndert kear. En al hoe't Aloïs it ek besocht, hoe't er drige en die, it lette allegear twa kear neat. Aloïs waard slimmer en slimmer frustrearre en op it lêst die er himsels tekoart.*

Dat dogge jo my net oan, wol, Wolf? Moat ik no op twa manieren lije en stjerre? Moat ik net allinnich as ien dat parre-en-fammeferhaal lêst sa'n grouwélige ein fine, mar ek alle kearen as ien dat flutterige lapke tekst hjirboppe ynsjocht? Jo hienen gelyk, der binne foar my tûzen lange, drege nachten foarbygongen en jo binne der noch. Mar likegoed is myn drigemintsjen net om 'e nocht. Jo god-skriuwer rekkenet yn syn dagen en nachten, net yn dines en net yn mines. Jo kinne my martelje, pinigje en tramtearje sa lang en safolle as jo yn jo waanwizens goedtinkt, mar jo god-skriuwer hat my de gelegenheid tasein om tenacht wraak op jo te nimmen. Dat sil dan 'tenacht' yn syn tiidrekkening wêze. Wannear oft dat yn jo tiid is, dat wit ik net. Nei hoefolle mear pine en dea oft it yn myn tiid is, wit ik ek net. Mar jo sille jo trekken thús krije, Wolf, o man, wat sille jo raar op 'e kofje komme!

*Ik krij no stadichoan myn nocht fan dy, Aloïs. Mar ik wol dy wol ien kear skewiele. Ik feroarje de lêste rigel fan myn ferhaaltsje fan saniis, spesjaal foar dy:*

*Aloïs krige doe yn 'e gaten dat er tsjin syn skriuwer en skepper neat*

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

*útrjochtsje koe. Dat idee fan almacht stimde him stadichoan mylder.  
Hy fermoedsoene him mei syn rol as personaazje. Aloan faker  
seagen de lju him glimkjen. Hy waard freonliker foar de  
personaazjes om him hinne en hoewol't er noch altyd de rol fan  
boeman spile yn it parre-en-fammeferhaal, hienen syn  
personaazjefreonen wol troch dat dat mar in rol wie en wurdearren  
se him om de ernst en tagedienens dêr't er syn rol mei spile.*

Nee, hie dat doch net dien. No ha jo my skizofreen makke! Sa krekt wie ik noch Aloïs, de troch-ende-wer-troch tsjoede par dy't mei syn Klara op in fleanend skilepantsje minsken fermoardet. En troch dy pear stomme rigels tekst is dat ynienen allegear in rol wurden en wie ik net oars as in akteur. Jo ha my yn in ramtfertellinkje om dat parre-famme-ferhaal hinne set. Jo ha my patsboemknal in nije identiteit jûn. Alles wat ik tocht dat echt wie, is dat no net mear. Yn wat foar wrâld libje ik no? Wat is myn aard, hoe sjogge de minsken my? Is Klara wol echt? En is se echt myn faam of allinnich mar yn it stik dêr't ik akteur yn wie. Jo ha my al myn wissichheden ûntkrigen. O, Wolf, wat haatsje ik jo.

*Ik tocht dat ik dy aardich skewield hie, Aloïs. No haw ik myn nocht fan dy. Ik lit my net brûke om dy mei noch mear ferhaaltsjes úteinlik ta in folslein útwurke karakter op te wurdearjen. Ik bin wurch en gean op bêd. En moarnier kom ik der wer heurich en fleurich ôf, mei de holle stiif tusken de beide skouders. Do krijst it lêste wurd en dan wol ik fierder nea wer wat fan dy fernimme.*

O, it lêste wurd sil ik ha, dêr kinne jo fan op oan. Tenacht, Wolf, tenacht, as foar jo god-skriuwer de nacht falt, dan sille jo fan 'e bok dreame. Lekker koesse, Wolf, wa wit hoelang't it noch kin.

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Yn it MCL

Ik harke kjel  
nei de portier  
mei syn lûd gefûter:  
"Ferjit it mar,  
de firolloch  
sjocht net nei jo kompjûter!"

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### De tún

Hindrik Wind wie in earsten fûgeltsjeman. Moaier guod as fûgeltsjes koed er net betinke. Hy koe alle soarten by namme en wist krekt wêr't se it hele jier taholden, wat se ieten, wat lûd oft se makken en alles wat der fierder oer fûgeltsjes te witten wie. Sels hjirre yn Frankryk, dêr't er no omtrint in jier wenne, koed er al ringen alles wat fluite en pipe by namme. Hindrik wie sljocht op fûgeltsjes.

Hy wenne foar in prachtige tún oer, de Jardin Carminé, yn 'e hele streek ferneamd. De tún wie fan syn buorman Ourriah Cocu, in ymmigrant dy't yn it tûnkjen syn grutte passy fûn. Cocu wie miskien wol de guodlikste mins dy't Hindrik koe, mar as it om syn tún gong, wied er fûl. Sûnt guon by syn ôfwêzichheid besocht hienen om yn 'e tún te kommen, hold er him op slot. Allinnich fan 'e dyk ôf wied er langer te bewûnderjen. Hindrik hie der graach ris yn sjen wollen, mar hy wist dat buorman it net ha woe, en hy hie respekt foar de freonlike Cocu.

Op in simmerske neidei siet Hindrik foarhûs. Hy geniete fan de lûden fan de protters, de lysters en in ienlike geal. De lege sinne lei in betsjoenende gloede oer de tropyske granaatappelbeammen oarekant it izeren stek fan 'e Jardin Carminé. In krûdige lucht fan kaniel en wijreek dreau him om 'e noasters. Hindrik speake de lea. Hy glimke. Wat hie it in goed idee west en ferhúzje nei Frankryk. Dit wie in paradys op ierde.

Wylst er himsels in glês wyn yngeat, ried der in frachtwein troch de strjitte. Hy wie Hindrik syn hûs al foarby doe't eat dy syn omtinken luts. De frachtwein ried hurd. It donkerbrune spanlinnen wappere op. De auto ferfierde wat wyts. Hindrik koe sa gau net sjen wat it wie. It liket wol in opwaaiende wale foar in frouljusgesicht, tocht er.

De wein liet in oaljespoar nei. Donkere puozzen bleaunen op 'e dyk achter. Hindrik beseach it opnimstich. Doe fernaam er dat der twa wite puntsjes út 'e oanhinger opwjukkele wienen. Downen. Mar wat foar downen, yn 'e frede? Sokken hie Hindrik noch noait sjoen. Se fleagen helendal net lykas oare downen. Hy koe de wjukslach net teplak bringe. Folle eleganter as oare downen, tocht er. Wûnderlik.

De beide fûgels fleagen wat ûnwis yn it rûn en strutsen doe op ien fan 'e tûken fan 'e beammen yn 'e Jardin Carminé del. Hindrik kaam oerein en helle syn fierrekiker út 'e hûs wei. Oandien beseach er hoe't de twa downen har yn 'e hearlike tún op har gemak tsjininoar oan flijden.

Ta syn spyt fleagen se wer op, djipper de tún yn. Om't er no nijsgjirrich wie, stuts er de dyk oer. Hy bleau foar it izeren stek stean. Tusken de traaljes troch besocht er om de fûgels wer gewaar te wurden. Hy hearde al koeren, mar hy seach neat. Miskien koed er mear sjen as er op it stek klom. Dêr soe buorman Cocu doch wol gjin beswier tsjin ha? Mar ek boppe op it stek seach er de fûgels net wer, al hearde er se wol. Miskien as er boppe op it stek stean gong? Hy koe him wol beethâlde oan de tûke fan ien fan dy granaatappelbeammen. En no't er doch stie en hast de beide fûgels seach, koed er ek wol in stikje heger de beam yn klimme. Of wacht, miskien moast er yn dy beam klimme dy't dêr wat fierder de tún

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

yn stie, dy wie wat heger.

Ut de top fan 'e hege beam wei krige er wer gesicht op de beide downen. Se sieten op it grien ûnder in sypres. Hy liet him sakje. Heel eefkes gong buorman Cocu him troch it sin, mar dy wie hjoed doch net thús. En hy makke ommers neat stikken.

De tsjokke swietrook fan blommen kidele him yn 'e noas, makke him dwyl. Troch leeljes en titelroazen, tierich en kleurich, sljochte er him foarsichtich in paad. Hy frege him ôf hoe't eksoatyske beammen lykas de figebeam en de seder hjir sa natuerlik, sa ryk fan blommen, sa hecht fan stam en sa fol fan fruchten stean koenen. Hy hearde de twa toartels yn 'e fierte koeren.

Doe't er eefkes stean bleau, weage der pleagerich mêkjend in keppel geiten om him hinne. Se hienen de kleur fan goud yn it ljocht fan 'e ûndergeande sinne. Hindrik fergeat syn downen op slach. Hy draaide him om nei de djipreade kleur fan it paad dat as in lint troch de tún slingere, it paad dat soms troch de blêden te sjen wie, mei dy gloede fan fjoer dêr't de tún syn namme oan te tankjen hie. Skiep, ûnbegryplik wite skiep, mei lamkes krústen syn paad. Hy folge se. Hoewol't se gjin wol droegen, liken se in sulverich ljocht ôf te jaan. It wie de glinstering fan wetter op it bloat, seach er. Der kamen mear by, út in klare dobbe wei, wiet en glânzgjend. Hy hearde it koeren fan 'e downen. Hindrik seach oars net mear as de skiep. Heal yn 'e sûs folge er harren. Tusken de nutebeammen troch rûn er har nei. Hy gong by in hichte del. It reade lint kaam tichterby. Blossenjende beammen follen syn noas, syn eagen en mei harren rûzjen sels syn earen.

Hy seach dat it paad glinstere. De skiep hienen hoholden. Hy rjochte him op yn 'e tún. Middenmank de leeljes stoarre er nei it paad. Twa wite lammen treaunen har brune kopkes tsjin him oan. Ofwêzich streake er harren. Eefkes miende er dat der in muorre tusken him en it reade paad stie. Hy drukte tsjin de stiennen. Doe wienen se fuort en Hindrik frege him ôf oft de muorre der wol west hie. Hy preau de smaak fan hunich op 'e tonge.

Op in jûntiid, net sa heel folle letter, sieten Hindrik Wind en Ourriah Cocu tegearre by Hindrik foarhûs. Ourriah hie wyn dronken en liet wat los oer de hearlikheden dy't yn syn tún te finen wienen, om't er der sa grutsk op wie. Hindrik seach nei Ourriah syn hannen. Griene fingers. Hofkershannen. Hindrik knikte stadich. Allinnich troch dy hannen bloeide en blosseme de Jardin Carminé tieriger as hokfoar oare tún ek. Allinnich troch de leafde en de tawijing fan Ourriah. In frachtauto ried lâns. Hindrik draaide de holle de oare kant út. Yn syn eigen tún siet in spantsje bekende houtdownen. Hy glimke. Dy wienen ek moai.



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Bakkerts

"Soenen jim jim tinten ek ris opsette?" frege Tjitske. "Jûn is it te tsjuster."

"Mrumf," brocht Ynze út.

"Hreuh," sei Bartele. Hy die alle war om Ynze oan syn holle op te tillen, wylst dy him de fingers stiif om 'e nekke drukt hold.

"Batle," pipe Ynze.

"Heu?" hime Bartele. Hy liet Ynze syn holle eefkes los. Dy naam syn trekken waar om de oare in pomp yn it weak fan it liif te jaan, dat er mek sei. Bartele die in raam nei Ynze, krige him by de punt fan 'e jas en besocht him as in rânsel op 'e rêch te slingerjen.

Tjitske rûn skodholjend fuort. Mei dy twa oerdwealske opslûpen kearels wie hjoed neat te begjinnen. Se moasten it mar witte. Dan pielden se aansen mar yn it tsjuster mei de tinte om.

"Hallo," hearden de jonges ynienen.

Bartele liet Ynze los. Dy stoartele efteroer en bedarre op 'e brits op it gers. Mei de mûle yn 't kear stoarren de mannen nei twa jongfammen. Of einliks nei ien fan beiden - in klien, heechoppich dinkje mei read hier, in lyplipke en grutte blauwe bakkerts foar eagen. De oare wie te grou en hie in gesicht dat allinnich fan ûnderen lake.

De fammen gysgobben en stutsen gibeljend de rjochterearms foarút.

Bartele, dy't noch rjocht op 'e fuotten stie, wie der as earste by. Hy fûstke pompend en ynmoedich mei bakkerteachje en hoflik mei de grouwe, dy't in kliemend knûstje hie. Ynze stuts Bartele in hân ta, dat er him oereinhise koe, mar bakkerteachje wie der earst by, miskien om't se tocht dat Friezen ek wol fan 'e grûn ôf fûstkje, wa sil it sizze. En oft it no wie dat Ynze te bot hinge, of dat har behindich postuer net al te stiif op 'e skonken stie, of dat se it derom die, se rekke fan 'e fuotten en lâne heal op it gers, heal op Ynze. Bartele brimde oergeunstich. De grouwe seach kjel. Ynze pipe earst om't se him yn 'e fal in hân op 'e strôt treaun hie, mar glimke doe't er foar it begryp krige hoe'n kreas dinkje oft er yn 'e ears hie en hoe'n bytsje risselwaasje oft se makke om út har op-Ynze-lizzende posysje te reitsjen. Ynstee sei se dat se Kristina hiet, dat se fan muoike Gretchen heard hie dat der aardige Fryske jonges by de mar kampearden en dat sy en har kammeraatske Liese dy wol heel graach 'kennenlernen' woenen.

Willem hie syn tinte as earste opboud. Dat wie moai, want dan koed er wer oan it bier. Syn bagaazje bestie foar mear as de helte út bier. Hy ried mei Tjitske en dy hie al omraak prottele, mar se koe dat goeie bier fansels ek net stean litte. Dat, Willem, Tjitske, Halbe en Agnes hienen de hele reis nei Dútslân ta tusken de kratten beknypt sitten. Se hienen ek in pear kear hohâlde moatten om't Willem de geit ferstekke woe. Dy hie de bagaazje ûnderweis al foar in part te nutte makke. Syn tinte stie der dan ek net helendal sa by as op 'e foto yn it ANWB-bledsje. Hy hong justjes út it lead, der wienen boppe it swilk wat skreven te sjen, hjerringen hied er net om tocht en de yngong siet efter in ûnbestimde flap stof ferburgen. It wie him allegear likefolle. Hy hie foar him naam om de hele fakânsje

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

troch net wer nochteren te wurden. Doe't Bartele, Ynze en twa jongfammen oanrinnen kamen, wied er dêrtroch al yn in aardich filosofyske stimming.

"Du hast so süsse Locken!" geide de kreaste fan 'e fammen tsjin Ynze. Dy rûn sa grutsk as in pûn moal mei it boarst foarút. Bartele sjompte der mei de oare oan 'e earm efter oan. Doe draaide de kreaste, dy't in read prúkje hier hie, har om en begûn deroer dat se manlju mei in treddeis burd sa graach sjen mocht. Bartele lake no net muoilik mear, mar anke as in poetst appelsje, wylst boppe Ynze syn holle hast in prakkesearballontsje sichtber waard mei it fêste foarnimmen om him de earste pear dagen net wer te skearen.

"Hee, Bartele!" rôp Willem.

Bartele, noch heeltyd breed laitsjend, stuts in groetsjende wiisfinger op.

"Hee, Willem! Wat bist gau klear mei tintopsetten!"

"Tink derom, Bartele. Bakkerts binne makke om te rôljen en witst noait wat kant oft se út rôlje."

Bartele gnyske en like o sa grutsk doe't de froulju fregen wat dy jonge sein hie en hy op syn Dútsk fertelle koe dat dy 'besoffen' wie.

Halbe hie gjin hjerringen meinaam. Hy soe al mei in byltsje de strewellen yn om dan sels mar in pear út in tûke te meitsjen, doe't Agnes him efterop kaam.

"Hee, Halbe, hast dyn hjerringen fergeffen?"

"Ja ja, ik tocht dat ik se yn 'e rêchsek stoppe hie, mar ik bin bang dat se noch thús op 'e keukenstafel lizze."

"Ik ha noch wol guon oer, ast der belang by hast."

"Hee, dat is geweldich. Oars hie ik sels guon makke. Mar as ik dy fan dy brûke mei, dan skeelt dat in heel soad tiid."

"Sels meitsje? Hoe dochst dat dan?"

En doe lei Halbe yn 'e strewellen oan Agnes út hoe't er op fakânsje wol faker sels hjerringen makke, en Agnes fûn it in machtich moai ferhaal.

Nei in omstannige fûstkerij-tuterij wienen Kristina en Liese nei hûs ta set om te iten, mar se hienen mei de hân op it jongfammehert ûnthiten dat se de jûns werkomme soenen. Bartele en Ynze wienen no doch lang om let oan it tintopsetten. Willem stie der waggeljend nei te sjen en joech út en troch wat goerie, lykas "Prip dy hjerringen net yn in knyn!" en "As jim no in gat yn it dak knippe, kinne jim fannacht de stjerren sjen."

"Soesto net leaver dyn eigen tinte opsette?" frege Ynze. "Dy is niis omwaaid, mochtst dat net sjoen ha."

"Dêr rêdt Tjitske wol mei," sei Willem mei twa slaggen yn 'e tonge. "Bêst fanke, neat mis mei."

"Dat hiest tocht," sei Bartele spotsk. "Do bierdrinke en Tjitske dyn tinte opsette? Dy past wol better op. Boppedat hat se in sin as in baarch."

"Eê nee. Goeie turf knapt wolris wat. Dat betsjut allinne mar dat it fjoer noch baarnt."

"Jaja. Set do dyn tinte no mar op."

Mar Willem wie al omfallen en begûn lûden te meitsjen dy't liken op dy

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

fan de motor fan in âlde Fiat Panda mei fette bûzjys.

Dy jûns makken se in kampfjoer. Willem wie der net by, want dy hienen syn kompanen net wekker krije kinnen. Tjitske hie fûterjend syn tinte op 'e nij opset en de alkoholpasjint yn 'e sliepsek bestoppe. Se hie sels syn suterige krous sa goed as it gong opteard en kreas op in steapeltsje yn 'e tinte lein. No besocht se omdoch om mei Ynze en Bartele te praten. Dy hongen oan beide kanten fan Kristina en heinden har elk wurdlied fan it lyplipke. Liese siet mei de rêch nei de flammen foar Kristina. Se sei ris "ja", en ek wolris "nee" en se besocht gauris te glimkjen, mar se krige net folle omtinken. Halbe en Agnes hienen it byltsje doch brûkt, net om hjerringen te meitsjen, mar om houtbrant te kapjen. Agnes wie dêr aardich betûft yn en die hele ferhalen oer de tsjustere wâlden dêr't se wol taholden hie. Halbe harke mei sân pear earen nei har ferslach fan it gearfandeljen fan prikken yn in Spaanske delte, en ferwûndere Agnes mei in stoarje oer in technyske ferbettering dy't er op fakânsje yn Sweden oan syn bile oanbrocht hie.

"Friesen sind so nett!" rôp Kristina en har bakkertsje-eagen, dy't glommen yn it ljocht fan it kampjoer, wienen sels oeren nei't de sinne ûnder wie, noch klearblau. Dat seagen Bartele en Ynze ek, en se stoarren dernei as wienen it bekens wetter en hienen sy krekt in wike sûnder iten en drinken yn 'e woastine omrûn. Doe wie Kristina fan betinken dat it tiid wie om by Bartele op 'e skurte te krûpen. Mar al ringen begûn se tsjin Ynze oer dy syn moai spikerjaske en oft se de stof wol eefkes fiele mocht. En doe gong der in hantsje oer in opslûpen boarst en bleau dêr in heel skoft, wylst Bartele net sizze doarst dat syn skonken slepten. Doe't Kristina wer mei Bartele siet te praten, miende Ynze dat it wol in gaadlik momint wie om de geit te ferstekken. Hy joech him oerein en sjoksele it tsjuster yn, dêr't er in âld bjirk útsocht.

"Dach, bjirk," sei Ynze. "Ik ha wat wetter foar dy. It is wol Dútsk wetter, hear. Ik ha Dútsk bier dronken. Oars wurdst der miskien raar fan. Want yn Fryslân ha wy gjin Reinheitsgebot en de pisse dy't fan ús bier komt, is miskien te sterk foar in âlde Birkenbaum lykas dy. Ik wol dy nammentlik net deapisje. Dat soe wol heel ûnfreonlik wêze, as ik dy hjir deapisje soe, wylsto hjir altyd al stien hast en ik allinnich mar eefkes delkom. En ik bin der o sa wiis mei datsto ús samar fergees skaad joust, en prikjes foar ús fjoer, en in plakje om te pisjen. Dat is echt aardich fan dy en ... hee!" Ynze wie syn miel kwyt en hie de broek tichtknope. Efter him baarnde it fjoer syn lêste flamkes. It wie knap tsjuster, mar noch al ljocht genôch om te sjen dat allinnich Halbe en Agnes mear by it fjoer sieten. Wie dy frekte Bartele no mei Kristina útnaaid? Hy draafde nei syn sitplak werom.

De oare moarns helle Tjitske de oaren betiid út de sliepsek wei. Se setten nei it turfmuseum oarekant it doarp en waarden dêrútwei yn in iepen treintsje de wide flakten fan 'e feanterij yn riden. Underweis rjochte Bartele alledgeduerigen in loksillige loaits nei de wolkige himel. Hy hie de beide froulju nei hûs ta begelaat. Kristina wenne tichtst by, mar op 'e iene of oare manier hienen se Liese earst thúsbrocht. En doe't Kristina hast

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

thús wie, wie it praat ferstomme. Doe hie se him by de hân pakt en hied er ûnder in stikkene strjitlantearne ûndersocht oft er it frij hie om in tûtsje te slinen. Dat hied er.

Ynze seach like brimstich as Tjitske de deis tefoaren. Dy wie no lykwols helder en fleurich en makke grapkes mei Willem, dy't alwer in fleske bier oan 'e mûle hie.

"Sjochst wat se dy raljes tûk oanlein ha?" frege Agnes oan Halbe.

"Oerdeeglik," oardiele dy. "Ik lêse krekt dat dat spoarke út de jierren tweintich datearret. Doe makken se technysk geweldich materieel. Der kin einliks noait wat mis gean. Sjochst wol hoe't dy tsjellen yn it spoar rinne?"

"En hast sjoen hoe't se oan 'e as fêstsitte?"

It treintsje kaam ta stilstân. De masinist klom fan syn stuoltsje en rôp yn it Dútsk en Hollânsk dat de passazjiers derút komme mochten en dat er harren sjen litte soe hoe't de turfmakkerij yn syn wurken gong.

"Moaie loft ..." glimke Bartele.

"Kwol kofje ..." krimmenearre Ynze.

"Sjoch hjir ris, jonges." Willem lei Ynze in bûstillefoantsje en Bartele in turfke op 'e skurte.

"It tillefoantsje bliuwt lizzen wêr't it leit, ast gjin al te rare meneuvels makkest. It is in moai stikje technyk, it model is miskien wat âldmoadrich, mar it foldocht poerbêst en je kinne der in soad wille fan ha."

"Eh, Willem, do drinkst te folle, woe 'k ha."

"En it turfke moat earst út 'e grûn stutsen wurde," gong Willem ûnfersteurber fierder. "Dat kostet wat tiid en muoite, mar dat kin altyd út. It kin wolris wat te fûl baarne en prottelet en rikket soms wat, mar it leit as in hûs sa lang asto it net fuortbruiset en do hast der in soad waarmte fan."

"Fijn datst my dat fertelst, Willem."

"En no in bakkert. Ik ha net ien by my, mar jim kinne jim wol foarstelle dat er jim gjin fan beiden op 'e skurte lizzen bliuwt. Hy rôlet de hele trein troch, mar krekt hoe't er oer syn spoarke wippelet en ast pech hast, rôlet er dy heelyd wer tsjin de skuon, oant datst dat ding net mear sjen kinst."

"Bartele, jou dy jonge in stik bôle, hy is dwyl yn 'e holle."

De kampearderij yn 'e Dútske feankoloanje lei al goed fjirtjin dagen efter him, en Ynze hie in goed sin. Doe't er syn keamer yn kaam, rinkele de tillefoan alwer. Fleurich naam er de hoarn op.

"Mei Ynze!"

"Hey, Ynze! Hier Kristina!"

"Hee, hallo! Wie schön, dass du mich schon wieder anrufst!"

"Ich hab dich so vermisst! Das Zeltlager bei uns war geil, ne?"

"Supertoll!"

Fyn glimkjend betocht er nei ôfrin fan it petear hoe't er Bartele dy jûns de eagen útstekke soe troch him te fertellen dat Kristina him de ôfrûne wike wer trije kear belle hie. En dat se no fan 't wykein by him útfanhûs kaam. Wat soe dy Bartele prot sjen!

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

De dagen dêrnei belle Kristina net wer, mar doe't Ynze har op freedtejûn fan it stasjon helle, wie se alderhertlikst en hy hie der neat fan yn 'e gaten dat se yn de trein nei Snits nei twa sakemannen mei kofferkes siet te knypeagjen. De dei en benammen de nacht ferrûn fierder krekt sa't er dat dreamd hie.

Nei in ferdraaid lyts bytsje sliep pandere er mei Kristina oan 'e earm troch de binnenstêd fan Snits.

"O, wie schön ist Friesland!" rôp Kristina mei har lyplipke.

Ynze knikte noatich. Hy seach amper hoe 'schön' oft de stêd wie. Ynstee hied er de bylden fan fannacht foar him, doe't er ûnderfûn hie hoe rank oft har ranke lea wienen, hoe mûtel har mûtele earmkes, hoe klien har kliene mul, hoe waarm en tear har lyplipke. Se hie him wol o sa betiid fan bêd reage en woe sûnder te moarnsiten de stêd yn te winkeljen, mar no ja, dat wie dan mar net oars.

"Wollen wir hier mal reingehen?"

"Eh ja, gut, wenn du möchtest." Frouljuskleansaken wienen net it plak dêr't Ynze it leafst in frije sneontemoarn ferbrocht, mar hy doarst net goed nee te sizzen. Kristina liet syn earm los en draafde jubeljend de trendy winkel yn. Mei de mûle wiid iepen seach se om har hinne.

"O, was für 'ne schöne Klamotten haben die hier!"

"Möchtest du was kaufen?"

"Ich hab nicht viel Geld. Kaufst du mir ein Kleid? Bitte, bitte, bitte!" En sûnder op it antwurd te wachtsjen, ferdwûn Kristina mei in pear jûpen ûnder de earm yn in pashokje. Dêr kaam se yn de oeren dêrnei allinnich mar út om har troch Ynze en de ferkeaper bewûnderje te litten en de jûpe dan doch skodholjend wer oer it houtsjte te hingjen.

"Man, wat sitte jo der ûngelokkich by," sei in âldman doe't Ynze al treddele oere yn 'e kleansaak trochbrocht hie. Ynze stinde.

In moanne as wat letter wienen de seis freonen wer te kampearen.

Diskear sieten se op Skylge. Willem en Tjitske hienen de tinte gau klear, krekt lykas Halbe en Agnes, dy't om teetiid hinne al lang en breed tegearre ûnder tintseil wienen. Bartele en Ynze har tintopsetten einde net botte hurd. De measte stokken sieten noch yn 'e sek. Der wienen allinnich twa út, dy't se brûkten om mei te skermjen.

"Hast noch wer by Kristina west?" frege Bartele, wylst er úthelle mei syn tintstôk.

"Ik ha my derút prate kinnen," rôp Ynze. Hy parearre de oanfal en sloech Ynze de stôk mei sa folle krêft út 'e hannen dat er syn eigen ek net mear hâlde koe. Bartele heakke him fuort in foet efter de knibbel en Ynze klapte tsjin de wearld.

"Dy oare belle my lêsten ek noch, dy Liese," hime Bartele. "Se fertelde dat Kristina ferkearing mei in jonge út har doarp hie."

"Mei dy fan de slachter? Ja, dat hat se my ek ferteld, twa minuten nei't ik dy jurk betelle hie. Mar dat is alwer út. Se hat no wat mei in monteur út in doarp fierderop."

Bartele siet no op 'e knibbels by Ynze op it boarst. "Nee ju, dat is ek wer út. Hat se my sels ferline wike ferteld. Se is no mei ien út har eigen

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

doarp, dêr't se einliks neat mei wol, mar hy hie in auto en koe har wol in kear nei Fryslân ta ride."

Ynze treau Bartele syn earm yn in ûnmooglike bocht. "Au!" rôp dy. Hy rekke út it lykwicht en foel fan Ynze ôf. Dy dûkte boppe op him.

"Dat, se bellet dy ek noch heeltyd?"

"It wurdt al minder," sei Bartele. "Fan 'e wike mar ien kear. Ik ha myn húsgenoaten frege om te sizzen dat ik der net bin as se bellet."

"Hast har noch net in kear flink ôfsnuitere?" frege Ynze, dy't besocht om Bartele syn holle tusken de knibbels te beknipen.

"En hoe! Do ommers ek. Mar wat hellet dat út?" Bartele hie Ynze syn hier beet en like alle war te dwaan om dêr in pluk út te skuorren.

"Neat. Se bellet altyd in pear dagen letter wer, as wie der neat foarfaljen."

"Tsja, Willem hat ús warskôge mei syn ferhaal oer dat tillefoantsje en dat turfke en dy bakkert."

"Hin? O, dat ferhaal! Eê nee ju, Willem wie doe sa smoar as in kroade, dy jeuzele mar wat. Sa net, dêr silst him ha!"

Bartele en Ynze lieten inoar los en stutsen in wiisfinger op nei Willem, dy't harren mei in pakje sinasappelsop yn 'e hân temjitte rûn.

"Ha dy Willem! Hoe is 't, jong? Hee, do hiest gelyk wat dy Kristina oangiet. In drama. Do hast it folle tûker oanpakt mei Tjitske."

"Praat my net fan Tjitske," sei Willem. Demonstratyf hold er it pakje drinken omheech. "Ik wit no al dat as ik net de hele jûn geprottel ha wol, dat ik net oars drinke moat as dit."

"Dat, dyn turfke knapt dy wat te folle nei 't sin?"

"Hin? Turfke? O wacht, dy filosofy fan my dêr yn it treintsje, bedoelst.

Dat gong om dy Kristina. Dy hie safolle eachwyt dat je net begrepen dat der noch plak oer wie foar al dat blau. Mar hast gelyk, doe haw ik Tjitske mei in turfke ferlike. Doe prottele se ek noch net sa folle."

"Woest soms leaver in tillefoantsje of in bakkert ha?"

"Op it stuit wol ik einliks allinnich mar in pilske. Alle froulju kinne om my kollektyf nei Sina ferhúzje."

"Grut gelyk, Willem," sei Ynze begrypfol. Willem swei en stoarre mei in mankelike útdrukking nei syn pakje sinasappelsop.

Ynze luts oan 'e skouders. Hy soe syn tintstôk wer opkrije, mar Bartele stompte him yn 'e side en wiisde nei in famke mei lang brún hier dat út in tinte krûpte.

"Wau ..." efterhelle er it sizzen fan Bartele. "Wat in stik! Hee, sille wy dêr ús tinte neist sette?"

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### Ofskiedsmailtsje

Ik fiel gjin stientsjes yn myn hier  
En ik sjoch deiljocht, dat is wier  
Foar, links, rjochts en achter

It fielt hjir smoarch noch damp noch kâld  
as ik myn hannen tsjin de wannen hâld  
en ik sjoch ek nergens wjirmen

De loft is blau en om my hinne  
aait in waarme neijerssinne  
oer blommen en oer minsken

Gjin stjonkend pus rint út myn keel  
Myn hert slacht noch, doch hat dyn mail  
my rjocht it grêf yn trape

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

### De omkes

[ill. Hellehond, Moatst ris sjen hoe't er sit te fretten]

"Habt ihr 'ne Ahnung, wo wir sind?" frege in lyts blond famke.

"Hee Leefke, do bist der ek noch! Nee, gjin flau benul," sei Henk.

"Ik leau dat wy alle trije te folle fan dy Grykske wyn dronken ha," sei Wingo, dy't oerein kaam en yn it skimertsjuster om him hinne begûn te taasten. "It liket wol oft wy yn in grot sitte."

"Guck man da! Ein Hund!"

"Wat in aparten ien. Hy hat trije koppen. Ha Bijke!"

"Ich glaub, er hat Hunger. Er schaut uns so komisch an. Warte mal, ich hab hier noch ein paar Kekse in der Tasche." Leefke fimele eefkes yn 'e bûse om en helle in hantsjefol ferkrommele koekjes foar it ljocht, dy't se de oanstoarmjende hûn yn 'e trije bekken smiet. Dy bestjurre yn 'e sprong en sakke jankend en kokkend troch de poaten.

"Ik leau net dat er se echt lekker fynt, Leefke," sei Henk

prakkesearderich. "Hy leit der no krekt by as Wingo lêsten, doe't er in jûn lang oan 'e Oranjeboom sitten hie."

"Wurket better as in klisma at je by it freedzjen de binnenboel ris goed oeral helje wolle," gnyske Wingo. Hy seach Leefke oan en wiisde nei de hûn. "Dat wienen wer fan dy koekjes fan dy muoike fan dy, tink? Dy hat har al wol mear fersind mei it bakpoeier en de polke."

"Ai, ich fürchte, du hast recht, Wingo. Armer Hund." Leefke streake de piipjende hûn eefkes oer it blastige swarte liif en draaide har doe wer nei de beide oaren. "Bleiben wir hier, Jungs, oder schauen wir weiter? Ich hab eigentlich keine Lust, hier noch 'ne Ewigkeit im Halbdunkeln umher zu laufen."

"Hast gelyk, Leefke," sei Henk. "Neffens my rint dêr in wetterke. En dat koe ek wolris in ploechje minsken wêze. Sille wy der ris hinne rinne?"

"No, wat dit hjir foar folk is," sei Wingo doe't se by in soarte fan steiger oankaam wienen. "Allegear like stúmsk. Dat stoarret mar wat foar him út en is noch te beroerd om ús de tiid fan 'e dei te sizzen, lit stean fan hoe't wy hjirút komme."

"Eê ja," sei Henk, wylst er oan 'e skouders luts. "Miskien binne it wol Grinzers. Lit se mar, ju. Sjoch, dêr komt in boatsje oan. Ik nim oan dat de pontsjebaas ús wol fertelle kin hoe't wy wer by ús hotel komme."

It skouke lei oan en de iennichste ynsitter sprong op 'e wâl. It wie in skeamel klaaid man, net al te grut, mei in wyt burdsje en in pear lange wylde hierren op 'e holle. Hy knikte sleauwei nei in frommeske dat him oangappe as wie se high. Doe hold er de hân op. It frommeske stoarre him mei lege eagen oan, oant de pontsjebaas mei de finger nei de mûle wiisde. Doe kniep se de eagen eefkes healticht, brocht heel stadich in bleke hân omheech en stuts dy yn 'e mûle. Mei bevende fingers helle se wat ûnder de tonge wei en lei dat de pontsjebaas yn 'e hân. Dy glimke fetsoenlik, stuts it oersettersjild yn 'e bûse en holp de frou yn it skouke. Doe draaide er de holle nei in oar yn it selskip, in grouwe man mei in grut bloedplak op 'e holle. Dy hie sjoen wat it doel wie en krige ek wat út 'e



## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

mûle wei.

"Ha wy ek wat foar de bêste man?" frege Wingo.

"Ik soe net witte wat," antwurde Henk.

"Ich hab noch einen Keks ..." brocht Leefke foarsichtich op it kleed.

Wingo luts de wynbrauwen omheech en wiisde mei de tomme nei de hân dy't efter harren jankend fan 'e pine oer de grûn rôle.

"Eh ja, vielleicht auch keine gute Idee. Aber was denn sonst?"

Wilens wie de rest fan it ploechje ynstapt. De pontsjebaas kaam no op 'e trije freonen ôf en hold de hân foar Wingo op.

"Eh goeie," sei dy. "Wy ha wat in probleemke. Wy ha gjin jild by ús en wy woenen hjir graach wei. Wy sitte yn it Vergiliushotel, sjoch. Ha jo der ek in idee fan hoe't wy dêr wer hinne komme?"

De pontsjebaas grommele wat yn it Gryksk en beweegde de hân ûngeduldich foar Wingo hin-en-wer.

"Miskien wurdt er wat tasjtsker nei in slokje," sei Henk. Hy hie krekt murken dat syn heupfleske noch hast fol siet mei bearenburch, en lange dat oan 'e pontsjebaas oer. Dy seach wakker ferwûndere. Foarsichtich hold er it fleske ûnder de noas en rûkte. Doe begûn er te glimkjen. Hy sette it fleske oan 'e lippen, sloech de holle yn 'e nekke en liet it Boalserter goud yn 'e kiel streame. Doe krôke er en foel er plat op 'e rêch op 'e grûn. In rige snoarklûden makke dúdlik dat er it drinken wat ûntwend wie.

"Dy helpt ús ek net fierder," sei Henk mei in sneu gesicht. "No ja, dan moatte wy ússels mar rêde. Sille wy nei de oare kant ta roeie?"

Wingo en Leefke knikten. Trijeresom hysten se de snoarkjende pontsjebaas oan board. Henk krige de kloet en treau de boat ôf.

"Dy pontsjebaas liket wol wat op ús omke Bertus," sei Wingo. "Itselde burdsje en deselde ôfmêde skôging."

"Dein Onkel Bertus? War das nicht der Friesischlehrer?"

"Nee, dat is omke Koen. Omke Bertus is net sa foar it Frysk. Dy hannelet yn smoarge grûn. Kin oars bêst út. Hy rydt op 't heden yn in Audio A8."

"Boeiend, Wingo, heel boeiend. Mar soesto miskien eefkes kloetsje wolle? Ik krij sa stadichoan seare earms. En fan ús oare passazjiers ha wy net folle help te ferwachtsjen. Dy koenen allegear wol stoned wêze."

Op de maat fan it snoarkjen fan de pontsjebaas dy't op Wingo syn omke like, kloeten Wingo en Henk om bar, oant de boat lang om let de oare igge berikte.

"Besonders gemütlich ist es hier auch nicht," sei Leefke. "Schon genau so dunkel wie auf der anderen Seite."

"Mar der binne hjir teminsten wol oare minsken," sei Henk. "Sille wy ris freegje oft dy it paad nei it Vergiliushotel ek witte?" Hy stapte op in man ôf, dy't in apparaatsje yn 'e hannen hie dêr't droanende lûden en wjerljochtfoarmige flitsen út kamen.

"A goeie! Kinne jo my ek sizze ..."

In ûnbegryplike stream Grykske wurden ûnderbruts Henk syn fraach.

"Wir hätten vielleicht doch Griechisch lernen sollen," ornearre Leefke.

"Miskien kin er Deensk," sei Henk. "Freegje do it him ris yn it Deensk,

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Leefke."

"Unskyld ... Kan De fortelle mig ..."

De Gryk like Leefke har Deensk likemin te begripen as Henk syn Frysk.

"Miskien komt it troch dyn Sleeswyksk aksint dat er dy net begrypt. Wat kinne wy oars noch? O ja, Noardfrysk, fansels. Wingo, besykje do it ris mei Noardfrysk."

Mar de man wie al fuortstapt, wylst wat roppend dêr't se allinnich de namme Zeus yn ferstean koenen en in wurd dat op 'salmonella-aaien' like, mar dat grif wat heel oars betsjutte.

"It is al wûnder," sei Wingo, "mar dizze kearel liket wol in ferrekt soad op myn omke Loek. Itselde maffe prúkje hier, mei in naad deryn. Omke Loek koe ek sa lik sjen as er in oar syn bedoeling net ferdútse koe. Hy miende altyd dat er alles it bêste wist en koe wol fiifhûndert redenen opneame om op fjouwer maaie in houseparty yn it stedspark te organisearjen. It woe mar net yn him del dat oaren dat doch in minder paslike datum fûnen."

"Wy moatte dy kearels dêr mar ris freegje," sei Henk.

"Dy binne oars ek mar wat ûnnut oan it pielen," miende Wingo. "Dy iene besiket in balstien by syn terp op te triuwen en dy oare stiet boppe op 'e terp as in heale idioat ûnder in appelbeam op en del te springen."

"Lasst uns diesen Typen doch mal ein Bisschen helfen." Leefke snjitte op de âldman ôf dy't mei in ûngelokkich gesicht en in ynfallen ribbekast ûnder in grouwe appelbeam stie en út en troch opsprong en nei in appel graaide.

"Sie hängen einfach zu hoch für Sie," sei se. "Aber warten Sie doch. Ich kletter schnell mal für Sie in den Baum!" En ear't ien oan tsien ta telle kinnen hie, hie se de heale meter nei de stam ta ôflein. Doe klattere se der mei in soad muoite by op. Heel hoeden sette se it behindige kotsje op in grouwe tûke del en skode in eintsje nei foaren.

"Us Leefke is al sportyf, net?" sei Henk.

"Ja, dat kinst wol sizze. Sjoch, se hat in pear hânfolle appels plôke. Dy man liket net iensen lik dat se se him op 'e holle smiten hat."

"Hy koe wol roppich wêze."

"Ja, dat kinst wol sizze. Sa ûnbehoarlik fretsto noch net iensen."

"Oeps, sjoch, no is Leefke ek noch op syn holle fallen. No ja, se laket noch."

"Dy fint net mear. O, hy yt al wer."

"Sille wy dy oare man eefkes skewiele?"

"Ja, bêst. Helje do oars de kloet fan dat pontsje eefkes. En dat ein tou dat deryn lei."

Mei dy attributen rûnen de beide jonges nei de swittende man ta, dy't foar de safolste kear nei de foet fan 'e terp draafde om nochris wer te besykjen in grouwe balstien by de skeante op te rôljen.

"Goe'ndei, baas. Help nedich?"

De man seach harren eefkes switfeierend oan en stammere wat yn it Gryksk werom.

"Wy - jo - skewiele?" frege Henk heel stadich en mei klam op alle wurdliiden. "Ske-wie-le?"

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

Wingo hie wylst in strûp yn it ein tou makke en dy om 'e stien hinne slingere. Mei it ein tou yn 'e hân rûn er de terp op, sloech it om de stam fan 'e appelbeam hinne en rûn der doe wer mei nei ûnderen ta.

"As wy no oan it tou skuorre," seid er. "Skuorre, jo witte wol. Lûke, roppe, hoarte. As wy dat no dogge, dan stekt Henk de kloet ûnder dy grouwe balstien fan jo, dat er net wer nei ûnderen ta rôlje kin."

De man begreep dúdlik net wat Wingo sei, dat dy sei it noch mar ris yn syn bêste Deensk en doe't dat ek neat úthelle, treau er de man it tou yn 'e hân, krige it sels ek beet en begûn te lûken. Doe glimke de man ynienen. Hy hie Wingo syn plan troch. Fimenuten letter lei de grutte stien boppe op 'e terp.

"No, in soad wille der fierder mei," sei Wingo. "O ja, en witte jo ek wêr't it Vergiliushotel is? Nee? Wie ik al bang foar. No ja, it bêste. Leefke, komst mei?"

"Nuvere typstra's," ferfette er, doe't se fierder rûnen. "Sitte mar te pielen, wurde der deawurch fan en komme gjin stap fierder. It lykje myn omkes Reinder en Jaap wol. Dy skuorre ek al in heel skoft oan in dea hynder dat by harren achterhûs yn 'e sleat leit. Noch eefkes en dat kring is sa fier fergongen dat se de kop derôf skuorre."

"Wie dat it hynder fan jim omke Liuwe?" frege Henk.

"Jep. Dy hie it yn it folste betrouwen oan omke Reinder kado dien. Mar omke Reinder is kristlik en dy hie it oeribele drok mei syn aksjekomitee. Dat woe alle houliken ûntbine litte dy't sletten wienen troch amtners dy't ek wolris joaden of moslims troude hienen. Dêrtroch kaam er der faak net oan ta om syn hynder te fuorjen, dat it fertutearze, sakke troch de poaten en rôle yn 'e sleat. Dêr is it doe fersûpt."

"Wamoetat hier?" dondere hommels in stim.

"Hej, Wingo, das ist dein Onkel Ed! Der Anzug! Dieses arrogante Air!

Der südliche Akzent! Die fast unverständliche Aussprache!"

"Niks Onkel Ed! Ikbendebedrijvzleider hier.

Enjullieverstorededagelijksegangvanzaken. Wadoen jullie hierüberhaupt? Dezelocatie izuitsluitend voor Grieken. Daddis contractueelzobepaald. Goed, devolkzvertegenwoordiging moedaarnogoververgaderen, maarik hebhetcontract methetministeriealvastmaargetekend. Dattiswelzohandig. Maarterzake. Wieheeftjulliebinnengelaten?"

"No eh ..." begûn Henk.

"Tsja, dat wol sizze ..." folle Wingo oan.

"Wir haben eh ..." brocht Leefke noch by.

"Wy wolle einliks gewoan nei it Vergiliushotel ta," besleat Henk.

"Doemedaneenplezier. Brengmijnveermanweerbijbewustzijn en laatjullie overzetten. Gewoonsteedsmaarrecht door.

Normaalgesprokenzoudehondjullietegenhouden, maardieweetzichnogsteedsgeenraadvandemaagpijn.

Daarkunnenjullieduzgewoonvoorbijlopen. Alzjullie bijhet

Karyoteloshospitaal aankomendaarevenverdervragen. En alsjeblijft!

Kijknietachteromvoordatjulliehieruitzijn, andershebik hierzometeen weereenpaar vandielevensgrotestandbeelden middenopdetoegangsweg."

## Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf

In oerke letter stoarme yn it Karyoteloshospitaal in blonde sikesuster laitsjend en mei de hannen swaaiend de keamer fan 'e snijdokter yn. Harren petear yn it Gryksk is foar ús lânaarde lêzers mar eefkes ferfryske: "Dokter! Jo leauwe it noait! Dy trije jonge ferkearslachtoffers! Se binne wer by bewustwêzen!"

"Kin net. Se wienen der sa min oan ta, dy hienen gewoan stjerre moatten. Jo ha se doch net oan it ynfús lein, suster Annigia? Jo witte doch dat ús ynfuzen der binne foar sûne, krêftige pasjinten."

"It muoit my, dokter Van der Hoeven, mar dat giet my te mâl. Jo ha ek de hippokrite eed sward. Ik ha de pasjinten yndied oan it ynfús hân en se binne der wer boppe-op kaam."

"Dy rare Friezen ha wy oars allinnich mar lêst fan. Ik begryp neat fan dat taaltsje fan se. En se stokelje hjir yn Grikelân de boel mar op. Troch sokken is it Europeesk Buro foar Lytse Talen hjir ek al warber, lykas yn myn heitelân. Se hienen better stjerre kind. No ja, it is net oars. Ha se ek al wat sein?"

"Ik kin net sa folle bûtenlânsk, mar neffens my fregen se alle trije tagelyk oft ik it paad nei it Vergiliushotel ek wist."

## **Wûnderaardichheden. Teltsjes en rimen. Henk Wolf**

[ynhâld]